



ALDERHELJEN

WURB FAN A. M. WYBENGA

ALDERHELJEN

ALDERHELJEN

WURK FAN A. M. WYBENGA

MEI IN HISTOARYSKE SKETS
BISOARGE FAN
DOEDE WIERSMA



A. J. OSINGA N.V. — BOALSERT

ISBN 90 6066 197 4



Kristlik Fryske Folksbibliteek Nû. 144

De foto op it omslach is makke troch Anna Maria van Everdingen fan it ûntwerp fan har kunstwurk dat ta oantinken fan A. M. Wybenga yn Nyewier setten wurdt.

..... mar hwat Wybenga in duorsum plak yn Fryslâns biweging en skriftekennisse jown hat, is syn biriming fan de psalmen, de earste folsleine yn it Frysk fan ien man - it wurk fan greate leafde, trou en leauwe.

E. B. Folkertsma. Stim 17 sept. 1948.

..... mar yn forskate fersen hawwe wy yn Wybenga in lyricus, dy't wiere wûnders mei syn tael docht.

J. J. Hof. 40 jier taelstriid III s. 42.

..... de forskining fan Wybenga's psalmbiriming wier as in ljochtstriel yn 'e lijen nacht.

dr. G. A. Wumkes. Bidders. s. 678.

..... Wybenga hat yn ús gritenij in kultuerstriid striden.

Boargemaster Sytsma 14 sept. 1948.

..... de namme fan Wybenga sil yn oantinken bliuwe - salang ús Selskip bistiet - as in pyllder fan it tydskrift.


dr. G. A. Wumkes. „Nel 70 jier”.

..... mar yn syn bêste fersen is hy in oprjocht en wier dichter, in weak en waerm minske, dy't altyd hwat bernliks oer him hâldde.

J. Piebenga, koarte skiednis s. 226.

..... Mei Wybenga is hinnegien in warber taelstrider, in bijeftige sjonger, in ienfâldich, mar leafhawwend soan fan Fryslân.

S. E. Wendelaar Bonga, „Ljocht oer it Fjild”.



Anders Minnes Wybenga 1881 - 1948

1970 : 50 jier lyn psalmen rê
55 jier lyn de earste Fryske preek
40 jier lyn Griffformeard Selskip stifte
35 jier lyn keazen as foarsitter K.F.F.B.

FOARWURD

Us forneamde ds. Joast Halbertsma sette yn it foarwurd fan „Twigen út ien âlde stamme”, mei wurk fan syn broer dokter Eeltsje:

„Sa nou en dan komt út de sodzige Grou, út de driuw-
tillen fan it wetterlân, in âlde forwettere stobbe op, dy't
jier op jier wer nije útrinsels jowt, sa lang as er sels wei-
kwynt en him ta stjerren jowt”.

En sa, skriuwt de dûmny, is it ek mei ús Fryske tael. Sa nou
en dan binne der twigen út in stamme, dy't forgean sil. En
jimmeroan sjocht men yn de Fryske literatuerskiednis dat yn de
neare en deadske nacht in ljochtstriel trochbrekt. Sa mar yn-
ienen is der wer ien, dy't mei dat Frysk piele moat. Wis, der
is ek de skoallefoarming, sa as De Wassenberg- en de Jong-
fryske skoalle. Mar dat yndividuele falt bot op. Skynber sa mar
is der in Gysbert Japiks, binne der de Halbertsma's en ds. Rinse
Posthumus, Piter Jelles en Lützen Wagenaar. En sa, en net oars,
is der op in goede dei in Anders Minnes Wybenga, dy't net om
de Fryske tael hinne komme kin.

* * *

Dit moat jin noch folle mear fornuverje, as men bitinkt, dat it
Frysk yn de tsjerklike hoeke op in kweanamme lei. It Frysk
waerd sjoen as plat, boersk¹. It hearde by kroech, kaert en kō-
meedzje. Wybenga waerd yn syn âldershûs nou krekt net stipe
yn syn Fryske rymkerij en syn fryske foardracht op de jong-
feinteforïening.

En dochs sette it troch.

* * *

Mear as ienkear haw ik ûnder it trochnoaskjen fan Wybenga

¹ Sjoch ek Buitenrust Hettema: „Bijbellektuur in het Fries”.

syn wurk sein: „Hie sa'n man in bytsje mear leard, hwat soe syn wurk oan bitsjutting en krêft woun hawwe.” In sinleas sizzen. Wy nimme yn greате tankberens oan, hwat dizze man yn syn ienfâld jown hat. Hwant dit stiet fêst, syn bineamen fan de dingen om him hinne, sa as wy dat yn „Ljocht oer it fjild” lêze kinne, is fan greате bitsjutting. It binne binammen dizze fersen, dy't mei de dei yn wearde tanimme. Troch de revolúsje yn de lânbou is folle fan hwat dêr biskreaun is, fan earder tiid en dêrom kostber!

* * *

As lytse jonge moast Wybenga einen tippelje om mei heit en mem in rjochtsinnige preek to bilústerjen. Dêrfoar stapten hja it tsjerkegebou yn eigen doarp foarby. It kaem by Wybenga yn it prinsipiële tige nau. Dêryn koe hy min mei de tiid meikomme. Syn kalvinistyske ynstelling hat him yn it literaire, en dan foaral yn it proaza, yn to inge grinzen hâlden. Sûnder mis hat dit him ek wjerhâlden om by de Jongfriezen to bliuwen, om mei Folkertsma en oaren de Nasjonalistyske wei op to gean yn it Kristlik Selskip en to kiezen foar de Upstalbeam. Dat is net negatyf. Mar it griist jin oan, dat dizze man dan yn de hannen falt fan Uddo en ds. Douma. Mar — fanút syn prinsipe — to bigripen is it wol. Wy moatte Wybenga yn it raem fan syn tiid sjen.

De opkommende skriuwerij yn kristlike romten moast evangeli-searje, moralisearje, en stichtlike preekjes hâlde, woe men ek mar hwat lêzen wurde. En it is wol dúdlik, dat sa gjin wurk ûntstean koe, sa as men dat sa graech sjen woe. Wurk sa't dr. A. Wadman it bineamt yn seis punten op side 46 fan „Mei Abraham fústkje”. Mar, as yn 1946 de Tsjerne úteinset ûnder de flagge „De bining forbritsen” en ûnder dy flagge ek kristlike lju meifarden wie dat in gefolch fan jierrenlange emansipaesje fan de rjochtsinnige Friezen. In emansipaesje, dy't mei Anders Minnes Wybenga en in hantsjefol oaren úteinsette yn „Yn ús eigen Tael”, it Kristlik Selskip en de K.F.F.B.

* * *

Ik haw der nei stribbe om sa min mooglik wurk oer to nimmen út de karsamlingen: „Loddespitten”, „Libbensgong” en „Ljocht oer it fjild”. Hja, dy't mear fan dizze dichter lêze wolle, kinne dêr dus toplak. Ik haw as titel foar dit boek keazen: „ALDER-HELJEN”. Alderheljen, dat wie foar de lytse boer Wybenga elk jier wer de fraech: „Sit it der yn”? Yn syn fers „Mylpeal” seit er:

„Wy telle 't gemaek fan fé en fruchten.”

en:

„Alderheljen, dat is tankjen seit ús bliid gemoed.”

Fan dy tankberens wol dit boek tsjûgje. Anders Minnes hat foar Fryslân de hier makke!

D. W.

Maitiid, maitiid, o hoe leaflik bistû, hoe nochlik saeistû del oer ús grounen, om ús Fryslân mei nij libben to bijitten!

En it sprekt allegear fan jong en krêftich libben, fan libben, dat de dea oerwoun hat!

Ek it minskdom, mei ryklike gjalpen de mylde maitiidslucht yn-amjende, fielt it bloed mei krêftiger slaggen troch de ieren brúzen, en sjongt en jûchet mei.

It tsjocht út nei de to-wekker-wurdende fjilden, om dêr it nije libben to bifoarderjen en to stjûren. Dy't arbeidzje kin, is blier to moed fan de moarne ta de joune skripsum op it fjild.

Dy't arbeidzje kin is dwaende, siker, mar net allegear kinne arbeidzje. As wy him dêr sa bihyplik hinne stroffelfjen sjogge, dy âldman dêr, dan kinne wy it fan tinken wol ha, dat hy noait gjin arbeidzjen wer yn 'e sin hoecht to hawwen. Hwat waggelje syn skonken, hwat skokt syn hiele lea, en hwat trillet syn holle. De ynfallen wangen tsjûgje, dat hy syn biters frijhwol kwyt is, en oan de eagen, wetterich en ûngedien, as yn 't ûnwisse foar har út stoarjend, is to merken, dat it skerpste sjen de âldman ek lang al ûntkomd is. Foun Klaes, sa is de man syn namme, gjin steun oan syn gongelstokje, dan soe hy ek gjin tsien stappen mear dwaen kinne.

¹ „Ald en earm” is it earste stik proaza fan Wybenga yn de earste jier-gong fan „Yn ús eigen tael”. (1908). Ik haw in fragmint út dat forhael nommen. Wybenga hat dêr sels letter fan sein: „In jong baeske is sawat in wrâldherfoarmer, n't wier?”. Sûnder mis sit yn dit forhael in djip meifielen fan de skriuwer mei de „ûnderlizzer” yn de mienskip fan doe-destiids.

Syn feuilleton „Us libben yn Teltsjegeast” (en net „Teltsjegea” sa't hiel-hwat skriuwe) yn it Friesch Dagblad set yn op 6-6-1907 en duorret oant 21-5-1908. Dit forhael wurdt foarôfgien troch in ynstjûrd stik op 7-3-1907: „In koaning”, in oanfal op koaning „Alcohol”.

„Us libben yn Teltsjegeast” wurdt ûnderbrutsen op 12-9-1907 troch in meidieling fan de redaksje: „Wy sille de skriuwer mei de takommende winter jerne plak romje, om syn sketskes to forfolgjen. Wy leauwe ek wol, dat se wol yn de smaek fan ús lêzers falle.”

Sjoch, dêr yn 'e smoute op it bankje foar it hûs fan syn bernsbarn, by hwa hy ynwennet, giet er sitten om efkes wille to hawwen fan de bliere natuer, foar safier as dat foar syn ôfslipe sintugen jit mooglik is. Is 't net krekt, oft de winter hjir nju by de maitiid sykje wol?

Sjoch, de goudene sinne blierket oer syn inkelde sulverene hierren!

't Is tuskenskof, en dêrom gean ik efkes by him sitten. By al itjinge, dat him troch âlderdom ûntfallen is, is dochs syn forstân jit frij helder bleaun, en wol men him oan 't praten ha, dan moat men, lyk as wol mei mear âlde lju, oer de âlde tiid bigjinne en dan rekket er net sa ringen útpraet. Sy, dy't hjir net folle libbensdagen mear to weitsjen ha, forkeare faek-en-folle mei har geast yn it forline.

„Moai waer, Klaes, nou?”

„Och sa, Fetsel! Ja dêr libbet men jitris fan op!”

„Sok moai waer is 't by 't maitiid ek altyd net, it is dit foarjier ek bisûnder, jo sille tominsten wolris oare maitiids bilibbe ha.”

„Nou, as ik! Ja hear, soms stiene maeije de fuorgen jit blank fan wetter, dat is nou lokkich in bulte oars”.

„Ja, sa ha ik it ek al in pear kear opmurken, en dan komt der by 't simmer trochstrings ek in bytsje fan 'e fruchten tolânne!”

„Dat 's fansels, mar de simmer kin 't dan ek jit al wakker ûngelyk meitsje, fan in moaije simmer hinget de haedsaek ôf.”

„Wis, nou it is altyd noflik, as it hwat tsjinstich waer is, en der goed hwat makke wurdt.”

„Soa? Nou as de boeren al in bulte makken, dat hat my jit noait net folle jown. Ik koe wrotte en wraemje, en sy stieken de sinten yn 'e bûse”.

„Ja, wrotten en wraemjen is for úslju skearing en ynslach”. (Ik wol de âldman net tsjinfalle, mar ik fiel wol, dat de âlde hwat skerp bigjint to wurden yn syn sizzen.)

„Ja, dy boeren, ik moat der net oan tinke; — minder as in houn bin ik faek fan harren bihanle woarn, en nou't ik net mear foar dat folk yn 'e skrep kin, mei 'k oan 't doarp gean, en kin 'k fan 't great ieslok itel!”

„Jo haw it frijhwat op de boeren foarsjoen, wol 'k leauwe!“
„Dat 's to bigripen; 'k ha yn myn feintwêzen by ien fan 'e bêsten wenne, en dy sei altiten: „Ik wol myn folk goed fuorje, hwant it is krekt-allyk mei harren as mei myn hynsders: jow ik har gjin genôch to iten en to biten, dan kinne hja ek gjin genôch dwaen“.

„Hwat tinkstû, dat ik net fiede, dat wy mei de boer syn bisten yn 't lyk steld waerden? Nou goed foer ha wy by de man hawn, mar wy moasten by him ek ezelje, hear! En dan moast it ris yn 't heawurk wêze, dat it spul net al to goed foarinoar stie, dan flokte en ketterminte hy alles byien.

En sa wiene se doe hast allegear. It is nou aerdich better. Ik sjoch wol, dat der nou lang safolle net flein wurdt as earen“.

„Dus, jo tinke al, dat de boeren nou better binne as foar sa'n tweintich-tritich jier!“


„Better? Ja, dat wit ik net, mar de arbeiders krije mear to keap, en nou moat dat folk har wol skikke. Ut harsels diene sy it net, dêr leau ik neat fan!“

It loek nei trijen, en dêrom moast ik op 't lân sjen to kommen.
„Ik moat fuort. Nou dach, Klaes!“ En hjirmei sakke ik ôf.
Ik koe yn 't fuortgean 't net litte jit efkes om to sjen nei de âldman, dy dêr nou sa iensum op syn bankje sitten bleau, en ik koe teffens net litte, by my sels op to merken, hwat in great ûnderskie der op dizze wrâld wêze kin.

Om my hinne de bliere maitiid, alles mei jong libben bijittende, en tomids dat opgroeiende en opbloeiende libben, in kochelich âldman, as in toar blêd yn in yn folle fleur steande roazetûn. Maitiid en winter!

En foar my út seach ik in mûtel jongfaem, ien dy it libben jit boartsjende yndounse, en dêr efter my siet in roungear mantsje, dy troch 't libben kroep, om mooglik mei gauwens, al probearre hy jit sa om syn tiid hjir to rekjen, sjen to moatten, dat hy de ein birikke hie.

Underskie! Hjir it blierhertige, fleurige sin fan in jongtsjirl, en dêr de forbûke en delseine geast fan immen dy, al miskearre it him just net oan helderens, doch troch dy helderens safollesto



Mei je it frede wêze
Ek yn't nije jier
Yn it stil bitrouwen
't Wird bliwt ivich wjer:
God sâl al syn bernsjes liede
Yn in frucht'bre rike miede.

Dit is ien fan de 10 kristlike nijjerskaarten, dy't troch Wybenga makke binne en útjown fan Drukkerij Kamminga to Dokkum, yn de tritiger jierren

ynliker fielde, yn hwat bihyplike omstannichheden hy syn lêste libbensdagen trochwoarstelje moaste.

En jit klagen yn myn earen dy wurden, sa fol bitterens útsprutsen: „oan 't doarp, fan 't great ieslok itel!”

Ja, dat is 't lot, nei in libben fan wurkjen en switten!

Wurkje, skrippe, fan moarns-ier ta jouns-let, salang de lea it folhâldt, en dan . . . genadebrea ite! Ald to wurden, elts sjocht der nei út, dat him soks barre mei en dochs — is 't net better weinaem to wurden yn it mids fan jins dagen? Is 't sa net in great krús om âld to wurden? Dêr sit de âlde op syn bankje, en mei't er praet hat oer 'e tiid, dy't hinnegom om nea wer to kommen, komme de bylden út syn jonge dagen, bûnt troch-inoar heistere as forjage snieflokken en ôfwaeide beamsblêdden, yn syn siele opbrûzjen.

Hy ek hat jong west, jong en fleurich en mei in maitiidsk sin. Yn 'e tiid doe't hy nei skoalle gong, hwat hat er lokkich boarte mei de jonkjes en famkes, hwat hat er in nocht en wille hawn! Mar ek, hwat hat er in nocht en wille hawn, letter, doe't hy, feint wurden, allinne mar mear mei de famkes boarte! Al mocht dêr dan ek al tsjinoer bigjinne to stean, dat der ek jit al hwat oars yn 'e wrâld foar 't krijen lei as boartsjen. Hy wie om 'e nocht net trijeris yn ien jier by syn boer fandinne roun, om't it him net nei 't sin gong. Mar dat de silen op 'e hakken nimmen, koed er doe jit dwaen; sterk en byderhân as er wie, koed er wol wer in oar plak krije. Ja, hy hie sterk west, en syn geast hie sterk west, sterk en greatsk, hy hie 't net forneare kinnen, dat byfoarbyld dy miggel fan in boer Sweitse him it wurk betterje miende to kinnen, en him fan dy prippers oer syn forhâlding ta Symk ûnder wetter troch joech.

En wer tocht er der oan, hwat moaije jounen dat wiene, as hy Symkje nei hûs ta brochte, en hwat oangename ûren dat wiene, as hy by dat doe sa kreaaze fanke opsiet.

De „koejenaesje” en „negerderij”, lyk as hy it regear fan de boer wend wie to neamen, foel der him safollesto lichter om. Nou, der wie hwat oars op 'e wrâld út to heljen as boartsjen, dat hied er opmurken, doe't hy oan it wiif rekke wie.

Bodze, klauwe om de mûle syn gerak jaen to kinnen, en om hwat om 'e latten to hâlden, dat wie de oarder fan 'e dei — jier út, jier yn. By't winter yn 't braekhok, by't simmer op 't lân of yn 'e sleat. En hy hie net efterút west yn syn wurk, hy koe brake tsjin de bêste, hy koe ploegje, dat de fuorge sa rjocht waerd as in tried, en meane hied er kinnen — oardel pounsmiet deis, en dan koart by de groun om-en-ôf! Ja, der wiene hwat folle switdrupkes fan sines fallen, en dat om it deistich stikje brea to biskarreljen. En dat brea — faek hie it to tin wêzen, en jamk hie de bûter en 'e tsiis der op — net to sjen wêzen. Rom mei soks om to smarren — hy hie der gjin húshâlding nei hawn. Ridlikjes gau in great húsgezin, in keppel lytse bern om 'e hurd en dan in bulte sukkelerij yn 'e húshâlding, hiene wol makke, dat alles al op 'e tûme heind wurde moast.

Ja, hy hie hwat switdrupkes falle litten, foaral by't simmer efter de seine, of as er de headrager yn 't hjitte hea stiek, om rêk nei rêk byelkoar to tûgjen, of as er yn 'e sleat stie to slatten en bout nei bout op 'e wâl smiet, of wol, as er it mei skepmodder to dwaen hie, de weake blabber efter it biwâlsel saeide, by hokker gelegenheit it faek bard wie, as de wyn de kant fan 'e sleatswal út wei kaem wie, dat tagelyk mei it swit de stjonkende kringierij him by 't antlit delroun.

En dan mar mei alle lijen en earmoedzjen troch 't libben komme to kinnen, it biskriuwte hwat!

Yn 't kâlde melklân, by't hjerst, as it moarns ierdetsjuster wie, hat er omtôge, en yn 't hjitte bûthús tomids fan pûstende en blaazjende hynsders en koubisten omkrúst.

Wier, it libben hat jamk sûr west; yn 't skoft, ûnder de boer, dy't in sobere dei hier joech, stean to moatten, en dan troch syn greatske krop mar kwealk, datjinge hwat hy foar stankjes biskôge, forswolgje to kinnen — yn 't skoft switte foar in oar, en tuskenskoft en nei healjounstiid op eigen ikkerke dwaende to wêzen, en it oansjen to moatten dat dan dizze, en dan dy fan syn húsgenoaten omgoarre en op bêd omtôgje moaste — hie it libben him wol hwat jamk sûr west.

Jit swarter wurde de skaedbylden, dy't omdounsje foar syn geast,

as hy tinkt oan dy-en fan syn berntsjes, dy't hy ôfstean moaste oan it tsjustere grêf; syn berntsjes, dy, dêr hja nea net folle to iten en to biten hawn hiene, hjir in lijereftich bistean fuortsleepje moatten hiene; syn berntsjes, dy, hiene se al nin moaije rounne troanjes hawn, him dochs nei oan 't hert leine. Ommers, hy wie der heit fan!

O, hwat hie it doe in tsjustere tiid west! Slach op slach wie folge. 't Wiif — de bloeijende rounheit fan har troanje hie al lang wei west, de roaskes wiene fan 'e wangen ôfreage wurden en har earen sa blier flikkerjende eagen sieten dof yn har holten — 't wiif rekke út 't bistjûr, kaem to lizzen, lei wiken oanien, en hoewol it soms like, dat it hwat bettere, op 't lêst wie it to sjen, dat der gjin forwin mear op wie. It siikbêd waard in stjerbêd. Eat hie hy him net bigripe kinnen, en dat wie, dat it wiif, dat yn har soune dagen sa opspinne koe — ek tsjin him, as hja in misse buoi hie — nou op it siikbêd jimmer sa duldich wurden wie yn har lijen, en dat har eagen soms sa'n wûndere glans hiene, as hja der in inkeld wurd oer utere, dat hja ynliks wol forlangst hie, dit libben to forlitten en hinne to gean nei de himelske wente. „Mar ik dan, en ús berntsjes, hoe sil 't dêrmei komme?” hie er op in kear snokkerjend frege.

„O, wis, ik sjoch der o sa tsjin oan jim, dy't my leaf bin, to forlitten, mar wy moatte yn 'e wille fan 'e Heare birêstige, en hjir boppe krij ik it better”.

„Né, der kin 'k net by mei myn boereforstân!” hie er spyt-gnyskjend sein, mar daliks dêrop moeide it him, dat dy wurden út syn mûle slûpt wiene, hwant hy hie sjoen hoe't der in smertlik skaed oer Symkje har foarholle teach, en dêrom forhelle hy syn wurden dan ek mei to sizzen: „Wier, fanke! wier, it docht my sa sear, dat ik dy hjir sa lizzen sjoch, mar ik kin my dyn wurden net bigripe!”

WOLKEMS

'k Sjoch de wite wolkems silen
Op 'e wjukken fan 'e wyn!
'k Sjoch s' yn 't hege ûnmjitbre baeijen
Yn 'e gouden sinneskyn!
Sjoch, sy boartsje foar in hoartsje,
Skouwend oer en troch elkoar!
Sy forskine, sy forslane,
Sy fordwine bar om bar!

'k Sjoch de swarte wolkems jeijen
Oan 't ûnstumich himelfjild!
'k Sjoch s' yn heappen by 'n oar draeijen
Stegerjen ta bult by bult!
Sjoch, sy hotse, swaeije en botse
Yninoar, stou' wyld yn 't roun!
Sjoch, sy tomlje, hark, sy romlje!
't Wetter spij se nei de groun!

'k Sjoch ek faek yn 't libben wolkems
Skaden smiten fan fortriet;
't Herte wurdt troch 't leed oertsjustere,
't Each fan bittere triennen wiet.
Mar 't is treaste foar myn geaste
By hwat flimet, stekt en byt:
Wolkems binne gau fortinne
En Gods sinne skynt altyd!

*In fryske jonge (skûlnamme)
Yn ús eigen tael - 1909, s. 87.
Loddespitten - 1911.*

It is de earste dei fan Slachtmoanne 1570. Bolderjend raest de wyn. Hy reaget fan de neakene beammen de lêste giele bledtsjes ôf. Hy skuort fan de skoarstiennen de houtene buorden los en keilt se mei in inkeld tel oer it keale ierdryk. Hark, wer in skuor, en noch ien!

„En . . . de stoarm is út it Noard-Westen”, seit de húsfaer en sjocht mei eangstme yn 't each syn triljend wyfke oan. Hy tinkt oan it trochbrekken fan 'e diken, dat al sa faken barde en grif nou ek eltse stoune to wachtsjen stiet.

't Wurdt nacht, mar hy sil sa net op bêd gean.

Syn heit en oarreheit ha him faken forbelle fan 'e slimme tiden, dy't hja mei it séwetter trochmakke hawwe. En nou is 't ek wer krekt Alderheljen. En in byleauwige freze trochhuvert him, as er tinkt oan it sizke: „Alderheilighendach, Vrieslandt wel beklaghen mach”, hwant ommers al fjouwer kear is Fryslân op dizze dei slim teistere wurden.

„Heislik, hwat skuort de wyn dêr wer! . . . En hwat gûlt it, de kant nei de dyk út! As . . .” En hy fljocht nei bûtendoar ta. Ja, 't is al sa! Gapjend as hûngerige wolven stouwe de séweagen oer 'e lânsdouwe, weiskuorrend, meisleepjend hwat hja mette! . . . Tobek! . . . Rêd, hwat to rêdden is! . . .

„Hastich, wiif! Op 'e souder! . . . Né, dou net, ik sil it bern út 'e widze meinimme!” En widze en al wurdt by de ljedder opsjoud. Mar hwat jowt it? Hwat, soe sa'n gernierswentsje tsjin de wylde weagen bistân wêze? Alles skuort en kreaket! En de jeijende loftten sjogge del op it jeijende wetter, dat it stjelpke omskuort, as wie it fan pompier makke. Dêr driuwt it húsrie, dêr fordrinkt nei in bytsje sparreljen it hoarnfé en de skiepkens en dêr forgiet alles hwat skripsumens biwurke hie. En de minsken? . . . De widze ûntdriuwt oan de âlders, it bernegûlen wurdt forsmoard troch wyn- en weachgebolder en it kriten fan 'e yn wylde smerte losbarstende mem giet de man troch ieren en sinen. In stik fan

't hús slacht tsjin it heablok oan en as troch in wûnder wurde de minsken boppe op it hea slingere, wylst it hús yn stikken en stâllen dêr hinne tûmelt.

Mei it heablok driuwe de earne lju fuort yn 'e yslke piktsjustere nacht. En doe't it moarntiid waard, wie 't lân ien sé fan wetter, hiele Eastergoa stie splis, hiele Westergoa wie oerspield en djip yn 'e Wâlden toheisteren de brúskjende baren de fan to foaren sa golle lânsdouwe.

De diken wiene togruzele, de silen út it steed slein en tûzenen minsken fordronken.

Mien net, dat dit skilderij opkleure is; de skiedskriuwers alle-gearre jowe oan, dat de fyfte Alderheljenfloed forskate lannen oan 'e Noardsé mei jammer en ellinde slein hat. Op balken en heabulten, strieblokken en rúchskernen en stikken fan huzen dreauwen de minsken, dy't libben bihâlde mochten yn 't wetter om, wylst de lju mei preammen en flotten dy ellindigen ophellen om har nei tsjerken en stinzen, dy't op terpen boud wiene oer to bringen en de liken fan de fordronkenen opfiskjen. In hopen waerden der ek jit as troch in wûnder bihâlden.

Sa lêze wy yn in rymke fan Jan Fruitiers, dy't dizze wetterfloed yn it dichtmaet brocht hat:

„Uit het Dongerdeel door 's waters geweldigen slag
Dreef een maecht op een stuck huis, ('t is wel weerd beschreven)
Over 't wadt, in zee, en de is ten laetsten gebleven
Tot Munnikezyl.”

Foaral yn 'e Dongerdielen stie it der slim foar. De kronyk-skriuwer Winsemius jowt op, dat der yn West-Dongerdiel 1519 minsken fordronken en yn East-Dongerdiel 1763. De lju fan East-Dongerdiel mienden dizze ramp yn neitinken hâlde to moatten en dêrom waard boppe de tsjerkedoar to Mitselwier in wytmarmeren stien oanbrocht, mei dizze wurden:

„In 't iaer van tseventigen is het water in dese kercke een voet hoogh geweest, ende syn verdronken C13 13 CCC menschen in dese grietenye.”

Dy stien moat der letter weibrutsen wêze en doe is der in oarenien oanbrocht op it East-ein fan de tsjerke, in goed mangel fan 'e grûn ôf, mei it opskrift:

„A 1570 op Aldarheilige dach Jaû-ens is het Water hier in der kerckehoefn west 1 voet en zijn fardroncke in dese gritenije 1801 mensen.”

Yn ús eigen taal - 1910 - s. 166

MAITIIDSNACHT

Wy stienen oan it stille strân
Myn hân omklamme in sêfte hân.

Doe skynde it moantsje yn maitiidsnacht
Dêr lei de sê yn weagepracht.

Myn herte trille freegjensfol:
Hwat ús dy weagen bringe woll?

„Dêr leit it roekjend boatsje rê
Doarst' mei my oer dy wide sê?

O lit ús farkje, — 't lûkt my sa!
Togearre nei 't omfierrens ta!”

Har holke wie sa deun oan my:
„Hwerst' hinnetsjochst', ik bin by dy!”

*Yn ús eigen taal - 1911 - s. 163
Dr. D. Kalma; Fryske Skriftekennisse.
Friesch Dagblad, d.d. 30-11-1930.*

It is in bliere simmermoarntiid. Oer de fjilden hat de dauwe syn wûnderkleed weve en op elke gersraei en op elke simmerblom gearje drippen fan it eale suvere focht, dat strak as de sinne der oer skynt, glinsterje sil, sa ynmoai as de blinkendste juwielen. 't Is stil om jin hinne. Gjin wyntsje, gjin fûgelsankje, neat . . . Sjoch, dêr oer Plaksum wurdt de loft al reader en ljochtstrieljender, rjochte en skeane streken wize it plak oan, dêr't de ljochtdraechster towekker wurde sil. Hen, dêr krekt bisiden it Plaksumer tsjerkje troch, komt hja boppe de griene greiden útdriuwen. In sé fan goud weaget fier oer it fjild en de sinnestrielen boartsje en laitsje al fierder en sterker oer de dauwige ierde. De inkelde moarnswolkems siikje rêst oan de kimen, driuwkeljend op de amme fan it simmersiichje. En de ljurkjes út 'e slomme oproppen, stiigje jubeljend nei it helderblauwe himelfjild. De kouvelkers traepje mei jûk en amers op har bisten oan, dy't har al baltend tomjitte komme en ek de mieren binne al op de lappen.

Op 'e wei nei Sinnegea wâddet in man dy't in sek, heal opfolle, op 'e rêch sjout en yn 'e hân in kofjetsjettel by him delhingje lit. Mar al stiet Natuer om him hinne ek yn 'e mei blommen trochfrissele breidsklean, al weaget it sinneljocht ek oer syn holle, dy swide moaijens hat nin fet op him en jowt him net in tanksizzing yn it herte oan Him, Dy't alles sa ynkreas opsiere. Hy rint mei de holle foardel, sa't liket yn djippe prakkesaesjes bitize. It is him oan to sjen, dat, al is er om en by de fiifentritich jier, hy dochs syn bêste dagen al hawn hat.

Towylst Hotse dêr sa hinne pandert, tinkt er nei oer syn libbenswei, wat him dêr op mette en hoe't syn dagen meastal sûr, o sa sûr wiene. Hy tinkt oan syn Tsjamke, nou net mear sa'n mûtel frommeske lyk yn har fammetiid, mar bienbitrich, mei holle eagen en in ynfallen troanje. En hy tinkt oan syn trije berntsjes. Moatte dy meikoarten ek itselde paedtsje lâns as hy? Moatte dy leave lytse herten datselde jok sjouwe fan bodzjen en

skrippen fan moarnsier oant jouns let en dan jit mar skraech genôch om hwat yn en om it liif to krijen?

Né, hy sjocht neat fan it moaije om him hinne, hy is stomp foar simmerpronk en ljurkjewille, it neare, it swiere fan it wurk, dêr't hy nou wer sa bynei bykommen is, hâldt him alhielendal yn bislach.

Dêr stapt er om 'e daem en bisjocht suchtsjende it mēdtsje, dat hy der juster ôffikele hat en hoe jerne hy it sa hawwe wol, hy kin net sizze dat dat hoekje in pounsmiet great is, it hâldt skjin mei trije fean op. Nou hellet er de seine ûnder it swé wei. Mar as in âld-mier dy seine sjocht, moat er sizze: „Nou, jonge, dat sjocht der raer út”, hwant hjir en dêr sit der in greate tûke oan en dêr tuskenyn is er sa stomp as in boerd. As er fyftjin slaggen dien hat, moat er al strike en sjocht men, dat der in ljochte wite tried op 'e sneed lâns rint, teken fan stompens. Efkes helpt it striken, om 'e fyftjin, tweintich slaggen is 't mar wer glêd mis. En de seine wurdt hwat langer hwat tsjûker en de man wrakselt hwat langer hwat mear en it swit streamt hwat langer hwat fûlder. Hymjend stiet er efkes stil. „Hwat is 't hwat, hwat is 't hwat”, suchtet er, „mar ik moat, ik moat, wiif en berntsjes moatte oan 'e kost en dy âlde skulden!” En wer wurdt de seine troch it gers lutsen en wer streamt it swit en wer fielt Hotse hoe pynlik him syn rjochterside en -earm dogge. Pof! dêr hellet er healwiis troch in âld mollebult dat de kluten rattelje!

Mei't er in foech pear ûren meand hat, is der einlings gjin raei mear ôf to skuorren. „Ik moat mar ris wer by 't spit sjen!” En mismoochich wâddet hy op syn skûl ta.

Dêr sit er. Mar hoe't er syn bêst ek mient to dwaen, de rjochte slach wol mar net komme. Grimmitich keilt er mei de punt fan de hammerstek op syn ark en — de âlde ûren oppenearje har wer. Einlings, mei't hy der langer as in healûre sitten hat, wurdt de seine oan kant lein, jitte stomp, mar fansels, hy hat der wer ris op lâns west. Yn 'e gauwichheit wurdt der in boltsje bihimmele en sa, jit mei in heal boltsje yn 'e hân trapet er wer op it swé ta, dêr't hy niis op 'e helte útroun is.

Wer twa ûren meane en wer trije kertier harje. En wilens riist de sinne al heger en heger. Plaksum hat hja allang forlitten, sy strielet nou rjocht boppe Bonnegea; de fochte fan 'e dauwe op 'e blêdden en sprûtsjes dellein, is samar weiraend foar har gloede. It rint tsjin tsienen. Hjir is it. Nin sigentsje komt jin bineist. It sinnefjûr lôget al mear en mear op. Muoilik by himselme smyt de mier syn ris dêr del; der is mei fatsoen neat mear ôf to krijen. Hy gersket dat it hwat ôfdocht, binammen by it ynsetten.

Dêr komt boer Piter Lolles oanstappen mei de pols op it skouder. „Soa, Hotse”, seit er sûnder kompleminten, „wy hawwe dy fjouwer juster keard, dyst' der forline wike yn fiif dagen ôfskrabbe haste, mar hwat hiest dêr heislik swêbalke, hiele pôllen binne der stean bleaun. En hwat sjoch ik hjir, bigjinst nou ek al to gersken? 't Skeelt my de helte net, as ik jei dy ta it lân út!” „Och boer”, is Hotse' biskie, „de groun is hjir ek sa ûnsljocht en dat it mids op 'e dei net al to bêst wol, is wol mear sa, de sinne skynt to folle!”

„Soa, skynt de sinne tofolle? By my net, ik hoopje dat wy mar hwat heawaer krije, mar ik hoopje ek datst' it hjir hwat better ûnder 't swê makkeste as yn 'e fjouwer, it is my dêr lang net nei 't sin!” en meiens skopt de boer ris ûnder in pear swêen, dêr't lokkich neat ûnder to sjen is.

„Nou, dit skeelt de helte net, mar tink der fuortoan om, hear, oars lit ik it der mei de masine ôfjeije,” en boer Piter stapt wer ôf, yn 'e rêch lynjend en parmantich, en Hotse giet nei de skûl om to iten, slûchwei en stroffeljend.

Hotse nimt de hannen gear, mar och, fan it bidden komt in bi-droefd bytsje tolânne. De wurden fan de boer spylje him tofolle troch de holle. Hy wit wol, dat it meanen him net handigje wol, mar hy koe der oars sa'n moaije stûr mei fortsjinje. Dêr koe wer in inkeld gat mei stoppe wurde en hwat winterturf foar oplein. Ja, om 't wurk sels woe er wol ophâlde, leaver hjoed as moarn, mar de sinten, de sinten.

Sa'n foech ryksdaelder fan 't pounsmiet is oars sa moai. Alven-tolven stiet Hotse wer efter de seine, mar it is hielendal net better wurden. Hjir stiet nou ek krekt sa'n bytsje gers, de

sinne barnt op de groun del, de wjirmwrotsjes binne sa hurd as bonken en de raeikes slop fan 'e hjittens. De seine snijt net mear, mar Hotse wraemt troch, it kin him neat mear skele, al sil hy it der mei de hûd ôfskuorre, der moat hjoed in pounsmiet ôf, dat moat. Mar bisjocht er dan it hoekje, dat der nou leit, dan twivellet hy dochs wer, dat er it safier bringe kin.

Sa wurdt it njonkelytsen twa ûre. Lokkich, dêr skout in wolkem foar de sinne en it tongert ek al yn 'e fierte. In kertierke letter sjocht de mier, dat de buoi om him hinne draeit. Al falle der ek in pear dripkjes, de groun bliuwt like hurd. Mar dochs binne de gerskes in bytsje oplibbe, it snijt hwat better.

Hy hat niis-krektsa jitris wer harre en it wie werklik oft dat ek wol sa goed slagge, der wie net folle mear fan 'e wite tried to sjen. Dêr komt Tsjamke oankuijerjen, mei lytse Willemke yn 'e wein en Germ, in jonkje fan binei fiif jier oan 'e side. Hja nimt in tsjetteltsjefol waarme kofje mei, hwant hja wit, har man kriget oars yn sa'n hiele dei neat nin drinken as dat er moarns meinimt; en justerjoun hie hy sa oer toarst klage en it is hjoed jitte brandiger. It is oars foar Tsjamke in hiele reis nei 't meanlân ta, binei trije kertier fan hûs. Hja is de swakke kant neist, har bleke wangen en holsteande eagen dogge der dúdlikernôch útwizing fan, mar hja kin it dochs net oer har hert krije, dat Hotse alhiel fortoarstgje sil.

„Dei Hotse, wel hoe is 't en hoe wol 't?” sa bigjint hja al fan fierrens, wylst lytse Germ op in hountsjedrafke op heit ta hipket.

„Min, och sa tige min!” is 't andert.” 't Is hjoed hast net to dwaen.”

„Hê, jonge,” seit Tsjamke, „yn 'e fjouwer woe 't oars sa aerdich, seiste. Hwanear't dat mar net sok great lân west hie, hiest' him der wol yn fjouwer dagen ôfkrige, lykast' sels seiste.”

„Ja, fanke, doe woe 't jit hwat, doe wie de groun folle liniger, mar dy is nou sa hurd as in bonke; 't is in klear stik ellinde.” En wylst sjocht er lytse Willemke meilijend oan, dat herterke is nou forline maeije al twa jier wurden en och hwat is 't in skroedtsje; der sit gjin groei yn. Och, syn berntsjes hawwe it

ek fiersto krap, fan hwat minne ierpels mei winkelsmoar kinne
hja ek nea oanwinne. En de folwoechsene man stiet it gûlen
neijer as it latisjen.

„Krij ik net in tútsje fan deite?” healmûlet Willemke.

„Hwat oars, myn famke?” is heite biskie, mar wilens hy har
patte, miende Tsjamke in trien yn syn each glinsterjen to sjen.
„Och kom, jonge,” bimoedigt se, „hâld de holle der foar, wy
hawwe togearre al sa'n bulte stoarms trochstien, wy hoopje it
mei Gods help ek fierder to skouwen, net wier? En as Germ
great is, sil er heit ek tige bystean, ent jonge?”

„Ja mem, wie 'k ek mar great!” en Germe eagen glânzgje. Hy
wit jit net, hoefolle der oan forboun is om in goed arbeider to
wurden en hwat foar in lêsten it libben him op 'e skouders lizze
sil.

„Nou, en sjoch ris, Hotse,” bigjint mem wer, „ik haw hjir in
waerm bakje kofje foar dy en in pear krintebroadtsjes, dy sille
dy goeddwaen; mooglik wol it dan strak ek wer hwat better.
Kinst op 't lêst net in pounsmiet dwaen, dan moastst' mei trije
fean ophâlde, dan hast' ommers ek jit in goede deihier.”

Efkes giet Hotse sitten, ja dat smakket, hear! Syn mûle waerd
al tige droech, mar hy doarst net mear as krekt sa'n útrekkene
part fan syn kofje opdrinke, oars bleau der neat oer foar it
jounset, lykwols nou en mei tankberens sjocht er syn bleek
wyfke oan.

„Ik bin dochs bliid, datst' wer safolle opfleureste, datst hjir ris
by my komme kinste,” sa jowt er oan de fieling fan syn herte
uterling. Nei in toarntsje skout Tsjamke wer mei de bernewein
der op ôf en stiet Hotse wer foar 't swé.

„Deite, deite!” kraeit lytse Willemke jit, as hja al troch de daem
binne. Hotse sjocht op, glimket efkes en swaait mei de pet. Jit-
ris wiuwt Willemke mei har meagere earmkes „deite” ôfskie ta.
En de stive, krûme arbeider set syn stompe seine wer mei nije
moed yn 't wer slop delhingjende gers

Yn ús eigen tael - 1912.

DE WIDDOU FAN STARUM

„Fan kant dy boel, smyt wei yn sé!
Haw ik jo dât dan hjitten?
Hie 'k om in skipfol nearzich nôt
Jo útstjûrd? — 't eabelst fan 'e wrâld
Woe 'k ommers komme litte!”

„Mar frouwe, moat dit nôt yn sé?
Dat doar ik dochs net weagje!
Dy God, troch Hwa 't Hielal bistiet,
Dy 't kostlik koarn ús weagje liet,
Mocht ús der swier om pleagje”.

Hja nimt har gouden ring en smyt
Him yn de djippe dobbe:
„'k Sjoch noait dy ring wer en sa min
Stiet ek de kâns dat 'k earem kin,
Al haw jy my biskrobbe!”

Dy stege skipper! mar ik sil
Fêst dy skarlún wol fine!
Ik ha 't noch noait sa ûnderfoun,
Hy krijt noch hjoed-de-dei healjoun,
Dan kin er suchtsje en grine!

En wylder, wylder gûlt de sé
En boldert, oer de strannen
Slacht peallen, warrings, diken wei
Slipt beammen, hûzen, alles mei
En weaget oer de lannen.

(5 fan de 23 kouplettjen).
Foar de fûst wei - 1914.

Tjirryt, tjirryt! tjirlierlier!
Ik hear it nije liet;
Hoe riist dat earste ljurkje omheech
Hwat giet dat sankje swiet.

De groum is klomsk en kâld de snie,
De froast lûkt út it East,
Mar 't ljurkje driuwt nei 't fiere swurk:
Dat is de maitiidstreast.

De dei is koart, de nacht is njûr,
It sintsje bliuwt noch fier,
Mar 't each omheech, nei boppen 't hert
Mei 't blide tierelier!

Hoe raent me yn 't ear dat jûgjend liet,
Dy súvre himeltoan:
Dré komt nei kjeld en rein en wyn
De frisse maitiid oan.

O God, myn tank for fûgelklang
Dy't my yn gloede set!
Jo stjûre nei de nacht de dei
En maitiidswille yn 't hert.

*Yn ús eigen tael - 1915
A. Wumkes: Libbensgong - 1936.
Dr. D. Kalma: Fr. Skriftekennisse.*

As 't jountiid wurdt, en wolkebanken noegje
Ta rêst op 't sté, dêr't reade neiskyn bloeit,
En wiid de griene mieden wille drôgje,
En 't dauwekleed al oer de fjilden groeit —
Dan driuwe hill'ge tinzen my tomjitte
En lúst'ret lok oan 't longrjend minskehert:
Hjir mei 'k my ryk yn wiid forlangjen witte,
Dat sêdding bringt yn 't inerlik forlet.

As 't jountiid wurdt en 't lêste sigentsje oerlûkt,
It beamte stil forwege is oer de pracht,
Dy't stille strielt fan tûz'nen goud'ne stjirren
Oan 't himelfjild de blommen fan 'e nacht, —
Dan driuwt yn wazem-goud'ne jountiidstinzen
My frede ta, 'k fiel my Gods ing'len by,
Sa wiid, sa heech ûntwjukt de siel har grinzen
En skôget djip Gods skeppingsharmonij.

Haw tank, o God, foar tûzen mylde gunsten;
Hjir meitsje ik ryk dat fieling-sêfte swiet;
Ik sjoch Jins hân yn al Jins wrâldbiprachtsjen,
'k Wit hoe't Jins namme yn al Jins wurken stiet.
Mei fêste hope op de iiv'ge sillichheden
Uneinich mear as blanke stiltme-joun,
Bloeit rêst m' yn 't hert en wûnd're stille frede:
'k Wit m' ivich oan Jins fredetsjinst forboun.

*It Sjongende Fryslân - Westerbaan, Berltsum
Fedde Schurer: 25 Fryske dichters.*

Oer dit fers is dr. Kalma tige to spreken.
It heart thús yn de koarte Jong - Fryske tiid fan Wybenga (1915).

Myn herte lit my Jins bidoeling witte;
 — Bring mei dyn bea dyn winsken foar Myn troan! —
 Dat sil, dat moat ik dwaen — soe 'k Jo forjitte?
 'k Rop smeejend Jo om heil en segen oan.
 Forbergje dochs Jins antlit net foar my,
 Wiis my net ôf, gean net Jins feint foarby!
 Jy wien' myn Help, Jy haw my faken redt:
 O God, myn Heil, forstjit, forstjit my net.

Al soene yn 't leed my heit en mem forlitte,
 Doch foun ik treast, myn Hear is great en goed;
 'k Mei sterk myn God as Heit en Hoeder witte,
 Hy nimt my op, sa twingt my need noch noed.
 De minsken gean' me op al myn wegen nei;
 Wiis, Hear, my 't paed en bring m' op effen wei;
 De wredert lei bigearich op 'e loer,
 Jow my net oan dy falske tsjûgen oer.

- a: Hie 'k net fortroud, net leaud dat my it goede
 Wer riizgje soe, det ik syn ginst wer seach;
 Myn God, ho slim, ho bang wier 't my to moede!
 Oerstjalpe wier 'k fen leed en lêst en pleach!
 Hoopje op de Hear, Godljeavjend folk, mei moed,
 De Heare is trou, fan Him komt alle goed;
 Bliuw sterk; Hy komt, bisterket myld jim 't hert;
 Forwachtsje Him, forhoopje en twiivlje net.
- b: Hie ik net leaud yn al myn kweade dagen:
 Dyn eagen sill' op ierd Gods goedens sjen!"
 Ik wier in doarmer fan in ûnwaeer jage,
 Ik hie myn hope, ik hie myn God forlern.
 O folk fan God, wêz rêstich yn dyn Hear,
 Forwachtsje Him, Hy treast dy goed en tear.
 Hy toevet — hâld de herten sterk en steech,
 De greate Rêdder komt — de holle omheech!
- c: Hie ik net leaud by 't leed dat 'k hie to tûgjen,
 Yn 't lân fan libben, grien en sinneljocht
 It goede fan 'e Heare dochs 't oanskûgjen,
 Ik wie forgien en lang to groune brocht.
 Wachtsje op 'e Hear, Hy wit syn eigen tiid;
 Forbiidzje trou syn dei, wês sterk en bliid!
 Hy jowt jim ljocht yn 't each en krêft yn 't hert;
 Wachtsje op 'e Hear! Jim God forjit jim net!

a. fan Anders Wybenga, b. fan Gerben Brouwer (berne 1902).
 c. fan Fedde Schurer (berne 1898).

Lit ús mei blide tonge,
 Mei tank yn 't juchend moed
 Gods swide gunsten sjonge:
 Us God is einleas goed!
 Lit soks mei 'n optein hert
 Nou Syn forlost en tsjûgje;
 Hy hat har noedzjend redt,
 Woe hoedzjend oer har bûgje.

Dêr flimen leedzje en pinen;
 Yn hûnger, toarst en kwea
 Wie help noch treast to finen,
 Fel gappe bare dea;
 Hja rôpen oan de Hear
 Doe't bangens oer har bodde,
 Hy holp har út it near,
 Ut de eangstme dy't hjar skodde.

Har God hat har oerstriele
 Hat op in toarre groun
 Har toarstich-hjitte siele
 Sa ryk to drinken jown.
 Al mocht yn 't skeinend kwea
 De minsk bidobbe reitsje —
 Hy mocht wer treastryk brea
 Nei al syn doarmjen smeitsje.

Hy makket skrokke sânnen
 Oan rinnend wetter ryk,
 En fan de toarre lannen
 In boarnryk, gol ûntwyk;
 Dêr fynt dy't hûngre, brea
 Dêr meije hja bitrouwe
 Op Him tsjin leed en dea
 En kinne in wenstêd bouwe.

Jy skoepen 't kâlde Noard en 't waerbistriele Súd,
 De Hermon sjongt Jins lof, de Thabor geit it út;

Mar God, hwer bliuwt Jins trou? Hoe tsjuster is ús paed!
 Wy binne alhiel forspein, forwurpen en forstaet,
 Jy smite yn grime ús wei, en dy't Jy salven, sakke,
 Syn kroane leit yn 't slyk, syn hûs is stienbult makke,
 Syn muorren binne fan in wylde macht forbrutsen,
 Syn fêsting is fordwoun, en hek en stek trochstutsen.

Hoenear ik wanjle yn need en nacht,
 Hâldt Hy de wacht,
 Sil Hy my liede.
 Omtwingt my 's fijâns grimebrân,
 Syn rjochterhân
 Sil rêdding biede.
 Des Heare trouwe is fêst as 't swurk.
 Hy sil Syn wurk
 Foar my foltôgje.
 Forlit net hwat Jins hân bigoun,
 Lit, Libbensgroun,
 Jins ljocht my skôgje!

Wy leine yn 't stof, wy gûlden hjitte triennen
 Doe't wy yn 't ûnk by Babels streamen wiene,
 Hoe near wie 't ús, hoe woun yn nacht it ljocht;
 As 't hert yn leedzje oan 't heilich Sion tocht;
 Elk hat syn harp — hwa soe sa tinke oan sjongen? —
 Yn bitt're klachte oan treur'ge wyljen hongen.

De fijân doarst by al ús ûnk ús tergje,
 Us op in sang, in liet fan Sion fergje;
 Hoe mochten hja, dy ûnbisnienen, 't ha
 En ride ús nei, narje en forhúnje ús sa?
 Wy gjalpten 't út: hoe soe ús droege tonge
 Yn 't frjemde lân in liet des Heare sjonge?

Jeruzalim, mocht ik dy oait forjitte
 Dan mei myn hân net fan himsels mear witte!
 Myn tonge mei fortoarje as ik ien wink
 Net oan dyn berch en 't hillich wenplak tink,
 Droech myn forwulft, al 't wé oer 't dwyljend herte
 Mocht ik Gods stêd boppe alle nocht net sette!

a: De Heare is God, ús God is great,
 Us Kening yn Syn hege steat
 Giet al de goaden fier tobope!
 Syn hege hân bistjurt de wrâld;
 De djipten moatt' fen Syn biwâld
 De bergen fen Syn almacht roppe.

b: Us Heare God is ommers great,
 In kening fen rjue greater steat
 As alle goaden rounomhinne.
 De djipten fen it ierdske ryk
 Binne yn syn hânnen, krekt allyk
 De heechste bergen dy der binne.

c: De Hear is great, in hearlik God,
 Biskiedend iders tiid en lot,
 In Kening, great boppe alle goaden;
 It djipst fan de ierde is yn syn hân,
 Hy hâldt de heechste berch yn stân,
 De wrâld bistiet by syn geboaden.

d: Hwant de Heare is in great God, ja in great
 Kening boppe alle goaden. Yn hwaens hân de
 djipten fan de ierde binne en de hichten fan de
 bergen binne sines.

a. Wybenga. b. J. Althuyzen (1717-1763). c. Schurer. d. Wumkes, net-
 birime psalmen.


PSALM 129 : 5

- a: Lit hjar lyk gers dat nearne djipte fynt
Op skúrrenael forskronfelje en fortoarje,
Dat nimmen meant; lit him dy't skeaven bynt
Syn earm der noait in sprútselstsje fen garje.
- b: Litt' se az 't gôar' gerz, dat waegst op moerre in teck,
Litt' se az 't wijld grien forwylje, dear nin Miere
Nog Sicht're seyne aef sichte op bruwck nog stek
Hanne uwt om schouwne aef buwnle 'er fen to tieren.
- a. Wybenga. b. Gysbert Japiks Sammele Wurken 1966, s. 242. (1603-1666).

PSALM 126 : 3

- a: Hjir flimet lijen en fortriet,
Hjir sieddet men mei triennen 't sied,
De siedder skoddet jamk de hân,
Bitrout mistreastich 't sied oan 't lân,
Mar God scil dré syn moed forlichtsje:
Hy scil mei jubelsangen sightsje,
Gods groede is oer syn ikkers gien,
Hy bringt syn skeaven bliid by'-ien.
- b: Dy't siednoat de ierdeskerte wijt,
Fen 't fiednoat, út de bûk bilijd,
Dy sieddet triennen en fortriet
Mar letter sjongt er 't freugdeliet;
Den jowt Gods sein him gouden halmen,
Hy fljucht to skonk, hy jubelt psalmen,
Hy sichtet swiere skeaven dol
En loeget bliid syn skûrre fol.

a. Wybenga. b. J. C. P. Salverda (1783-1837).



Dr. G. A. Wumkes, samler „Yn ús eigen tael”
1909 – 1920. Oersetter fan de Bibel

EARSTE GLIMKE

En de eachjes blonken sa pril, sa pril
En seagen nei mem, nei mem sa stil.

En memke noeget: myn bern, myn bern,
O mocht ik dy glimkjen, dy glimkjen sjen.

Yn 't eachje sparkele in ljocht, in ljocht,
Dat freegjend om 't wurdsje, 't wurdsje socht.

Mem troaike boartlik: myn skat, myn skat
En siket en wol se en wol se hwat?

Doe krolde om 't lyts lipke in bliere skyn,
Dêr glimke de himel, de himel yn.

Yn ús eigen tael - 1918.
Dr. D. Kalma: Fr. Skriftekennisse, dl. I
A. Wumkes: Libbensgong - 1936.
P. Terpstra: Fryske Folksdichters - 1945.

JOW MY

Jow my hwat bliids fan blommen mei
Fan miedeblokte fyn en tear.
Fan stjirresprankels ljocht en klear;
Jow my hwat stille maitiidsdei,
Hwat bliids fan blanke blommen mei.

Jow my hwat ljochts fan lieten mei,
Hwat iepen klang fan harmonij,
Hwat fûgelsang fan poëzij;
Jow my hwat leafs fan boartersdei,
Hwat lichts fan ljochte lieten mei.

Yn ús eigen tael - 1920.

MYN SANG

Myn sang is lyk in swealtsjebloom,
Sa deun, sa skruten by de groun;
De blidens yn myn lieten jown
Bloeit stil yn hōven, needrich, from;
Myn sang is sang fan jountiidsrea,
Fan frede en rêst oer 't slomjend gea.

Myn sang is lyk in stjirreblink,
In lytse stip yn 't great hielal,
Myn sang is earm fan ljocht en fal
Mar — hill'ge op heger ing'lewink;
Myn sang is sang fan mimernacht
Yn stille stjirre-skimerpracht.

Myn sang is lyk in ljurkeliet,
In pearlebea oer 't lúst'rjend gea,
In sêfte pea by 't dagerea
Dat ynlik oer Gods wolkens giet;
Myn sang is sang fan iere moarn,
Yn 't lyts forlangst in bliere toan.

*Yn ús eigen tael - 1921, s. 44.
A. Wumkes: Libbensgong - 1936.
P. Terpstra: Fryske Folksdichters - 1945.*

WEMOED III

Dou hast dit hiem yn jonge glâns forlitten
En 't âlde byld draechst yn dyn hert noch om,
Dou mienst my noch sa hillich, striidber, from.
Sa bliid en blank as gouden jountiidsfierten.

O 'k smeeke dy, dy blidens to forjitten
Myn each is wei, de oars blide mûle stom.
Ik plúst'rje hwat oan wilich kniesde blom.
't Oerbliuwsel fan in jong en blank ûnthjitten; —

Dochs bidde ik noch: o God, in ink'le striel
Ut earder tiid: wy hawwe elkoar forstien,
Dat is 't, hwat my noch foar'ge seine seit.

Der is noch ljocht fan neiglâns yn myn siel
Ta treast en hope oer 't skrok fortoarjend grien.
Mids 't lân fan wêmoed en fan skildwaende ienlikheit.

Yn ús eigen tael - 1921, s. 148.

Stil prúzich doarpke mei dyn pjitse toer
 Hoe leist dêr fredich yn de jonge dei,
 De sinne jowt dyn huzen glânze mei
 Blaupunt en gril yn maitiids myld bistjûr.

'k Wenje oan dyn seame en sjoch dyn lytsens oer,
 Soan fan dyn gea, bin 'k dochs dyn gea net nei,
 Ik joech myn geast oan wider krite wei;
 Baernt net yn my dat longrjend langstmefjûr?

Dochs leavje ik dy, dyn stil en lyts fortier,
 Dyn soannen dy't ek libbens lijen kenn',
 Al ealgje ik faek de libbensdjipten fier.

Dochs mei ik dy, dyn beamte en minsken sjen,
 En bliuwt de tins oan earder tiid my blier,
 In stil-prúzich doarpke, rêstich, lyts Nijwier.

Friesch Dagblad, d.d. 11-6-1921.

't Wurdt stil oer ús Fryske lannen. Wol in bytsje mei langstme (heimwé) tinke wy oan foarige tiden, doe't fan alle kanten it libben opklonk. Rikketikjend snuorre „Frisia”, Kalma syn nijmoadrige meanmasine oer it mêd, wol kamen der navenant net folle swéen del to lizzen en gyng it faken skrank troch in oarmanne wurk, mar der wie dochs hwat to rêdden. Mar nou wolle syn gudzen net in tweintichste fan har krêft mear offerje, en „Frisia” moat op 'e helling. Kalma hat al fornijd, dat der twa lytsere masyntsjes fan makke wurde sille, mar ik haw soarch, dat dat tweintichje it saekje net glêd sitte sil.

Dan hiene jo, nou in foech pear jier „Tsjûgenis”, it flymskerpe seintsje fan Folkertsma, krêftich swaeijend en gysten foarútslaend, soms sà dat it frijhwat op in remkjen gyng yn 't probearjen om like folle del to lizzen as Kalma mei syn great ark. Nou't de konkurrinsje dien is, hâldt Folkertsma ek mar op, hommels, sûnder kik noch mik oer syn ôfgean to jaen.

It Selskip fan 1844 wie mei twa stikken ark yn 'e wapens. „Fryslân”, dat belletristysk, en „Swanneblommen” dat skied- en taelkundich him ûntjoech. Sûnder great-swé-slaggerij diene hja har wurk, dêr't hiel wol hwat goeds fan to sizzen wie. Mar de mannen fan 1844 hawwe beide wapens om in hoekje set. It sil oars bisocht wurde.

Oant nou ta hie P. Sipma, in soarte malkontint, in eigen reau yn 't fjild, ûnder de namme „It Heitelân”. Yn hokfoar swé dat gyng, wie net rjocht dúdlik. It hiet net âld, it wie net nij. Sipma is nou baes-ôf wurden en hat oan R. W. Canne, J. J. Hof, O. H. Sytstra en J. Winkelman it stjûr yn hannen jown. Deselde Hof en Sytstra, dy't hy yn 't foarige sa heftich tsjin- stie, (hwerom?) steane nou op syn karke en Hof as baes hat nou ûnder him as feint P. Sipma!
 Sa kin 't gean.

Yn ús eigen tael - 1922.

Wy stiene by de daem togearre,
Yn 't ryshout njuente in fûgel sêft;
Dou stiest dêr yn dyn keine krêft,
En 'k mocht dyn blanke wurden hearre.
Hoe glânzgjend wie dyn skittereach,
Hoe sêft dyn waerbikleure wangen;
It wie in stoun fan stille sangen
Omweve fan it jountiidsreach.

En 'k sei dy hiel myn teare herte
Myn amjen en myn gean nei 't ljocht,
Ik haw dy al myn sangen brocht
Oer hwat m' yn 't skymrich libben mette,
Oer 't risljen fan 't licht niigjend reid,
Oer 't sweevjen fan Gods dauwe,
'k Mocht myn bilibjen dy bitrouwe;
En wie 't dyn siel net sillichheit?

Wy toeven by de daem togearre
Oft dêr in blanke timpel wie
Mei pyldertrêft, mei himelsier
Yn 't fûnkelljocht fan hege stjerre;
En tankjend sei ús mûle sêft:
„O God, hoe dierber binn' Jins dieden
Yn herteljocht, yn willemieden
Yn blombikrânze jountiidstrêft.”

Yn ús eigen tael - 1922, s. 177.

Faken suchtsje wy by 't skrippen:
Wy bidije suver neat;
't Liket, smit' wy 't sied yn d' ierde,
Dat it noait wer ta ús keart
Mar wy moatte op hope ploeije
En op hope siedzje wy,
Dat wy jitris swiere stûken
En in folle skuorre krij'.

As. de skiere loftten jeije,
Wyld forheistre fan 'e wyn,
As it nacht is, neare nacht is,
Sûnder mylde sinneskyn,
Moat ús hert jit hope hâlde,
Tsjuster skaed wykt stjerrend wei;
't Ljocht sil fûnkje oan d' easterkimen,
't Sintsje jowt in bliere dei.

As yn 't libben lijen parset
As 't jin drôvich is en near,
D' opstân trillet wynsk yn 't kleijen:
't Krús my oplein knypt sa sear!
Klamje, o Kristen, dochs yn hope
Fêst oan hwat Gods Wurd dy seit:
God kastijt elts Dy't er leavet
Mar hy tuchticht as dyn Heit.

Ienris is de striid to'n ein brocht,
Alle leed is hinnegien,
Ienris wisket God genedich,
Fan ús eagen eltse trien
As wy stride, 't each nei boppen
En yn Kristus krêft, is 't wis,
Dat de kroan fan 't blide oerwinnen,
Dat Gods Himel uzes is!

Friesch Dagblad, d.d. 27-1-1923.

En jimmer bin 'k in beuker bleaun,
Sa nochtren yn in wif bistean,
In twivelrie yn skruten gean,
Fan tûzen dûnke striden treaun;
En jimmer bin 'k in beuker bleaun.

Ik ha Gods bloei fan blommen sjoen;
Wiist net de blom nei frucht en sie?
Mar 'k wist mei de útkomst rêst noch rie;
Ik mymre yn wijreek, drôge, tsjoen;
'k Ha skriemend blommen wylgjen sjoen.

Jim, greate lju fan lytse wrâld,
Meilydsum lâns myn wente gean,
Wis ha jim oan myn sang gjin hâld;
Hja is sa lyts op greate wrâld.

Dochs fiel ik yn myn lytsens treast,
Ik freegje: lit my bliuwe as bern
Mei nocht fan dream de bloei to sjen,
Folsleine lea mei bernegeast;
O lit my libje yn lytse treast.

*Yn ús eigen tael - 1924, s. 158.
A. Wumkes: Libbensgong - 1936.*

Dat jowt in skoane plof ôf. Alle Selskipsruten dinderje en de
kalk skulfert fan 'e muorren.

Sa stride Friezen. Kultureel en mei faesje. Wrâld, dou kinst
sjen hokfoar skoandere jonges wy binne.

Hjir sa, Kamerling mei dyn kréaesje Van Dyk, strop en kûgel
en yn fjouwer moaten; nei Noard-, East-, West- en Midfryslân
de biwizen fan jim ûnmachtige lieding.

Skare, dy't de wet net wit, bargebisten dy't fan foaren net witte,
dat jimme fan efteren libje, kij, dom berne en nea der by leard,
lit jim net langer fan dy Grinzer figuerlike skieppehoeder op
'e braekswallen delbêdzje, mar in echte Britsumer greidboer
moat jim yn 'e finne liede.

Hûnderttûzen kêsten, it moat ophâlde. Dat âld karbrief fan nul
acht (1908) is minstens acht graden ûnder nul sakke.

Algemiene Fryske Biweging, aksje, ûntjowing, skôging en sok
spul moat der komme —

Yn earnst, soene men mei Folkertsma syn forslagen in strie-
breed foarút komme? Ja, der soene twa man nei ûnderen kelder-
je, mar dat soe de hals wêze.

Wier is 't, der binne by ús selskip minsken, dy't net konsekwint
as idéael stelle doarre: foar Fryslân yn alles Frysk. Mar hja,
dy't meiwurkje om Bibel en Psalmboek yn it Frysk ûnder it folk
to bringen, dy't oanstjûre op it heechste, sille der mei gauwens
net foarwei kinne om ek alle legere dingen foar it Frysk op to
easkjen. Lit it hjir ris iepentlik sein wurde: dat it Psalmboek
printe wurde koe, dat is Kamerling syn wurk. Faek sil it mear
fan it stadige trochsetten as fan it gystene opdriuwen komme.
Hwat de Steatebibel foar Nederlân west hat, moat de Fryske Bi-
bel foar ús lân wurde. En as wy yn eigen tael bidde en psalm-
sjonge, dan geane wy ek op de Fryske preek ta. Dy moat alge-
mien wurde. En oan ús berntsjes Frysk ûnderwiis. Wy moatte
mear yn kontakt komme mei ús folk en de folkssiele. En gjin
gestriid ûnder inoarren as foarmannen fan it Kristlik Selskip.
Foar in inkeld kear mei in trammelantsje it folk op ien ein hel-

je, it sil op 'en dûr komme moatte fan ús leafde en ús sels yn tsjinst stellen fan Fryslân en de Friezen.

Yn ús eigen tael, j.g. 1924, as réaksje op Folkertsma syn oanfal op it saneamde konservative bolwurk yn it Kristlik Selskip: Kamerling en ds. Van Dyk.

BITROU DYN LEED BY MINSKEN NET

Bitrou dyn leed by minsken net:
Har fingertaest docht rou en sear,
Wringt wreed dyn ynlik fielen gear
By kâlde laits om sielesmert;
O, siz dyn leed by minsken net.

De dûnkrens dizet oer dyn paed:
Gjin minske dy't dyn liet forstiet;
De sizzing fan dyn wiid fortriet;
Sa wannelst' fan dyn sibben skaet;
O wês net muoilik op dat paed

Dû hearst' by 't swalkjen yn dit lân
Safolle skimp fan húnjend wurd;
It docht dy sear, it fielt dy hurd;
Ast stiest' allinne as ûnforstân:
Stean dochs net moedleas yn dit lân.

De wredens dript dy fjûr yn 't hert
Yn wounen skramd fan hurde tael
By 't wiken fan dyn idéael
Fan freonehân en -wurd forret, —
Gean mei dyn klacht nei minsken net.

O, hâld it hoeden yn dyn hert;
Al krimpstû fan dyn wêdom gear
En witst dy sels sa fyn en tear,
O, hâld dyn triljen yn dyn hert
En siz dyn wurd oan minsken net
Mar oan in Heit, dy't wit en heart;

Dyn Heit omheech, dyn himelfreon
Forstiet dyn striid en sielesucht,
Biskermet dy mei 't hillich Rjucht;
En bist' fan ierdebern fortreaun
Dyn Heit omheech is himelfreon.

Bitrou dyn leed by minsken net,
Mar bring it by de himeltroan,
De Heit forstiet Syn bern sa skoan
En al syn bern út djipten rêdt.
O, siz it yn in stil gebet
Oan Heit omheech, dy't leavjend heart
En sjocht dy mei ûntfermjien oan.

*Yn ús eigen tael - 1925, s. 161.
(It earste stik fan Wybenga, nei't er út de
redaksje wipt is!)*

OAN IT BERNTSJE

Hoe helder each, hoe derten wang,
Hoe lyts postuer, sa frij,
Hoe laitskes fan dyn fifeljier,
Hoe, berntsje, leavje ik dy!

Hwat sjochtst' de rike romme wrâld
Noch boartsjend feestlik yn,
En jowst' dy oan 'e blommen oer
By't heil fan sinneskyn.

De weachjes yn 'e nûnderfeart
Binn' 't himelfjûr bitroud;
Sjoch, tûzen tsjerkes sprankje 'er oer:
Sa skittert dounsjud goud.

Sa dû, myn bern mei 't inglehert,
Sawnfâlde himelstjer;
Hwat laket dy Gods sinne ta
Dû lakest sawnris wer.

O helder each, o derten wang,
O bliuw noch tiden bern,
En lit my yn dyn glimkes 't goud
Fan himelblidens sjen.

Ik libje yn dyn oannimlikheit
Wer op ta blider dei,
Nou is de freugd fan eigen jeugd
My wer sa strieljend nei.

*Yn ús eigen tael - 1927.
A. Wumkes: Libbensgong - 1936.*

Strak sil ik stjerre en iensum leit myn stof
Yn 't skrouske doarp op healfordolde terp;
Dy wyn stekt op, de froast lûkt fyn en skerp.
En minsken sizze oer dy't forstoar gjin lof.

As hj' om my tinke, lûke hja sa licht
Hwat oan 'e skouders, en yn 't wurd leit spot:
Hy joech oan drôge en wylde tinzen bod,
Hy wie hwat frjemd en joech him nei it dicht.

Haw ik myn plicht op rjochte wize dien?
Wie koarts de taek, dy't ik my naem to swier?
Kaem ik to let, of libbe ik tiden t'ier?
Hat my de wrâld en ik de minske wol forstien?

O, dat der marris ien myn himpen liet forstie!
Ien dy't as ik in ienling bliuwt op ierd,
Bihagen skepte yn eigen tael en liet!
O dat myn wurd net sûnder bloei forgie!

Dan foun ik stiltme, 'k hingje sa nei rêst!
Dochs bloeit in blom sa sêft yn blanke trou
En tsjûg't sa stil fan 't iep'ne himelblau;
Ek d'iens'me stiet yn Goades gunsten fêst.

Friesch Dagblad, d.d. 22 jann. 1930.

O wis, it leed wie slim to dragen,
It krús woech op myn skouder swier,
Yn drôfnis gyng it troch myn dagen,
Near wie de nacht, myn wille wykke fier.

Hwat hat it leed al folle lok me ûntnommen;
Hwat hawwe minsken wrimpen tsjin my stien;
Hwat bin 'k troch eigen kwea yn kommer kommen;
Hoe mannich idéael is my ûntgien.

Mar dêrom bliuwe der noch wol moaije stounen:
Fornoegje ik my yn 't ljocht fan blide skoften,
De tearens fan de stille maitiidsloften,
De blommen en de stjerren en Gods loften.

En sjoch ik by de wêmoed fan myn libben
De gouden tsjoen fan twa bigripende eagen,
Dan wit ik 't wer: der binne noch bisibben
Der is forstean — 't forlichtet my de pleagen.

Of wurdt my 't jown myn langstme yn 't fers to sizzen.
Hoe bliid bin 'k by dat rizen en dat sinken,
Sjoch 'k letter wer myn foar'ge wurden lizzen
Dan is 't my nochte al 't âlde wer t' oertinken.

En 't stil fornoegjen yn hwat greater geasten
Jown hawwe op 't hearlikst fan har bêste stounen,
Is ryk yn steat myn sleine siel to treasten
Sa bliuwt der balsem foar myn herte' wounen.

Grifformearde Frysk Tiedskrift - 1933, j.g. 2, nûmer 2.

YN STILLE JOUNEN . . .

Yn stille jounen sit ik en ik skriem . . .
 — Dat past net, hwant in man moat keardel wêze;
 Dy't fêst stiet, lit him fan gjin leed bilêze:
 Klear bliuwt syn each en warber bliuwt syn hân,
 Hy hâldt syn nocht by wurk op hiem en lân,
 Hy tanket God en driuwt net mei de stream,
 Wit fan gjin dweepjen en gedream;
 Him past gjin weinen, gjin gekliem . . .
 En dochs —, ik sit, en . . . skriem . . .

Yn stille jounen sit ik en ik skriem . . .
 Dan tink ik oan sa'n stille joun,
 Doe 'k miende, dat 'k it heechste op ierde foun,
 Mear edel, blinkend mear as 't jounich sinnegoud;
 Doe haw ik op in minskehert fortroud;
 Hoe bliid stie 't gea yn poarpren priel . . .
 Mar och, hoe rimpen foel myn loftkastiël
 En grúzle wei, as wie 't in hûs fan liem . . .
 Sa sit ik hjir, in frjemd' op eigen hiem,
 Ik sit en . . . skriem.

Sà komt it lok en sà is 't wer fordwoun,
 De tsjustre nacht lûkt oer de blide joun,
 Sa wurdt it hjir op ierde ús jown;
 Ik wist it lang, mar 't stekt mei 'n gleone priem;
 Yn stille jounen sit ik en ik skriem . . .

Friesch Dagblad, d.d. 22 july 1933.

DE PARREBEAM

Jong famke stiet stil by de parrebeam;
 Hwat libbet hja ryk yn in drege dream.

Hwat bloeit en hwat geuret de beam yn syn pracht;
 Hwat bloeit ek it fanke mei strieljende macht.

Hwat fûnkelt en dounset it ljocht fan 'e moarn;
 Hwat glimket de strieljende maitiid har oan.

Hwat wytget dat ljocht fan de kommende tiid,
 Fan knopjen en frucht jaen en risping sa swiid.

Hja dreamt fan 'e wûnders dy't libben har jowt
 Hja klearret de simmer mei bylden fan goud.

Hja rôkt oan de bloeisels de hearlikste geur . . .
 Hja stiet yn 'e moarntiid fol jeugdige fleur.

Hja stiet as in fé yn in mearkedream . . .
 Hwat geuret en bloeit de parrebeam.

Grifformearde Frysk Tiidskrift - 1933, j.g. 2, nûmer 3.

EK AS IK SWIJ

Ek as ik swij, is yn myn herte in stimme
Dy't sprekke wol oer blydskip en oer wé,
Oer 't polskjen fan de djippe sielesé,
Mar 'k ha dat lûd sa fack yn my bidimme.

Trou sprekt dat lûd oer freugden en oer smerte,
Oer smerte it meast, al stiet myn each ek blier,
It wicht fan 't leed drukt op myn skouder swier,
Sels by myn laitsjen skriemt myn langjend herte.

Ek as ik swij, hâld ik myn idéalen,
Ja dan wol 't meast, hja komme en nimm' my mei,
En tsjoene my in klearder, ljochter dei.
Hja sprekke my har wûndre en teare talen
't Meast as ik swij.

Grifformearde Frysk Tiidskrift - 1934, j.g. 3, nûmer 3.

JOUSWIER

Dou bist mar in pjut fan in doarpke,
Hwat sobers oan d' ein fan in wei,
Seis huzen en in âld tsjerkje,
En dêr is nou alles mei sei.

Dou hast mar in himpen fatsoentsje:
Hja groeven dyn terp amper wei;
Nou steane op it oerbleaune klobke
Dyn huzen elkoarren sa nei.

Mar dochs, as yn leaflike jounen
De dauwe oer dyn Marlannen tynt,
Dan likest in eilân yn 't sulver,
Dat wyt om dyn wenten him wynt.

Dou leist dêr yn 't mids fan dyn greiden
Sa fredich, sa stil en sa blier;
Wol bistou de lytste fan trettjin,
Mar dochs sa'n romantysk Jouswier

Grifformearde Frysk Tiidskrift - 1934, j.g. 3, nûmer 4.

'k Wit noch skoan, dat ik de earste dei nei skoalle ta rekke.
't Wie midden yn 'e simmer en noch fier foar de nou al sa hiem-
fêste april-perioade.

Us pake brocht my hinne. It wie op in sneontomoarn en wy
hoegden mar ien skoft yn. Doe't ik wer thúskaem, hie mem in
pantsjefol ierdbeijen foar my klear stean.

Dit is teffens ek de earste yndruk, dy't ik my fan ús doarp to-
binnen bringe kin. Hwant wy wennen der sa'n tweintich minuten
fan ôf en kamen dêr net yn tsjerke, om't de dominy dêrre frij-
sinnich wie.

Mar fan dy tiid ôf krige ik kunde oan ús doarp. Ridlik gau wie-
ne wy mei alle lytse en greate steechjes bikend, mei de sleatten
en de „Ald Wyk”, in oerbliuwsel fan in grêft om in forfallen
boerespul, mei de linebeammen en lantearnepeallen, dêr't wy sa
bihindich yn opklatterje koene, mar binammen mei de skoalle;
dat wie it sintrum, dêr't wy ús earste stappen setten nei de steile
bergen fan de Wittenskip.

Us liedsman dêrta wie in man, dy't nochal hwat namme makke
hie. Master Knoop hjitte hy. Hy wie string, mar dat mocht ek
wol. Hy moast allinne oer sa'n tachtich bern regearje, dy't yn twa
lokalen sieten. De man wie nedich fan efteren en fan foaren
eagen. As hy de greate jonges dan ek net altomets ris flink om-
seame, dan hie syn gesach ek yn in omsjoch foetsy west.

Apart sangles krigen wy doedestiids net, dêr hie master fansels
hielendal gjin tiid ta, mar by't útgean songen de bern út 'e lytse
skoalle gewoanlik it sa treftige fers:

„Der saten seven kikkertjes
Al in een boeresloot;
De sloot was toegevroren
Zij waren bijna dood.”

Dit wie in stikje dat wy wakkere spontaen (!) songen, binam-
men de rigels:

„Sij kwikten niet, sij kwaakten niet
Fan honger, kommer en verdriet.”

Al it kikkertsjeleed waard útbalt troch de útlittene skoaljonges
en famkes, dy't dêr neat fan fielden.

Mar as de greate skoalle útgong! Dan waard der in sang ophelle,
dat in bisûndere ynfloed op my útoefene. It wie it mankelike
fers fan „Us Pake syn klok”, it earste Fryske ferske, dat ik fan
myn libbensdagen heard haw. Hoe oandwaenlik klonk dat:

„Mar op 't lêst bleau hja stean,
Om nea wer to gean,
En mei pake, och mei pake wie 't dien.”

Ik hie ommers sels ek in pake en dat wie ek al in âld man, mis-
kien wie it mei pake mei gauwens ek wol dien.

Ek mei master Knoop rekke it dien.

Yn 't lêstoan fan syn lesjaen takele de skoalle hurd ôf, hwant
de bisûndere skoallen wiene doe yn 'e opkomst en forskate fan
ús bern moasten nou nei Nijtsjerk. De skoalle forroun en master
wie yn it jounskoft.

Hy forstoar, doe't ik noch gjin twa jier nei skoalle west hie.
Der wiene doe mar inkelde bern mear oerbleaun en wy krigen
in ûndermaster ta liedsman. Dat wie ien dy't gâns mei it fak
ierdrykskunde ophie en om't dat krekt hwat foar my wie, mocht
ik dy man graech lije.

Tweintich minuten fan 't doarp ôf to wenjen, wol safolle sizze,
moarns en jouns dy ôfstân bitippelje to moatten. Moarns hiene
wy stêfêst in healûre wurk en dan kamen wy ek noch wolris to
let yn skoalle. Mar jouns!

Al liet master ús healwei fjouweren los, it wie yn 'e winter-
tiid faeks al frij hwat skimerich, ear't wy wer yn it âlderlik hûs
bilânnen. Och, der wie op sa'n ein wei fan tweintich minuten
ek sa'n bulte to bilibjen.

Dochs, inkeltris wiene wy samar thús. Dat wie as wy ris mei
de iene of oare ride mochten. Hwant riden, dat wie in berne-

hearlikheit fan ûnsizbere weardige. Op sa'n wein of karre to sitten, wylst de fuorman altomets mei syn linich ryske de „âld guds” in foech traktearinkje tabidielde, wel man, dan fleach it der ommers oer!

Yn in geswind wiene my samar in stikmannich hikken en dammen foarbyrûst. En dy wiene oars sadanige min to passearjen. En as it sleatsjespringerstiid wie! Hwant yn in bernelibben hat alles syn aparte tiid: tippen, knikkertsjen, dossen, hoepjeijen, fluitsjemeitsjen, einaeisykjen, trobbeljen en hikkeljen en al sa fierder.

Mar, hwat ik forhelje soe, as 't sleatsjespringerstiid wie, nou, dan wie it in gedrammel fan komsa.

„Op in pyk”, dat koene wy fansels net sitte litte en dat duorre krekt salang oant wy mei de wiete krous by ús forhüge memmen oanlannen.

Sokke aventûren bilibje wy nou net mear, hwant wy binne great en evenredich wurden. Allinne, as ik de wei lâns fyts (it gean is út 'e tiid), tink ik faek noch mei ynlik formogjen oan dy blide skoalletiid. Sûnt it forreizgjen fan master Knoop hat de skoalle noch in jiermannich in earmtlik bistan hawn, oant salang 't er hielendal „opheven” waerd. Jierren oanien die de „âld skoalle” oars gjin fortuten as ta forgearringsplak fan ús fanfarekorps en by tiden waerd der ek ris in boerebrulloft yn fierd.

Nou hat de gemeente it ballêst forkoft en in partekulier hat der in kreaze wente fan makke.

Sa foroaret hjir alles. Ek ús âld skoalleplein. Hwat ha wy dêr faek boarte fan: „Witte Swane, groene Swane” en, as it sin fan alle bern ris tige bêst stie fan: „Op Holland staat een huis”; de eigner hat dat skoandere plein omgroeve: it sil nou wol in túntsje wurde moatte.

„Mei woartels?” freget in goegunder mei in allerleafst glimke. Lit my anderje: „Bêst kâns op, wy wolle it hiel wol wêze, dat wy to Nijewier yn 'e Woartelstêd binne.”

Grifformeard Frysk Tiidskrift - 1935, j.g. 4, nûmer 2.

Der hâlden ris sawn wyljen yn
in boeregreide ta,
Dy droegen greate prûken op
har âlde hurde, houten kop
en rjochtút rigen hja.
Har hege prûk mei hierren
wuwde al mar nei 't omfierren,
Hja knikten ja, ja knikten né,
en nimmen wiste krekt har pré.

Doe kamen d'r o sa'n fûgeltsjes
dy bouden dêr har nêst;
Hja wennen hearlik pear by pear,
en hiene dêr in drok forkear;
't Foldie har uterst bêst.
En ider song syn lietsje
fan wide, wide, wietsje.
Mar al de wyljen rôpen: och,
hwat skreauwe my dy fûgels doch!

Doe kaem de wylde warrelwyn
mei rêdde sprongen oan;
Hy draeit 'm trijeris om en seit:
Hwat 's dit hjir foar balstjurrichheit?
Ik ken dy flinken skoan!
Earst hâldden hja har prachtich,
mar 't waerd har gau to machtich,
Doe rôpen hja: hjir is gefaer,
hwa stiet it út yn sok min waer!

Doe kaem in greate buoi mei rein
dy spriek mar gâns oerstjûr:
dy prûkebollen sa ûnfoech
bin fierstoheech en fiersto droech,
hwat wetter moat der oer!

de wiete wyljen skriemden,
hja stiene as forgriemden,
en rôpen: aenstouns fall' wy flau;
dy buoi forjit ús net sa gau!

Doe kaem in greate bûnte kou,
dy snúfde: dit is kost!
Sa'n wyljenblêd is lang net tsjoed,
is foar in folle mage goed,
lyk by myn swakkens past.
't Stiet siker fan dy prûken
wol frij om hwat to brûken.
De wyljen seine suchtsjend: Nou,
hwat is sa'n beest in botte koul

Doe waerd op 't lêst har prûkebol
sa lang, sa yslík lang,
elk húvre fan sa'n wide kyp,
de fûgels sjilpten pyp, pyp, pyp
en waerden trijeris bang.
It minskdom sei: hwat freeslik,
dit liket ûngeneeslik!
De wyljen tochten: sa is 't bêst,
sa stiet ús adeldom wol fêst.

Doe kaem de boereknipper dêr,
mei skjirre en gâns plesier,
dy knipte mei in fikse hap,
sa mar ynienen knipperknap,
troch al dit wyljenhier.
Hja skrokken sels ûntsettend,
mar d'oaren laken dertend
en blaeiden: moai sa heal om heal,
hwat binne jimme nou wer keal!

¹ Dit fers is makke fan C. S. Adema van Scheltema en fan Wybenga yn it Frysk oerset.
It hânskrift is yn it Museum „Admiraliteitshuis” to Dokkum. De dichter hat dat yn 1936 oan it Museum ôfstien.

LAMPEN

Mids yn gers en raeijen,
Miede- en bûterblom,
Steane tûzen lampen
Roun fan dounzen plom.

Mylde maitiidssinne
Stiek yn d' iere moarn
Mei in inkeld glimke
Al dy lampen oan.

Lampen dy't dêr baerne
Wyt op ljochtskynde;
Hynstebloemmestâllen
Pronkje der hearlik mei.

Swiere wolkeloften
Seagen swart en sûr
Jagen dûnk're skaden

Fjild en flakten oer.
Wrede winen waeiden
Alle lampen út
Mar fan id're plûster
Waechst in nije sprût.

Grifformearde Frysk Tiidskrift - 1936, j.g. 5, nûmer 3.

Myn doarpke lyts, myn doarpke djûr,
Hoe eagestou de fjilden oer,
Us âlde Fryske lannen;
Hoe bynstou yn dyn leaflikheit
Dy't yn en om en oer dy leit
Myn siel mei sêfte bannen.

Hjir bin 'k troch 't wûnd're libben gien,
Hjir haw ik leed en lok forstien,
De ljochten en de skaden;
'k Seach hwat my bynt oan 't âlde gea,
Dyn moarntiidsgloed en jounich rea
Yn 't ljocht fan Gods genade.

Bin 'k strak oan d' ein fan d' ierdske baen,
Bifeel 'k, by 't my nei sliepen jaen,
Myn siele yn Gods hannen —
Dan fynt myn stof, myn doarpke djûr
In rêstplak by dyn âlde toer
Yn d' âlde Fryske lannen.

*Friesch Dagblad, d.d. 14-8-1932.
A. Wumkes: Libbensgong - 1936.
P. Terpstra: Fryske Folksdichters - 1945.*

¹ De dichter doelt hjir op Wetsens (D.V. en D.W.)

It walmet oer de lege lannen,
't Ljurkje sjongt omheech sa skoan,
'k Sjoch de pinksterblommen roeikjen,
Maitiid bringt de kreazens oan.

Efter Wetsens sjongt de wille,
Fan gjin drok bidriuwbilet.
Dêr't hast nea gjin minsken komme
Is 't my frij en rom 't hert.

Alde kunde is my d' âld hikke,
Dêr't de skries syn „grito" geit,
Dêr't de tsjirk om hinne swevet
Mei 't wylde eintsje 'er by yn 't reid.

Kunders binn' dy rûge sompen
Yn 'e flotgers-moddersleat,
Mei de griene wetterljurken
Healwiis yn it flaech bitaerd.

't Wie my nocht; yn dizze fjilden
Moast ik faek ek drok yn 't spier,
Wie 'k hjir oan de lodde en foarke
Of de seine moarns hiel ier.

Lei ik efter skûl to rêsten,
Dik're dan de mieden oer
Nei it lytse, nearz'ge doarpke
Mei syn tsjerkje sûnder toer.

lensum op 't ôfgnobbe terpke
As in bidder, skrousk en hean
Treurjend om forfleine greatens
Seach ik 't skiere tsjerkje stean.

Yn dat ieuwenâlde Godshûs
Sieten pake en beppe alear.
Dêryn droegen my myn âlden
Ienmel op oan 'e Opperhear.

Letter tusken heit en mem yn
Gyng 't breed lykpaed op it bern,
Om nei dominy to harkjen
En nei 't âld grien rût to sjen.

Wetsens! Nuver leist der hinne,
Hast fatsoen en buorren brek.
't Is as skodden hjir de reuzen
D' âlde stjelpkes út 'e sek.

As in lange, lange line
Leit de spoarbaen by dy lâns.
Troch de greide-harmonije
Krust en gûlt it treingegrâns.

Dochs bist leaf my, ek as hjerstwyn
't Wetter oer it leech lân fiert,
As dy flakte yn sinn'ljocht weaget,
Dêr't de kobbe oer hinne sliert.

As de winteramme oer 't gea strykt,
Kjeld en snie en iis ús jowt,
Is dy flakte in glêdde spegel.
Dan is 't riden ring bitroud.

Wy forgeaten braek en bûthûs,
Fleagen nei de flakte ta,
Baentsjerieden en meraeklen
En formakken ús hjir sa!

O, dy moaije stjirrejounen
Tichte by in Wets'mer „hja”,
'k Sil de wille nea forjitte,
Dy't wy hjir wol smakke ha.

'k Jow net folle om wrâldsk' útwrydskens,
'k Fiel my hjir yn myn forset.
Leaf binn' my de griene fjilden.
Ik bliuw Wetsemer yn 't hert.

DE LYTSE JOUWER

Stil leit it lytse doarp by 't jounjen fan 'e sinne
Syn ranke spitse toer wiist nei Gods himelwiid
Geheimnis swevet om dy lytse wenten hinne
En dreamt fan giene tiid.

Althuzen, op *dit* sté fornamen jo de lûden
Fan 't eigen lân, fan bloei by frisse Noardewyn
Jo hearden 's yn 'e loft, jo wisten s' op de krûden
Hjir dronken j' ek de tael fan Gysbert Japiks yn.

Hjir liezen jo syn liet, hjir songen jo syn psalmen
De klang fan Master's Wurd gyng yn jins tinzen mei
Jo dichten, yn jins trant, mei eigen fromme galmen
Dy Davids lieten nei.

Sa stiet jins dimmen byld foar ús yn glânzgjende eare
Nou 't nije maitiid wer oer 't âlde Fryslân tilt.
Dy't seit: hjir libbe in man, dy't Davids harp hantearre
Mei iens in soan fan 't frije Fryske fjild.

Grifformearde Frysk Tiidskrift - 1936, j.g. 5, nûmer 4.

DE STUKEN

De stûken steane op 't stopp'lich lân,
Soldaten yn 't gelid.
En de ieren lústrje mei'noar oer
Hwat yn sa'n stûke sit.

Der sit hwat yn fan groede en tier,
Fan rypjen en fan frucht,
Fan stâlde en strie en tinende ier
Dy't bliid himsels bisjocht.

It seit fan segen oer it koarn
Yn rein en sinnekrêft,
Fan dagen yn har gloede skoan,
Fan nachten, stil en sêft.

Sa trillet yn 'e stûkestreek
De lústertael fan 't koarn;
't Fiel al syn doel as fiedsum brea;
Sa sizze hja harsels de dea,
De minske it libben oan.

*Friesch Dagblad, d.d. 10 okt. 1936.
Karsamling: Ljocht oer it fjild - 1950.*

De doarpsdichter song dêr syn sangen
 Sa mannige kostlike joun,
 Fan jeugd en fan fleur en fan wille
 En 't heil fan âld-Fryslâns groun.

Hja harken sa graech nei syn lieten,
 Hja wiene wol mei him op dré,
 Hja glimken: it is dochs in wûnder,
 Hoe sketst er ús wol en ús wé.

Hja kamen sa faek mei har fragen,
 Hy joech har syn sielewurk mei,
 Dat droegen hja foar op har feesten,
 En 't folk hie sa'n wille dêrmei.

De doarpsdichter libbe dêr jierren,
 In minske lyk ider en ien;
 Hy lake — allinne, yn syn laitsjen
 Wie lichtlik it ljocht fan in trien.

De doarpsdichter dielde yn har freugden
 En wie mei har lijen bigien,
 — Mar dochs hat gjinien fan syn maten
 Syn wûnderlik wêzen forstien.

Friesch Dagblad, d.d. 10-2-1936.
A. Wumkes: Libbensgong - 1936.
P. Terpstra: Fryske Folksdichters - 1945.

1. In kreas doarp

Dy't in Frysk doarp neamt, seit huzen. Mar dy't Mitselwier neamt, bidoelt ek beammen. Dy binne der by en steane der yn. Dy stykje heech boppe de huzen út. Dy jowe oan dit âlde terp doarp in feestlik oansjen. Binammen yn 'e simmertiid. Ut it Westen wei sjoen, kin men mar in inkeld dak skimerjen sjen. It is ien skat fan beammepracht.

Mar de beammen binne net it heechste fan Mitselwier. Dat is de pjuts fan de spitse toer. Dy stekt steatlik heech boppe grien en blêdden út.

Rounom yn ús gemeente kinne wy dizze toer sjen. Gjûn wûnder. Mitselwier leit sierlik yn it sintrum en hat syn eachweid oer alle omkriten. Dat komt it doarp mei safolle bitsjutting ek ta.

Kom de buorren yn.

Né, de huzen binne net allegearre nei in fêst plan boud, mar hwat foarnaems komt jin út 'e bouoarder wol tomjitte. Jo kinne hjir sa gaedlik in slach om hinne dwaen en jo bliuwe dochs yn 'e smoute fan 'e huzen.

Mitselwier is it midspunt. Dat wiist it fjouwerkantige Gemeentehûs út. Ik moat altyd om in Stânfries tinke as ik dit bouwurk sjoch.

Tûzen fine triedden rinne út dit hûs wei hiel East-Dongeradiel troch. Hjir wurdt oer it wol en wé fan 'e Gemeente rieplachte. Hjir wurdt it oanjown, as der wer in lytse East-Dongeradielster to wrâld kommen is. Hjir geane om maeije hinne de jonge pearren by de treppen op om de greate stap to dwaen. Hjir moat it oansein wurde as der wer ien, itsij âld, itsij jong foar altyd syn eagen sletten hat.

Kom it doarp yn, Nijewier út wei. De streek deftige huzen mei kreaze blomtunen is suver in lust foar 't each.

Kom de Dokkumer kant út wei en biwûnderje efkes de filla fan ús Boargemaster, de hear F. Sytsma. Lês dan ek de namme, dy't dêr yn goudene letters op 'e foarside stavere stiet.

Nij-Ropta.

Hat op dit sté yn 't foarige dan in âld Ropta west? Né, hjirre net. Dan moatte wy noch in kertier geans it noarden yn. Mar de tsjintwurdige biwanner winsket hjir in namme yn oan-tinken to hâlden, dy't yn 't foarige fan in swide bitsjutting west hat foar dit doarp en ek foar ús hiele gemeente. Lit ús de stap sette nei it âlde sté.

Dêr is hielendal gjin slot of state mear.

Mar wol hwat oars op it lytse terpke.

Op Iezumersyl wennet in man, Gjerryt van der Gang, dy't 24 oktober 1936 100 jier waard. Sa'n man is in libben stik histoarje.

Hjir forkeart ek in hûndertjierrige.

Al is it net in minske, wy bringe graech dizze jubilaris ús earbiedige groetenis. Hwa't dizze hûndertjierrige is?

2. De Ropster moun

In moun moat earmslach ha. Hy moat op in gaedlik plak stean. Hy moat de wyn út 'e earste hân krije. Ek moat er ekonomysk bistean kinne.

Yn 't foarige wie der ien to Ljussens. Yn 1718 stie dy der al. Mar dy is forfallen. It steed is hjir folle better.

De doarpen lizze der yn in rige om hinne. Mitselwier, Moarre, Ljussens, Easter-Nijtsjerk en Nijewier kinne hjir maklik bitsjinne wurde. Sa tocht in goede hûndert jier forlyn David Sluijter der oer.

It sté dat doedestiids sa'n hûndert jier yn 'e Burmania's famylje west hie, wie nou yn hannen kommen fan in man út it folk. En dy seach dêr in kânske yn om der jild út to smeyen.

Sa liet hy hjir yn 1836 in rogmounne bouwe. Oan hwa droech er dit wurk op? Nei alle wierskyn oan Romke van der Werf, mounemakker yn Betterwurd.

It wie in mounne sûnder swikstelling.

Wy binne nou yn 1840.

Wyld rûzet de wyn út it Westen wei, it boazet al oan en oan.

Dêr, ynienen in krak, de hiele mounne wurdt optild en mei in smak ploft er om yn 'e grêft dêr deun by.

Nou sil de mounne steviger opboud wurde. Tweintich foet fan 'e groun ôf wurdt er opmitsele. De swikstelling wurdt oanbrocht en heger mar ek steviger as foarhinne wurdt er nou ta syn taek rémakke. Ek wurdt er nou pelmounne.

Flak boppe de yngongsdoar oan 'e noardkant wurdt in stientsje mitsele, dêr't in hân op útbyld is mei in skealje. De evener stiet yn 't húske. It Godlik rjocht kin gjin ûnrjocht duldze.

Boppe dit stientsje wurdt noch in oarenien oanbrocht.

Hjir stiet op:

Deze molen gesticht in den Jare 1836
en 20 voet verhoogd in den Jare 1840

Door D. J. Sluiter en Vrouwe

Jeltje J. Steenhuiszen.

* * *

Voor vriend en vijand sta 'k geheel

Gods regt beslist een ieders deel.

Sa is de mounne wer forriizge. Stiet er dêr 60 foet heech en hawe syn wjukken in flecht fan 72 foet.

David Sluijter is, men soe hast sizze in mouneman. Hy hat noch in stik of fiif, seis mounen yn eigendom. U.o. ien to Ljouwert en ien op 't Fean. Mar hjir wennet er, alteast, der wurdt oanjown dat hy sels eigener en brûker is. Syn hûs stiet op in hoarnleger fan in foech heal pounsmiet.

Yn 't foarige moat it Slot fan de aedlike Ropta's hjir stien ha; ek is in diel fan de singelleane oan de noardkant fan dit Slot syn eigendom.

Yn 1848 fine wy Sluijter noch as eigener oanjown, neitiid moat in Siccema hjir mounder west hawwe.

Wy sille it nou oer in oare eigener hawwe.

20 oktober 1830 kaem to Mûntsjesyl in jonkje to wrâld, dy't letter bikend wurden is as Siger Piters Kits. Dizze Siger troude de 20e fan 'e maeimoanne 1856 mei in frommes út Mitselwier,

Antsje Ulkes Dykstra, dy't krapoan trije jier jonger wie as hy, hwant 9 july 1833 wie hja yn Mitselwier berne. Dizze jongelju moasten fansels plak ha en sa rekken hja, nei't men oan nimme kin in jier nei har trouwen, alsa yn 1857, op 'e Ropster mounne to plak.

Hja koften him djûr, mar dat koe wol lije. Hja hiene in saek mei in flinke omset. Trije en tweintich bakkers út 'e omkriten waerden troch har bitsjinne. Ek wie it mesten fan kij doedestiids wakker yn swang. Der wiene sels twa boeren, Rinse Jehannes Jongsma fan Ljussens en Rinse Kloosterman fan Mitselwier, dy't wykliks 28 sek mealles lieten.

De mounder en syn frou wiene achtenearre minsken. Hja stiene as earlik en bitroud bikend, en koene skoan mei de minsken omgean. De frou wie fiks ûntwikkele en koe yn har faemstiden har tige mei de hantwurken rêdde.

Bloiede de saek en wie yn 't húsgezin ek faek reden ta blydskip, om't oant sawn kear ta dêr in jong libben syn yntre die, dêr stie foar oer, dat alle fjouwer famkes dy't hja krigen, lyts har wer ûntnommen waerden.

In swiere slach trof de frou doe't 29 april 1868 har man har troch de dea ûntnommen waard.

W. Osinga, dy't letter sels mounder to Nes-Moddergat wie, waard ta bidriuwslieder oansteld en Douwe Ulkes Dykstra¹ fan Ljussens, in broer fan de widdou, krige de saek ûnder syn taforsjoch.

Dat duorre in tiidsje oant de widdou wer troude en wol mei Piter Miedema, gernier, dy't dêr flak yn 'e buert wenne.

Doe kamen de 80er jierren dy't efterútging foar Fryslân ynhiene. Ek de mouderssaek rekke yn forfal. Mei't de frou 10 desimber 1884 forstoar, wie it safier hinne kommen dat de saek op buorden moast.

Folle en folle goedkeaper as by de ynkeap giet de mounne fan de hân en wol oan Jouke van der Heide, dy't him yn maeije 1895

hjar nou as mounder fêstiget.

Sa komt der wer in oare mounder op Ropta. It is yn 'e minne tiid. Mar it is ek op it djipste. De prizen sakje net mear. Sa stadichoan libbet it wer op yn 'e buorkerij. Der wurdt mear makke. De boeren wurde wer steviger, hja litte mealles en kinne wer bitelje. Bloeiende tiden giet de mounne wer tomjitte.

In mounne hat syn eigen sprake. Stiet de mounne yn 't krús dan is er yn 'e rêst. Mar stiet de roede oer de leuning yn 't fuortgean, dan is der rouwe. By it forstjerren fan buorlju of goekunde wurdt harren op dizze manear eare biwiizge.

8 april 1928 stiet er ek yn it teken fan roubitoan. In slach is fallen, de mounder is forstoarn. Ek net ienris yn syn wente, mar to Ljouwert. Hy kaem dêr geregeld by syn broer, dy't gâns âlder wie as hy, en nou al tiden siik lei.

Sels op sikebisyk taest in sykte him oan. En yn fjouwer dagen is er soun en dea. Hy waard 69 jier en syn broer dy't al 80 jier is, wurdt wer better. Hwant it giet faken oars as men forwachtet.

Fan dy tiid ôf oant nou ta bitsjinnet syn soan Pyt van der Heide de mounne. 't Is ûnder syn bistjûr, dat de mounne de earste ieu fol krige hat.

Mocht er de twadde hûndert ek fol meitsje en net troch sa'n prozayske motor forkrongen wurde!

Sa hawwe wy de skiednis fan 'e mouders lûns west. Mar de mounne hat ek syn eigen skiednis.

As er opboud wurdt hat er houtene roeden. Mar al binne se fan it geefste hout, hja slite. Yn 'e tiid fan Miedema wegerje se har tsjinst. Nije moatte der komme. Oare roeden, mar ek in oare as. Dat is in hiel stik wurk. In sting wurdt oprjochte, de as dêr yn ophyst, oant er einlings njonken it gat kommen is, dêr't er yn passe moat. Hy slingeret en slingeret, jitris en jitris, it is in toer om him to plak to krijen. Einlings lukt it. In sucht fan forromming. Dat hat in dreech krewei west. Dan wurde de wjukken der oan bifêstige. Hwat in takelderij. Mar it lukt. En mei nije moed mealtes de âlde mounne.

Om 'e selde snuorje hinne.

¹ De pake fan it tsjintwurdige lid fan Deputearre Staten, M. U. Dykstra fan Eanjum.

It is in buoiïge hjerstjoun. Rein en heil en snie, fan alles troch inoar. In pear hynstekeaplju krûpe to Mitselwier yn 'e waerme tapkeamer fan de Graaf. It brandewyntsje smakket goed. Harm, de jonge, stiet by de trochreed, kâld en ûngedien, de teannen prykje him, de hannen binne him knoffelich.

Ien fan de keaplju skuilet nei bûten. „Kom mar yn, jonge, dan krigest ek in opknapperke”.

Graech giet Harm nei binnen. En de lju plakke en swetse. Bûten stiet in span hynders. Hja fiele har ûnwennich. De kjeld pimpert har ek. Hja skuorre oan 'e touwen. Hja wolle los. Hjir wei. Fuort, nei in better plak. Nei in waerme stâl en goed hwat yn 't rip.

Hja skuorre har los fan 'e trochreedsring en drave de wei út. Noard op. Nei Ropta ta. Dêr skimert har it mounehiem to-mjitte. Dêr by op: gjin homeishikke forhinderet it har. By it terpkje op, fierder, fierder. Dêr binne se by de moune, dy't oan 'e kant fan 'e grêft stiet

De oare moarns yntiids giet lytse Germ, it soantsje fan moun-der Miedema nei bûten ta. Hy wol nei 't hok. Dêr hat er syn boartersguod. Skrinkelbonken, dy't er syn kij neamt en dy't op 'e tiid fuorre wurde moatte.

It hat ryp en alles is wyt fan snie. Frjemd, by de moune, yn 'e wâl, hwat liket it dêr swart en nuver. Hy doar der net hinne. Hy rint wer yn 'e hûs. „O heit, dêr by de moune dêr sit hwat yn 'e sleat. Bisten, hja hawwe gjin earen, mar âl hoarnen.” Heit draeft mei. Hwat kin dat wêze? En nou sjocht er it: it binne twa hynders, dy't dêr yn 'e helterstouwen bitiisd har ein foun hawwe yn 'e modderige grêft. Hwat lytse Germ foar hoarnen oansjoen hat binne de earen dy't rjocht oerein steane. Fuortdêrnei docht it bliken, hwaens hynders dat binne. In rûzige joun en in rûzige holle hawwe dizze bisten de ein bisoarge.

Simmer 1889.

It is in broeijerige dei. Tongerkoppen skouwe op, de Dokkumer kant út wei. Blau-swarte wolken steapelje har op. Al mar mear

driuwe se oer Mitselwier hinne. Wjerljochtslaggen sjitte troch de loft.

De tonger knapt en rattelt.

Neijer komt de buoi.

Dêr is er flak boppe Ropta.

In wjerljochtsriel mei in plof fan in tongerslach tagelyk. „Yn-slein”, seit de moundersfrou en meiinoar rinne se yn 't hûs om.

Hwer soe 't wêze?

Né, — dochs — nearne.

Dan is de moune troffen!

Né ek net.

Dochs is der hwat foarfallen. De beide feinten binne yn 'e moune, mar de iene is bûten westen. Hja moatte him nei ûnderen drage. Hy wurdt yn 'e hûs brocht. Mar it duorret in ûre ear't er bykomt. En de hiele joun is er út 'e liken. Sa hat it de moune nei stien. Mar der is neat biskeadige. Ek de man dy't troffen waard, hat fierders gjin letsel.

1935.

Hwat liket de moune keal, ynpleats fan fjouwer wjukken hat er nou mar twa. Der moat in nijenien oanbrocht wurde. En it duorret altyd in hiel set, ear't sa'n-iën ré is.

As in mouneroede del is, kin men earst ris sjen hoe'n lingte hy bislacht. Ut en út mjit er in bûthûs fan 11 dûbele kouwestâllen. As in mouneroede del is, mist men ek hwat oan it lânskip. En men is bliid as de moune wer mei alle fjouwer wjukken draeije kin. Ynpleats fan in houten is der nou in izerenien kommen. Simmer 1936.

It is in droege rite.

Wy sille earst de langste dei wol ha moatte, ear't it bigjint to reinen, sizze de waerprofeten. Mar hja binne mis. In wike oarde-heal earder is it tige brodzich waer. Dampen geane der oer 'e loft. Efter dy dampen forskûlje har de tongerkoppen. Stadich komme dy opsetten.

De mounder giet nei 't lân. Hwant it is melkerstiid. Hy sit ûnder de kou en hy sjocht nei de loft, dy't hwat langer hwat dûnkerder wurdt.

Lokkich, de wyn is súd-east, en hy hat de moune, mei de wjukken nei 't westen ta, fêst to stean. Hy hat de pal der wol net op, mar sà kin 't gjin kwea.

Dan, hommels, lúkt de wyn mei de buoi nei 't westen ta. It waeit, it waeit dat it rikket.

De mounder hat sa binei de kou molken, hy sjocht op
Dêr is 't al sa. De moune draeit. Hy draeit tobek. Hurder, al hurder.

Noch in pear speten, de kou is dien. Mei geweld wurdt it span-tou ôfstrûpt, de tuolle oan kant slingere, de molke bisoarge en dêr rint er hinne. Sa hurd as er kin, né hurder.

't Giet him oer 'e meuch, mar hy rint, hwant hy moat, hy sjocht oars neat as de slingerjende mounewjukken, dy't al mar fûlder yn 'e rounte giselje.

Dêr is er der. Dea-ôf; mar hy rêdt it. It hie net folle mear lije kinnen. De as wie al hyt draeid. De stank hong der fan yn 'e moune.

De hiele joun is de man neat mear wurdich. Mar it doel is birikt.

Lit ús noch ienkear by de moune sjen. Yn syn tek stiet it jiertal 1896 úttekene. Dat wiist oan, dat er doe op 'en nij dutsen is. Dat wie sechstich jier nei syn earste oprjochting.

Sa waerd er jimmer wer fornijd.

Dat moast ek wol.

Hwat binne der in stoarmen oer him hinne gien yn al dy jierren. Eltse hjerst boazet it oan út 'e westhoeke wei. It is hjir ek sa ticht by de „grimma herne". Wy, minsken út 'e boppekop fan Fryslân binne in bytsje greatsk op dizze âlde drege en wy sizze:

Kenne jim de Ropster moune
Dy't sa dreech syn rounten draeit?
Dy't nei 't Suden wiist of 't Noarden
Al mar nei it wyntsje waeit.
Fiks en feardich mealt er oan,
Makket stouwend moal fan 't koarn,
As er mei syn earmen swaeit.



Ds. S. Huismans, oprjochter en earste foarsitter Kristlik Selskip foar
Fryske tael en skriftekennisse. † 1924

Kenne jim dat lytse terpke
 Dêr't dy hege moune stiet?
 Dêr't in rook fan d' âlde tiden
 Oer de jonge hagen giet?
 Ropta's namme, great en mâns,
 Rêst op 't sté hjir d' ieuwen lâns,
 En dy harket as in liet.

Kenne jim fan giene tiden
 Wol de wûnd're poëzij?
 Kenne jim de bân fan 't foar'ge
 Oan ús dagen, goed en nij? —
 Sjong 't dan út op blide toan:
 Ropster moune, meal mar oan
 Mei dyn macht fan melodij.

3. De skimertiid

Stiet men op sa'n âld steed, dan komt de iene fraech efter de oare by jin op. Hwannear hat hjir foar 't earst in Fries syn fuotten set? Wie it om it bigjin fan ús jiertelling hinne?
 Hwa hat der in bigjin mei makke om dit terpke yn 'e hichte to bringen? Wie it de sé allinne of hat minskehân meiholpen?
 Hwa boude hjir it earste klúske? Hwer wie it fan optrutsen?
 Hoe seach it der út? Nou't hjir al in pear tûzen jier oanien minsken libbe en bodde hawwe, hoefolle lok en ûnlok is hjir ûnderfoun?
 Hoefolle persoanen fan ynfloed wiene der by? Hwa en hwat wie de earste ealman dy't him hjir delsette?
 Gjin andert folget.
 Gjin âlde pompieren jowe útslútsel.
 Allinne, it oanwêzen seit ús: it is der en it hat der west. Fierders hinget der foar it tsjuster forline in swier gerdyn.
 Hoe hjitte de earste ealman, dy't oan dit plak syn namme jaen soe?
 Nei alle tinken Ropperd of Rophard; mar hwannear hy libbe,

men kin it net sizze. Ropta-State waerd yn 't foarige ek Ropperda-State neamd.

Men kin oannimme dat de Ald-Dongeradielster adel frij talryk wie. Har bisitting bistie út in sathe (buorkerij mei lân) bihearrend by har State of hoarnleger. Op sa'n hoarnleger stie har huzing mei de stins. Dit hoarnleger wie mei in grêft omsletten, dêr wie in singel omhinne, dêr't dan gewoanlik in lytsere grêft omhinne roun. Op it hoarnleger koe men geandefoet net oars komme as troch de poarte dy't út it wetter opmitsle wie.

It wiene doedestiids ûnfeilige tiden. Stins stie tsjin stins, doarp tsjin doarp, stêd tsjin stêd yn 'e wapens. Dêrfandinne dat ôffreedzjen fan hûs en hiem. De fijân — dêr moast men altyd op alle boegen foar op jins iepenst wêze.

It earste forhael dat ús út dy skimertiden oerlevere is, sprekt jin dan ek fuort en daliks al fan dy deilisskip.

It datearret út 1297.

Dêr wennet op 'e State by Mitselwier in foarse, feardige keardel. Worp fan Ropta hjit er. Hy is manmoedich, foar gjin fijân forfeard. Uteraerd goed en gemiensum yn 'e omgong mei iderien, hat de rûzje en de partijskip him forhurde.

It neamde jier bringt him in great leed. Joeke Helbada, in ealman dy't Worp net lije mei, stekt de iennichste soan fan Ropta, Doaitsen, ûnforhoeds dea.

Worp is woast fan likens. Hy siedt. Wrake, ropt it yn him, wrake oer dy skarlún.

It wierret him mei.

Hy treft Helbada by Hegebeintum. Hy hat mar in pear man by him, Helbada en syn folk binne gâns machtiger. Mar Worp falt oan. Ien fan syn feinten moat it mei de dea bilije. Mar Worp wit syn fijân to treffen, sa goed dat hy der net wer fan opstiet.

Ek Worp rint blessearrings op, mar hy wit libbensliifs to ûntkommen. Sa wurdt bloed mei bloed forgolden.

Mar it skeel is der net mei út 'e wei. De soannen fan Joeke Helbada sille har wreekje. Skrik giet oer 'e lannen. Partijskippen lögje op.

De dochter fan Ropta is wiers fan dizze dingen. Hja hâldt fan freedsumens en goeddwaen. Hja hat har komst by in widdou efter Ljussens. Dêr docht se goed. Dêr stoart se har hert út. Sjûk fan Helbada moetet har yn dy krite. De skrik slacht har om 't herte as hja de feint op syn gysten hynder lyk op har oankommen sjocht. Mar hy springt fan syn guds ôf en seit: „Dou hoechst net yn noed to sitten: yn it bern fan myn fijân wit ik de deugd to earbiedigjen.”

Letter moetsje dy twa elkoarren dêr wer. Mear en mear reitsje hja de iene fan de oare ûnder de yndruk. Hja bigjinne it meiinoar to hâlden. Bûten de famylje om. Einlings fornimt Worp it. Hy stout der op ôf. Hy sil syn fijân, dy't grif hjir de forlieder fan syn bern is, delslaan dat er nea wer opstiet.

Mar Sjûk giet lyk foar Ropta stean. „Kin 't sa?”

De machtige hear fan Ropta fielt him ûntwapene. Hjir wurdt de soen troffen. Sûnt dy tiid hat men dit plak it Soen neamd. Hjir is, yn 't koart gearfette, it forhael dêr't men hwat fan lêze kin yn âlde kroniken, en dêr't de folksmûle ek hwat fan biwarre hat.

Worp fan Ropta stiert op syn stins 10 augustus 1302 en wurdt to Mitselwier biïerdige.

As it wier is dat Worp mar twa bern hat, dan kin oannommen wurde, dat Sjûk fan Helbada dy't letter mei Riemke fan Ropta trout, as erfgenamt fan 'e Ropta's him letter sels Ropta skriuwt. It foroarjen fan „fan” falt yn dy tiden wol mear foar. Mar hwa sil 't útmeitsje?

4. De Ropta's

Wy binne wer in hûndert jier fierder.

Bûtengewoane sterk is it Slot opboud. It sil jierren en iuwen forduorje kinne. Swiere muorren jowe it syn stevigens, út syn tuorren wei kin men fier de omkriten oersjen. Alles is út 'e pin en mei sin oprutsen. It gehiel bislacht in fjild groun fan sa'n 15 pounsmietten. Hôven, hiemen, beamte en plantaezje, it is allegearre like foarnaem en oansjenlik.

De poarte, fan jonger datum as de stins, sels ek in foege stins, is ien mei in falbrêge. Lûkt men dy op, gjin frjemdling kin op 't hiem komme of hy soe der hinne farre of swimme moatte. Gasten dy't men net winsket, — en dy wiene der yn dy tiden net to min — kin men op dizze wize bûten de gerjochtichheit hâlde. Noardlik fan de stins oan 'e weiskant is dizze poarte mei falbrêge út it wetter wei opmitsele. Sa is de Hear fan Ropta feilich op syn hiem.

Sa sjogge wy dizze hearlikheit om 'e streek fan 1450. Fokke Ropta wennet op it foarfaderlike sté. Meiinoar hat er in tredde hûndert pounsmietten lân yn syn rekwisysje.

Syn goed bistiet út Great Ropta dat in hearebuorkerij is en Lyts Ropta, in boerehuzing, dy't in plak lân fierder noardop set wurden is. Mooglik hawwe de soannen op Lyts-Ropta it buorkjen wol leare moatten.

Sa stiet alles yn folle fleur.

Wy witte net mei hwa't Fokke trouw is, mar wy fornimme al dat hja forskate bern hawwe. En jeugd bringt wille.

Mar de wille wurdt op 'e rjochte wize yn team hâlden troch it gelove.

Ien fan de jonges, Wilco, wurdt pastoar. Yn ien fan 'e doarpen fan ús gritenij, tinklik to Mitselwier.

Ek in fanke, Auck, forlit it wrâldske libben. Hja wurdt non yn it kleaster Waert ûnder de klokslach fan Moarre.

Oars is it mei har broer Sybren. Hy bliuwt mids yn 'e stream fan de tiid stean. Hy trout en as syn earste frou forstjert, nimt er in twadden. Kinske Sythjema hjit dizze. Hja hawwe it lok dat hja in soan krije. Wer in Fokko, oarreheite genamt.

As Fokke great is, trout er mei Graets fan Eysinga. Hy is in ryk man.

Ropta is nou yn folle gloarje. Fokke wennet op de Stins en in meijer — hierdeboer — bistjurt Lyts Ropta, ek sa ien wennet op in oar ûnderdiel fan 'e bisitting, to witten de Burch of Pelfinne oan 'e Sûre Ie.

Wy fine dêrfan oantekene:

1511: Focka Ropta mijt deze II meijers hjirna gescreven
IJCXXXV pondematen selff

Tiepka op den burch) Focka Ropten lantheeren.
Lijtkje Jeppe)

Ek hat Fokke Ropta lannen yn bisit ûnder Eanjum, Ljussens en Moarre en in hûs yn Dokkum, sadat yn hiele East- en West-Dongeradiel nimmen tsjin him út kin. Allinne de Kleasters, Sion to Nijewier en Waert by Moarre binne riker.

Ek har houlik is segene: hja hawwe fjouwer bern.

Mar de dea sparret neat. It jier 1512 bringt de iene slach nei de oare.

Fokke syn mem forstjert, ek syn frou leit it ôf en wol op de 24e juny, en fuort dêrop, it is de 4e july, leit ek de Hear fan Ropta sels syn jonge holle del ta de lêste rêst op dizze ierde.

Beide wurde se to Mitselwier yn 'e tsjerke byset.

De Saksers hearskje yn Fryslân. Dat is yn 1498 al bigoun en it sil oan 1515 ta duorje. De frije Friezen moasten de holle bûgje foar de útlanners.

Mar de Fryske eallju binne lang allegear net mei dit biwâld yn-nommen.

Ek de Ropta's moatte neat fan de frjemdlingen ha. Hja wenje net deun by it geweld fan Ljouwert en Frjentsjer en hâlde it op har sterke stins hjir wol in setsje út. Mar de Dútsker kin har wol fine. Dy wachtet op it gaedlike momint. De hear fan Ropta leit yn 't grêf, nou kin 't lije.

It is om de streek fan 25 novimber 1512 hinne. Soldaten komme opdaegjen. Der is gjin tsjinwar dat makket. De falbrêge wurdt delsein en fuotten fan frjemdlingen wâdzje op in hiem om, dat noch nea earder in frjemdling sjoen hie. Hja diene dêr net folle goeds.

Yn 1515 is it biwâld fan 'e Saksers oer en Fryslân giet wer rommer tiid tomjitte. Mar syn foarfaderlike frijheit is it kwyt. Foar altyd. De Friezen hawwe har dy frijheit net wurdich makke. Hja hiene har net ien folk field, mar elk foar oar woe sels kening wêze. Dêrom koe Fryslân net bistean.

Keizer Karel V regearret. Ek oer Fryslân.

Op Ropta stiet de âlde namme wer op. It is wer in Worp. Yn 1504 wie hy to wrâld kommen, dat hy wie noch mar 8 jier âld, doe't syn heit en mem forstoaren.

Ek dizze Worp sil bistjûre. Mar net op syn eigen manneboete. Hy bringt it ta Grytman oer East-Dongeradiel. En de hear dy't boppe him stiet is de machtige keizer fan Dútsklân, dy't meiens kening fan Spanje is. Dizze bitsjinning wurdt him opdroegen om 1539 hinne. Sa komt hy oer ús gemeente to stean as ex 35 jier âld is.

Hy giet mei syn tiid.

It is de tiid fan 't portretskilderjen. Ek de hear fan Ropta posearret. In skildere portret út dy tiid wiist dat noch út. Hy stiet dêr op, libbensgreat. It is ôfkomstich fan Martenahûs to Frjentsjer en hinget nou yn it Ryksmuseum to Amsterdam. Yn 'e katalogus 1907 stiet: Worp Ropta (1505—1551) Grietman van Dongeradiel 1542 gevolmachtigde ten Landdage 1550.

Ten voeten uit, 195 x 100 cm.

Opschrift: Worp Ropta van wegen Römischer Keiserlicher Maiestaet, Grietman over Dongeradeel dra, sve Etates 38 ipsa die Qva factum Ao 1542 den 20sten Octobris.

It waerd dus skildere yn 1542 en de man dy't it gou wie 38 jier. Worp fan Ropta forstiet ek syn plicht. Stêdhâlder Aremberg is dêr mei bikend. En 23 jannewaris 1550 wurdt er ta Olderman fan Dokkum oansteld.

Sa bliuwt Ropta-State yn 'e fleur. Bieuck fan Eabinga Humalda is de frou.

En hja hawwe in fleurich famke, Cnier, ek wol Cunera neamd. Mar it ljocht forstjusteret. 3 july 1534 forstjert Frou Humalda noch yn 'e jeugd fan 't libben. En lytse Cnierke hat gjin mem mear. Wol trout heit letter wer. Mei Anna, in natuerlike dochter fan stêdhâlder George Schenk fan Toutenburg, mar it bliuwt in twadde mem, en bruorren of susters kriget hja der net by. Net lang is Worp fan Ropta Olderman fan Dokkum. De dea komt, de grime. Dêr is de machtige Hear fan Ropta net tsjin

opwoechsen. 1551 forstjert er. De lêste manlike Ropta, dêr't wy fan witte.

Bigjint de skiednis fan Ropta yn 'e skimer mei in Worp dy't wy om 1300 hinne yn syn krêft sjoen hawwe, dizze einicht ek mei ien yn 1551. Dit is in rek fan treddelhûndert jier.

En nou soene wy graech mear witte wolle fan har uterlik en inerlik libjen, de skiednis swijt en wy binne net by machte om dit gerdyn oan kant to skouwen.

5. *De Sternsee's*

Sa is de lêste manlike Ropta biïerdige, en ien dochter bliuwt oer, Cnierke fan Ropta. Hja draecht in ûnfryske namme.

As hja trout, docht hja dat ek mei in net-Fries.

Der komt mear wiksel mei de greate wrâld en dat lit net nei syn stimpel op forskate Friezen to setten. Ek al wenje hja yn noch sokke efterôfhoeke as de lju fan Ropta.

Cunera trout mei in Dútsker, Christoffel von Sternsee. It is in man, dy't yn heech oansjen stiet by Karel V.

Wy kinne hjir út bislute, dat de Ropta-famylje tige oansjenlik is, mar ek dat hja it âlde Roomske gelove trou bleau.

Christoffel von Sternsee is Kolonel yn Spaenske tsjinst, yn 1549 Drost op it Blokhús to Harns en Olderman fan dy stêd, letter, yn 1553 ek Grytman fan Barradiel.

Dêr is út ôf to lieden, dat hja net op Ropta wennen. Mooglik namen hja dêr altomets yn 'e simmertiid it spul ris op. De buorkerij of buorkerijen sille wol troch setmeijers bistjûrd wurden wêze.

Heger en heger klimt Sternsee.

Der komt in dochter to wrâld, Maycke is har namme op it Frysk. Mar hja wurdt „Maria” dope en de lânfâdesse Maria fan Eastenryk sels jowt it bern in doopjefte, wylst Viglius fan Ayta út Swichum yn eigen persoan it bern ta de doop hâldt. Op Maycke folget Karel, en Keizer Karel V biwiist Sternsee de eare om „peter” oer dizze lytse genamt to wurden. De greate

Karel en dizze lytse foarmje dus in forbining fan Madrid mei Mitselwier.

Op him sels hoecht it jin gjin nij to dwaen dat Karel V gâns mei Christoffel von Sternsee ophie. Hy wie in man, bikwaem yn 'e oarloch; sels yn Tunis hied er mei goed gefolch foar de Keizer striden, en dêrby koed er him, foar dy tiid tige mei de pinne rêdde. Neffens syn eigen oantekeningen hied er fan de jierren 1515 oant 1554 ta sa'n 450 frjemde stêdden en 18 eilannen bisocht.

Karel joech oan Sternsee, dy't al fan aedlike komôf wie, forskate foarrjochten, dy't by de heechste adel hearden, mei it rjocht om in gouden kroan boppe syn wapen to fieren.

Hy hat him ek útskilderje litten. Sa ek syn frou en letter har soan Karel. Hy liket in foarse, sa'n bytsje stûfe keardel, langroun fan gesicht, mei burd en knevel. Hy is yn 't harnas mei gouden forsiersels en oan in reade koarde hinget it teken fan it Gouden Flues, de heechste ridderoarder fan dy tiid.

Syn frou is ôfbylde yn swarte mei goud en pearls forsierde klean, gouden kapsel op en in pearlen halsketting om.

Karel is op portret kommen yn 1584, doe't er 33 jier wie. Hy wie in stevige keardel mei rodzich hier.

Men lêst noch fan Christoffel, dat hy oannimlik wie fan karakter, dat er forskate nuttige ynstellings bigunstige en gâns oan it Stêdsweeshús fan Harns tamakke. 5 maart 1555 stjert Cnier van Ropta en Christoffel sels leit it ôf 15 febrewaris 1560.

Hja binne grif to Harns forstoarn.

Is har grêfsté dêr ek?

Dêr sille wy letter ris oer prate.

Maycke en Karel.

Fan dy beiden wurdt Karel de erfgenamt fan Ropta State. Mar hy wennet der net, likemin as syn heit. Hy is troud mei Luts van Cammingha, ien fan de earste dochters fan 't lân. Sjaerdahús yn Frjentsjer wurdt mei syn trouwen syn eigendom en yn Frjentsjer wennet it better as to Mitselwier. Wy kinne sizze: foar de eigeners fan Ropta State is Mitselwier to lyts wurden.

Der wurdt oannommen, dat in famyljelid fan syn memme kant op Ropta it stjûr yn hannen hie. Der wurdt sels noch oer in Jehan van Ropta praet, mar wissichheit is hjir net oer to jaen. Is Karel von Sternsee ta de Grifformearde leare oer gien? Wy witte it net, mar it is wol to tinken. Hja wurde to Frjentsjer yn 'e Greate Tsjerke bigroeven en de Tsjerke heart de Grifformearden ta.

Der is in fers yn in album fan him oerbleaun. It binne wurden, dy't yn har rêstige froedens jin goetdogge:

Die Godt den Heere vreest
Sall syn ghemoedt noch geest
In voorspoet niet verheffen;
En niet toe zeer verslaen,
Als hem ooit veele quaen (rampen)
Oft wederspoeden treffen.

Karel von Sternsee forstjert 14 maeije 1615. Hy is yn syn fiif en sechtichste jier. Krapoan tsien jier hat er widner west, hwant syn frou is 16 oktober 1605 him al foargien. Bern binne der net. Karel is yn ús lân de twadde, mar ek de lêste, von Sternsee. Dochs sil dizze namme daliks net forlern gean.

De eigener fan Ropta State hat by testamint syn Mitselwierster bisitting formakke oan Bokke van Humalda, ûnder bidingst dat hy him fuortoan von Sternsee skriuwe en de State letter oan syn âldste soan takomme litte sil.

Roptaslot kaem hjirtroch wer mear yn eare. Hwant wy meije oannimme, dat Bokke en syn frou Tryn van Heerma sels op dit âlde sté wennen en nei har forstjerren wurde hja byset yn 'e tsjerke to Mitselwier. In stien yn dy tsjerke docht der hjoed-de-dei noch útwizing fan.

Wy binne nou 1640.

Har soan Jonkhear Karel von Sternsee is eigener en biwanner. Noch stiet alles yn syn glâns. It bisit kin yn trijen neamd wurde. De Pelfinne oan 'e Sûre le yn 1511 as de Burch oantsjut, nou neamd „een sathe lands thoe Ropta”; dan Lyts-Ropta,

106 pounsmietten great, en Great-Ropta mei 62 pounsmiet; wy soene sa sizze fan de hearebuorkerij.

Dizze Karel von Sternsee siket it mei de frijerij ek al net by de efterdoar. Hwant hy trout mei syn nicht Ave Lucia van Gramaije, dochter fan Ivo van Gramaije en Tjaertcke van Heerma, in faem út Gelderlân. Yn dy tiden lei Gelderlân minstens like fier fan ús ôf as nou de rots fan Gibraltar. Hwant de wegens wiene net folle oars as modderdiken en it rydtúchspul wie hyn-der en bolderwein.

Karel forstjert 1665, Ave Lucia 1684.

Hy is de lêste manlike von Sternsee út it Humaldalaech.

Ien dochter litte hja nei: Theodora Louise. Yn 1665, har heite stjerjier, trout hja mei Anton Gunther Georg Baron thoe Schwartzenberg en Hohenlantsberg. Al wer ien fan 'e earstearangers fan útlâns komôf. Mar ear't har mem forstjert is hja al widdou, hwant 24 nov. 1670 forstjert de Baron op Ropta.

Wie har earste man ien út 'e adelstân, mei de twadde is dat sa net. Yn 1673 trout hja mei Johan Albert van der Meulen. Ek dizze forstjert en foar de tredde kear trout hja yn 1697 en wol mei Johan de Wolff. 7 febrewaris 1709 stjert hja en de 23e fan dizze moanne wurdt hja byset yn 'e tsjerke to Mitselwier.

Dit binne de lêste eigener-biwenners fan Great-Ropta.

Hat it libben fan dizze frou sa syn hichten en lichten, mei har giet de gloarje fan it Roptahûs nei de bidelte. Skuorren komme der yn 'e muorren. De byntwurken formôgje. Slot en lân binne net mear op inoar oanlein.

Yn 1711 binne de erven fan Frouwe Theodora Louise von Sternsee eigener, en brûker is Cornelis Dirks dy't Ropta State mei 38 pounsmietten lân ynhiert, wylst hja it hoarnleger fan ûngefear 15 pounsmiet sels brûke. Yn 1721 brûke Johan de Wolff c.s. dit allegearre sels wer en op 1731 fine wy wer forskate brûkers oanjown. Sa skriuwe wy nou 1731. De maertmoanne is yn 't lân kommen. It is ien libben en bidriuwichheit. Mar it duorret net lang. Hwant it is net it libben fan de opbou, mar fan de delgong. It brekizer fan de sloper wurdt hjir towurk

set. It dak wurdt delhelle, muorren omramaeid. De bynten, nei't hja efkes neaken de loft ynwiisden, komme mei in plof nei ûnderen. It gebou, dat hjir hûnderten en hûnderten jierren stien hie, nou fornijd en dan bytrutsen, de wiidforneamde, bûten-gewoan sterke steatlike Stins falt, om nea wer to forriizgjen. Grêften wurde sljochtsmiten, beammen útroeid. Allinne de poarte mei de falbrêge bliuwt bistean.

6. De lêste twahûndert jier

1731.

Johan de Wolff hat net folle mear om by to setten. Hy lit de boel forkeapje. De 2e en de 16e april hat it spul op buorden west, de 30ste is 't finale tawizing. Jarich Georg van Burmania, Gemme Onuphrius van Burmania en Hobbe Ezaïas Ulbe van Unia wurde keapers fan:

1. in hoarnleger: Great Ropta, 15 pounsmiet mei in stim op it kohier;
2. in hoarnleger: de Lip, 8 pounsmiet ek mei in stim op it kohier; en
3. in hoarnleger: de Pelfinne oan 'e Sûre Ie, sawn pounsmiet, wer mei in stim op it kohier.

Hwerom wurdt dy stim op it kohier der sa by neamd?

Dat siet sa. Fan âlds lei it stimrjocht, earst yn saken fan 'e tsjerke, letter ek dy fan it rjocht en de steat fêst op 'e groun, it grounbisit. Yn 1640 hat men in Reglemint op dizze saek gearstâld en yn 1698 dit ris wer neisjoen. Hjir stie û.o. dit yn:

„De stemmen van plaatsen, waarvan de landen verscheurd of verkocht waren, zouden worden gerekend te liggen op de hoarnlegers”.

Handich waard fan dit kêst gebrûk makke. De forearm ealman koe syn lân forkeapje, mar hy hâldde likefolle stim yn it kappittel.

It hoarnleger stom; soms waard der in lyts húske op timmere, it saneamde stimhúske.

It is de Hearen van Burmania binammen om de stim to rêdden,

hwant it folgjende jier 29 maart 1732 forkeapje hja de 15 pounsmiet fan Great Ropta wer. Dêr wie ek in hús op boud en Albert Douwes wurdt keaper, mar ien heal pounsmiet is útsûndere, it hússteed fan de Stins, dat plakje groun mei de stim hâlde se oan har sels. Yn 1738 wurdt Mefrou Unia en 1748 Mefrou Burmania as eigenaresse fan dit heal pounsmiet oanjown. De Hear Gemme O. van Burmania wurdt oanjown as eigener fan 6 pounsmiet, frij grif fan A. Douwes koft, hwant fan dizze wurdt nou oanjown dat hy bysitter is fan 8 á 9 pounsmiet. Folslein rêstich wie de Hear van Burmania net yn syn bisit. Yn 1748 waard der hjir en dêr reboelje makke. It folk koe him net rjocht mear nei de Hearen skikke. Hja seagen ek, hoe't der mei de stimmen hannele waard. Binammen yn 'e Dongeradielen kaem der forset. Doelisten neamden hja har sels. Har doel wie om to kommen ta mear frijheit foar de mindere man. Yn dy tiid sette Lútsjen Jelles it tsjin de Burmania's yn 'e kant. Hy spriek it eigendomsrjocht fan Hear Gemme oer dy 6 pounsmiet tsjin. Mar it joech him neat. Doe 't it hegerop bisocht waard, moast Lútsjen it glêd forlieze. Mar der bleau hwat sitten. Mooglik is it oan sokke dingen mei to witen, dat de grêfstiennen fan 'e Sternsee's yn 'e Mitselwierster tsjerke yn 1795 tohavene waerden!

It hoarnleger bleau yn 'e Burmania's famylje oant 1836 ta. Mar mei de Reboelje fan 1795 rekken hja it stimrjocht kwyt. Doe rekke de aerdichheit der ôf. Nou stiet mounehûs en mounedêrre.

Foar dat hoarnleger stie oan 1769 ta it iennichste oantinken oan 'e foarige greatheit. It wie de poarte mei de falbrêge. Mar hy waard minder en om him op to meitsjen, hie gjin sin. Sa falt it lêste oerbliuwsel ûnder hannen fan 'e sloper. Yn 1749 hat Albert Douwes 8 pounsmiet yn eigendom, yn 1748 wurdt 9 p. opjown, yn 1780, sels yn 1818 fine wy Bysitter Douma, grif in soan fan Albert Douwes, dy't in fan oannimme moast yn 'e Napoleontyske tiid, as eigener oanjown. Yn Ao 1828 is dit J. Alberda, yn 1850 Jhr. Mr. Daniël de Blocq van Haersma de With, wylst 1850 de 6 pounsmiet dy't salang yn 'e Burmania's

famylje west hie, oergien is yn hannen fan 'e eigeneressen fan Lyts-Ropta, Tryntsje van Eisinga-Witteveen en Tetsje Witteveen.

Nochris geane wy nei 1731 tobek.

Ek Lyts Ropta, de pleats fan 106 pounsmiet wurdt troch Johan de Wolff forkoft. Jhr. I. Golstein wurdt eigener, en Wicke Tomas hiersman. Mar al hie de Sathe wol in stim. Jhr. Golstein mocht dy net útbringe. Hwant Golstein wie Roomsk, papist, lyk as it yn it Florenkohier stiet.

Yn 1785 forkeapje de Erven Golstein har bisitting foar in diel oan Mr. Jouwert Witteveen, dy't yn Mitselwier notaris is en tefens siktaris fan ús boargerlike gemeente. De pleats bislacht nou 76 en in heal pounsmiet. It oare diel komt as los oan 'e man.

Tsjintwurdich bistiet Great Ropta út trije huzen en de mounne. In mounehûs mei skuorre, dy't yn de tiid fan Siger Kits der by boud waard, in arbeidershûs, en in gerniersspul, grif op it plak dêr't Albert Douwes wenne, mei Sjouke G. Swart as eigener. Nei in pear jier ûntdiek Swart yn syn gerjochtichheit noch in fan stien opmitsele put, in goed mansels djip, dêr't er in tûzen stien út opbriek.

Fan Lyts-Ropta waard de huzing yn 1789 forboud; lang is de pleats yn 'e Witteveen's famylje bleaun, mar yn 1912 is it spul forkoft; doe is 't útinoar rekke; de huzing mei 18½ pounsmiet lân waard it eigendom fan de Hear Wiger Wigers Holwerda Jr., dy't fan dy tiid ôf hjir wennet.

Op de úlebuorden binne elk twa wynhounen útsnijd, mei de koppen yn 'e hichte nei de hazze dy't op it timpeltsje draeit.

7. En har grêf is by ús

Heech en dreech stiet de Mitselwierster tsjerke op 'e krún fan 'e terp dêrre. Yn dizze tsjerke binne de grêfsteden fan de leden út 'e famyljes, dy't wy op Ropta wenjen seagen.

Fiif greate dûbele stiennen dogge útwizing oer de griene tiden.

Hja lizze yn it gongpaed. Hja dekke de grêfkelder fan dizze aedlike famyljes.

De earste stien by de doar stiet oars neat op útbeitele as allinne yn it middenstik in krâns- of blomornamint.

De twadde hat lêzen op stien, mar is net maklik mear to ûnt-siferjen.

De tredde jowt ús de namme fan Fokke Ropta oan, dy't mei Graets van Eysinga trouw west hat om 1500 hinne.

Fan de fjirde wurdt hjirjonken in tekening jown¹. Dizze wiist oan dat hjir û.o. bigroeven lizze Fokkes soan Worp van Ropta, Grytman fan Dongeradieel o.z., dat is oastlike side fan de Peasenser feart, en syn frou Bieuck van Aebinga.

Yn it midden hawwe oanbrocht west de wapens fan Ropta, Eysinga, Aebinga en Jepma; de Revolúsjemannen hawwe dizze wapens der ôfbeitele.

Der stiet ek noch op dizze stien: anno '57, grifferrôch om oan to jaen, dat yn 1557 dizze stien dêr lein waard.

Op de fyfte en lêste stien sjocht men ûngefear yn it midden in ridder ôfbylde yn 't harnas; helm en hânwant lizze oan syn fuottenein. Njonken him in frouspersoan, dy't fan 'e hals ôf oant de groun ta foar in keatling hat to hingjen. Beide binne yn biddende hâlding en krapoan libbensgreat.

It ranneskrift jowt oan, dat hjir de „bigravenis” is fan Herr Christof von Sternsee R. K. M. Hauptman zu Harlingen en fan „Frau” Kunera von Sternsee, dochter van Ropta. Ek fynt men op dizze stien, útsein de alliânsje-wapens Sternsee-Ropta, de 4 kertieren fan elk fan harren. It binne fan de man de wapens fan heit en mem, oarreheit en oarremem, to witten Dolocher, Hagen, Sternsee, Sigersdorf en allyksa fan de frou: Eysinga, Mockema, Ropta, Aebinga.

Under oan 'e stien stiet:

Anno 1637 de 4 Januari is gestorven den . . . Bocke von Sternsee out 64 jaar en leit hier begraven, Anno

¹ Dat wol sizze yn de oarspronkelike útjefte fan Ropta, syn mounne en skiednis, 1937.

1641 den 20 Aprilis sterft de . . . Catharina van Heerma syn huisfrou out in haar 63st jaar ende leit hier begraven.

Yn de Frânske tiid mienden de lju fan de frijheit, gelikens en bruorskip dat der foar de titelatuer fan dizze minsken, dy't al sa lang forstoarn wiene, gjin reden mear wie; dêrom hawwe se dy dêr soarchfâldich ôfkappe en ek hast alle wapens danich skeind.

Nou leit der to Harns yn 'e tsjerke hast krekt en allyk in stien, mei frijwol itselde opskrift. Hwer binne dizze lju nou byset: to Harns of to Mitselwier?

Foar 't neist wurdt tocht, Frou Cunera, dy't earst forstoar, en wol to Harns, is dêrre yn 'e grêfkelder byset; letter, doe't von Sternsee it ôflei, waerd har kiste, tagelyk mei sines nei Mitselwier forfierd, om dêr yn it âlde famyljegrêf plak to finen. Hwant it stjerjier fan Sternsee is net op de Harnzer, mar wol op 'e Mitselwierster stien oanbrocht.

Lykwols, doe't 18 novimber 1915 de grêfkelder iepen west hat, ûnder lêstopneamde twa stiennen, waerden der nei't men oan-naem gjin geramten fan de Ropta's foun, mar trije kisten, gâns forgien, hwerfan yn de iene in koperen plaet lei, dêr't opstie dat hjir byset wie Mr. Johannis Casparus Bergsma, û.o. Dykgraef en Utfanger fan Eastdongeradiel. Dêr soe men út bislute kinne, nei de Ropta's en de Sternsee's hawwe de Bergsma's de kelder yn bisit nommen, nammentlik troch oankeap fan de Burmania's.

Lingte fan dizze kelder 4,71 m., breedte 2,15 m., hichte forwurf 1,50 m.; de stiennen trep hat 8 treden en is 1,10 breed. Dizze trep leit ûnder in flakke sarkstien, dy't men fynt tusken it tredde en fjirde grêf yn.

Sa bigjint de skiednis fan 'e Ropta's yn 'e skimertiid en einiget yn 'e tsjusterens fan it grêf.

JOUNTYDSSTILTME

Nou leit de blanke stiltme
Har seine oer it gea,
En mingt hja stjerreflûnker
Mei 't lêste jountiidsrea.

Hja jit út fine skealen
Har wite dauwe oer 't gers,
En makket fan de himel
In heech paleis fan glês.

Hja berget yn 'e beammen
De fûgels en de wyn,
En de ierde hâldt sa dimmen,
Sa from de siken yn.

Hja strykt mei teare hannen
My oer 'e holle sêft,
En biedt fol inglemyldens
De bodder nije krêft.

Nou giet de goede stiltme
Gol groetsjend oer it gea,
En suvert yn myn siele
Ta tank myn bange bea.

Grifformearde Frysk Tiidskrift - 1937, j.g. 6, nûmer 7.

159. HY WIT FAN HALD NOCH BOEI
(By it kriemen fan de hynsders; lofts is hâld en rjochts is boei. Bidoeld in domkop, dy't fan rjochts noch lofts wit).
193. IMMEN OER DE HIKKEL HEIJE.
(Flaechs wurdt oer de hikkel helle om de knoppen der ôf to heljen. Dus skerp oer immen oardielje).
314. HY DRAECHT LEAVER DE LINS AS IT TSJEL.
(De lins is in lyts stikje izer, dat it tsjel op de as hâldt. It slacht op immen, dy't om it wurk hinne rint).
419. IMMEN DE POARTTEAM OANLIZZE.
(In swiere team om in wyld hynder yn bitwang to hâlden. Ek sa foar in minske).
455. IT OP 'E RONGE SLEPE LITTE.
(De rongen binne de speaken op in âlde boerewein, dy't de sydberjes tsjinhâlde. Dizzen moatte frij draeije kinne, oars sleapt it. Eat der op oankomme litte).
490. IT KIN BETTER FAN DE SKEAF AS FAN DE BAN.
(As in rikenien in pear goune krytrekket komt lang sa bot net oan as by in earmenien).
552. MEI IN STRIEWISP OP IT GAT RINNE.
(As men hwat to keap hie sette men it wol by de wei mei in bosk strie. Ek fan in widdou, dy't fornimme lit dat sy wol wer oan de man wol).
561. IN GREAT SWE SLAEN.
554. HY IS STRINGKIDELICH.
603. TUIKE MOAI SPYLJE.
648. HY STIET EFTER YN DE WURDZE.
(Hy docht it swierste wurk)

*Ut in samling Fryske Sizwizen,
gearstald fan Wybenga en J.
de Haan, Snits - 1939.*

Nou steane se wer yn it bûthús
Sa waerm en smûk op 'e stâl,
De bisten, dy't nou net mear klûm'rje
Yn 't lân op 'e kant fan de wâl.

De keatlingen krieze gesellich,
De sturtlinen slaen hinne en wer,
Dat binn' de biwende lûden
Fan jierren en tiden her.

De geur fan de kouwewazem,
Fan hea en fan strie en fan foer,
Toraend ta de wielde fan swietrook
Is suver de lucht foar de boer.

En lizze hja middels to kôgjen,
Dan azemt alles fan fré,
Dan lizze op 'e rige de rêgen
Fan 't glânzgjende swartbûnte fé.

De boer sjocht by heafek of golle,
Of sit op 'e bûthûsbank —
En as er syn skatten biskôget,
Dan tilt him it herte fan tank.

Al lizze de lannen forlitten,
Al klaget de wyn om it hûs
En klettert de rein op de ruten,
Hjir binnen is nocht by de rûs.

O, bûthús fol fleurige bisten,
Dou lytse, mar libbene wrâld,
Hoe hat hjir de helte fan tiden
De wolstân fan Fryslân syn hâld!

*Dokkumer Krante, d.d. 21-11-1939.
P. Terpstra: Fryske Folksdichters - 1945.
Karsamling: Ljocht oer it fjild - 1950.*

IT LAN OM

De frisse wyn strykt wer oer 't fjild,
Fan profesijen fol;
De greiden lizze ljocht en grien,
De bou wurdt wyt en krol.

En by it lingjen fan de dei
Mei ljochte sinneskyn
Seit nou de boer, sjocht hy op 't lân:
„De ploege moat der yn”.

De hynders komme fan 'e stâl,
Hwat stean har noasters wiid!
Hwat stean hja trapkjend op it hiem:
Dit is de nije tiid.

Sa stekt de ploechfeint der op út,
Nou giet it nei it lân
En giet it rêd, de jaling rêst
Wol yn in fêste hân.

Dêr stiet er al op 'e ekersein,
Sjocht efkes yn 'e wyn,
Dan mei in „fuort”, „tobek” en „hou”
Slacht hy de hynders yn.

Hoe gouden is de sinneskyn,
Hoe koel en klear de loft!
Hoe giet it al mar op en del,
In moaije lange skoft.

Hwat spant de spier, hwat set dy poat,
Hoe stevich stapt it span,
Hoe fielt it him fol krêft en kriich:
Hoe fleurich is de man!



S. E. Wendelaar Bonga, foarsitter Kristlik Selskip foar Fryske tael
en Skriftekennisse, periodyk sûnt 1927

Hoe lûkt it hynder oan de string,
Dy't him as getten sit;
Hoe slacht de damp him fan 'e lea,
Hwat blinkt dat waerme swit!

En mei de ploegesturten beet
En mei syn „boei” en „hâld”
Bistjûrt de ploeger sterk en kras
Syn hynders op syn wrâld.

En 't is mei nocht as hy op 'e ein
Syn spâlt en stryk bisjocht;
De ekers lizze roun en fol
De fuorgen rinne rjocht.

En as de klok seis ûre let
En 't span it oerjaen moat,
Dan rêst it maklik, hwant der is
in hiele lape swart.

*Dokkumer Krante - april 1940.
P. Terpstra: Fryske Folksdichters - 1945.
Karsamling: Ljocht oer it fjild - 1950.*

DER LEIT HWAT OER

Dêr leit hwat oer it iepen fjild
Ik wit it net to neamen;
It hat hwat yn fan bannich wurk,
Mar ek fan rêstich dreamen.

It hat hwat yn fan sinnegoud
Mei dauwe en damp trochweve,
It hat de fûgels dagen al
Oer fear en wjukken sweve.

't Kin moarns ek yn 't Sint Elmusfjûr
Op dûnk're modder blinke,
It kin yn de earste speten al
Oer 't hoare melklân klinke.

It is yn 't kommen fan de dei,
Yn 't ljochtsjen fan de dage,
It glinst'ret oer de stille wei
En 't glimket yn de hage.

't Leit op 'e kleur fan 't stoppellân
Bigroeid mei griene klaver,
En by de hikke op 't rêstich stal
Fan de oars sa gleone draver.

Itselde is om 'e rjappelbult
Mei reid en modder dutsen,
En 't hat it reidleaf yn 'e sleat
Sels mei syn tsjoen bisprutsen.

It hinget yn 'e hege loft,
Dêr't skiere wolkems geane,
't Is yn 'e beammen fan it hôf,
Dy't sleau to dodzjen steane.

't Is in gefoel, in klank, in ljocht,
Wol swak, mar net to dwesten;
It jowt him moarns yn 't Easten op
En reizget mei nei 't Westen.

't Is yn 'e sfear fan 't âlde honk
Dêr't wy ús deljaen kinne,
It sweve as op inglewjuk
Sêft treastgjend om ús hinne.

It lit him as in wûnder wurd
Fan rêst by risping lêze; —
Dat toverwurd, dat tsjoenderswurk,
't Sil fan de hjerst wol wêze.

*Dokkumer Krante, d.d. 21 okt. 1941.
Karsamling: Ljocht oer it fjild - 1950.*

NEED EN NOED

De winen rûzje
Mei wyld gebear
En stûfe stjitten
Om hûs en hear.

De wolkems jachtsje
By wetterglâns
Fan feale moanne
De loften lâns.

De beammen skodzje
Oant yn 'e groun;
De blêdden draeije
It hiem yn 't roun.

De boer wurdt wekker,
Fornimt gedrûs:
O né, it doocht net
Dêr efterhûs.

Dêr wit er 't wurk wol
Fan westerwyn:
It tek opstopple,
In gat der yn.

O helje in ljerre!
Nei boppen, gau!
Bidek dy iepning
Mei 'n eide en tou.

De wolkems jeije
Yn tommeljacht,
Wylst him in heilbuoi
Om de earen slacht.

It gat bidutsen;
Hwat lok, dat 's klear!
Dochs komt fannacht fan
Gjin sliepen mear.

Sa beare en liede
Mei gjalpen wyn
Novimberstoarmen
De winter yn.

Karsamling: Ljocht oer it fjild - 1950.

LAN

In hyp, in hap, hwat skean, hwat rjucht,
In hichte, in leech, in âld gehucht.

In feart, dy't hûndert kronkels hat,
In reidwâl skier, in terpke swart.

In hûs oerlâns, in hok oerdwers,
In tún hwat skurf, in hôf yn 'e es.

In krûme wei, in skranke reed,
In wylgenbeam, in âld hússteed.

Hjir by in hoeke in bocht hwat skerp,
't Profyl fan in forgroeven terp.

Yn 't roun hwat tuorren, spits of stomp,
Hwat boerepleatsen kant of plomp.

Hwat huzen nei tsien moaden boud,
Dochs, helder, kreas en wolbitroud.

Hwat greide en bou, hwat klaei en sân;
Lykwols, dit lân ús eigen lân

Dêr't groede oer giet en glâns oer leit
Dy't ús syn harmonije seit.

Karsamling: Ljocht oer it fjild - 1950.

TELTSJES UT US HOEKE

Yn myn jeugd wie it Frysk hjir mar in bytsje yn tel. Fansels
praetten de lju it en ek goed suver, mar dêr wie it dan ek mei
dien. Dochs wier der ris in inkeld Frysk ferske yn 'e omwanling.
Dat wie ienfâldich spul, mar dêrtroch faeks hiel nei it libben.
Hjir folget in inkeld:

Suze nane

Suze nane poppe,
't Kealtsje leit yn 'e groppe,
Heit en mem sa fier fan hús
Kinn' wy noait biroppe.

Tryn yn 't spyn

Tryn, yn 't spyn,
De kou moat kealje;
Hast' gjin tou dan moatst gûds helje;
Is der dan gjin tou to keap
Helje dan mar 'n eintsje reap. —

It ferske by it slaen op 'e bast fan in wylgetûke, om dy los to
krijen en dêr in fluitsje fan to meitsjen, wie sa:

Douwe,
Mûs yn 'e mouwe,
Kat yn 'e kiste,
Douwe neat fan wiste,
Douwe krige it skerpe mës,
Sloech it keal de kop ôf,
Heal ôf, hiel ôf,
Fluitsje, fluitsje floech der ôf.

It moantsje

It moantsje skynt sa helder,
Al yn de boer syn kelder,
Al yn de boer syn koai;
O, hwat skynt dat moantsje moai.

Berneriedling

Hûnderttûzen douwen
Kamen 't lân oerstouwen;
Hja makken in kape,
Sûnder lape, (ek: Fan hûnderttûzen lape)
Sûnder nuddle en sûnder tried;
Is dat net in moai douweried?

Oplossing: de snieflokken.

¹ „Ald Goud is in rige artikels yn de Dokkumer Krante - 1947. In diel
fan dy artikels wie publisearre yn it Heitelân - 1941.

Ferske by it riden fan 'e bern op heite (of pake') knibbel:

Hop hop hynke,
Nei Ljouwert om in pynke,
Nei Snits om in witebrea,
Dan jeije wy al ús hynkes dea,
Op ien nei,
Op twa nei,
Op ús lytse kêddeman nei.

en:

Fuort âlde guds, nei Dokkum ta
Om in stikje koeke;
Hwat sill' wy dan op reis ha?
Brandewyn,
Mei sûker der yn;
En dan werom nei hús ta.

en:

Din, din, din,
Sawn lytse pykjes en ien âld hinl

De koekút

De koekút is in loaze gút
De gielfink bret syn aeijen út.

Martsjemuoi

Wy sieten op 'e dyk,
En lapen ús hoazzen en skuon tagelyk,
Doe kaem dêr in weinfol folk oan riden,
Dêr gyngen wy mei nei Martsjemuoi ta;
Martsjemuoi siet to spinnen
Al om de kost to winnen.
Doe fregen hja oft hja mei ride woe
Hja sei doe fan né en hja miende fan ja,
Doe smieten se har in grou bôle ta.

Hjir in fariaesje fan, is sa:

Ik siet op 'e dyk
En stoppe myn hoazzen en skuon tagelyk,
Doe kaem dêr in weintsje fol folk oan;
Dy fregen my oft ik meiride woe;
Ik sei fan né en ik miende fan ja,
Doe smieten se my in grou bôle ta;
Dêr gyng ik mei nei Metsjemuoi ta.
Metsjemuoi siet to brijomrieren;
Dêr sieten de berntsjes by to gieren;
En Metsjemuoi krige de jelnestok
En jage de berntsjes yn 'e skieppehok.

It skynsel yn 'e tsjerke

Op in doarp hie de skoalmaster syn wiif forlern.
Op it tsjerkhôf wie masterske biïerdige. Alle lju dêrre hiene it
dêr mei to dwaen, hwant it wie in bêst minske.
Sa ek de hounegiseler, dy't altomets de klok yn 'e toer opwine
moaste. Op in jountiid wie er wer nei boppen.
Doe't er syn wurk dien hie, seach er efkes oer 'e tsjerke.
Wûnder, dêr wie in frommes yn tsjerke. Foarsichtich kuijere
dat minske it gongpaed lâns. Hy seach en seach yn it heal-
tsjuster en - it koe net misse: dat wie masterske, masterske dy't
op it tsjerkhôf lei. Krekt en allyk as hja yn it foarige it gong-
paed wolris lâns kaem, die hja it nou ek.
O, freeslik! Hwat waerd de man kjell! Hoe't er wer út 'e toer
kaem, wist er letter sels net ienris, mar hy wie der de hiele joun
slim fan út 'e liken. Hy praette der fansels mei master net oer,
hwant hwat soe de man der fan tinke moatte?
Mar in deimannich letter, dêr wie wer itselde forskynsel: Mas-
terske kuijere suver lykas by âlds it gongpaed lâns.
Letter alris wer, faker as ien- en twakear. Dat de man koe der
him langer net stil oer hâlde. Hy sei it tsjin master: sa en sa.
„Jonge”, sei master, „dan moast ik mar ris mei jo yn 'e toer, as
jo de klok wer opwine moatte.”
Dyselde jouns gyng dat noch oan.
De beide mannen yn 'e toer en sjoch, dêr wie 't wer sa: master-
ske kuijere it gongpaed del. Efkes seach master tige forheard,
mar hy wie der gau oerhinne. Forheftich rôp er (yn 't Hollânsk
fansels): „Wat doet gij hier, duivel, in de gedaante van mijn
overleden vrouw?”
Wei wie it skynsel en it hat him nea wer sjen litten!

It mansboppe-ein

Alde Reitse wie op 'en paed. To Wetsens yn 'e Grytmanslannen.
It wie jountiid, moai moanneskynwaer en de dauwe kaem út 'e
sleatten.

Dêr, oan 'e oare kant fan 'e sleat: in boppe-ein fan in manspersoan. Dat sweefde dêr njonken him sa hurd as hy gyng. En dat gyng hurd, hwant hy meat der út, net sunich!

Alhielendal efter de pûst kaem er thús.

Mar, dat er dat skynsel sjoen hat, is him dochs neat fan oerkommen.

*It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nr. 5.
S. J. van der Molen: Der waerd wol sein, s. 32,
ûnder: „Persoanlike spûkerijen”.*

It wite hynder

In ein efter Ljussens, oan 'e Dykster wei, wennen in pear minsken, dêr't de frou fan slim siik wie.

Ien fan har buorwiven wie mei in helm to wrâld kommen.

Dy koe lykstaesjes sjen fan minsken, dy't ridlik gau forstjerre soene. Hja kaem yn dy tiid by de boerinne har folk. Hja wiste, it minske soe stjerre: hja hie har lykstaesje wol sjoen, dy en dy nacht. En hja soe nei 't tsjerkhôf tariden wurde, mei in wyt hynder foar de lykwein.

Dat fortelde hja dan ek oan de omstanders.

„Dan sille jo wol missjoen hawwe”, seine de minsken, „hwant wy sels hawwe gjin wyt hynder, ús buorlju ek net en der is hjir yn 'e hiele omkrite gjin wyt hynder to bikennen.”

„Nou, siz hwat jimme wolle, mar ik haw dúdlik de famylje sjoen en der stoep in wyt hynder foar de wein. Net oars.”

It koe net, tochten hja, en dan soe de boerinne ek wol net stjerre. Lykwols, it kaem oars út: de boerinne stoar al.

Mar dat fan it wite hynder soe dochs wol net útkomme, ornearren de minsken, hwant hjir wie gjin wyt hynder en boppe-dat, hja koene op 't lêst sels witte, hwat foar in soarte fan hynder hja foar de lykwein ynslaan woene.

It dûnkere hynder fan buorman kaem dan ek foar de lykwein. Mar wûnder wie 't: it wie oars sa'n mak bist, mar foar dit kear hie it folslein de kolder yn 'e kop.

Hoarte en skuorre, it gyng der om wei: nou mei greate spron-

gen en dan wer pal stilstean, men hie 't noch nea sa mei it bist bilibbe.

De fuorman, oars in túken hynderman, wie suver syn rie to'n ein. Hja wiene in eintsje de reed út, doe moast it ophâlde.

Sok ûnearbiedichs paste dochs yn it minst net by in deade?

Hja it hynder útslaen njonken in boerehuzing. Doe ien fan harren nei dizze buorman ta. „Oft hja buorman syn hynder ek foar de wein krije koene: harres wie abslút stapel!”

„Goed, ik sil daliks mei mines komme.”

En hy kaem . . . mei in wyt hynder. Dat hied er dy freedts fan tofoaren fan Ljouwert helle. De minsken wisten noch net ienris, dat er in nijeap hie. Hwat seagen de neibisteanden allegearre nuver op; lykwols hja koene yn dizze omstannichheden net wegerje, dat buorman syn hynder foar de wein sloech en der mei nei de buorren ried.

Sa waerd it lyk dochs noch fan in wyt hynder nei it tsjerkhôf brocht.

*It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 5.
S. J. v. d. Molen: Frysk Sêgeboek, s. 297.*

Lykstaesjes

In nachtmannich foar immens forstjerren gyng syn lykstaesje de wei al lâns nei it tsjerkhôf ta. Midden yn 'e nacht wie 't en ûnsichtber foar gewoane minsken. Wie der dan immen op paed, dy waerd samar oan 'e kant reage. As it op 't slimst bisloech, kaem er noch yn 'e bermsleat tolânne. It wie jin dan ek oan to rieden en gean by nacht sa deun mooglik by de berm lâns, dan hie men de minste kâns dat men in rare smet krige.

Mar minsken, dy't mei in helm berne wiene, seagen dy lykstaesjes wol en gyngen fansels earbiedich oan 'e kant stean. Kaem in lykstaesje deun by it hûs fan sa 'n soarte fan minske lâns, dan wie der gjin forwin op, sa'n persoan, itsij manmins of frommins, moast fan 't bêd, de wei út en sjen, hoe't de bigangel gearstâld wie. Dan seach er de deakiste en hy koe út 'e persoanen, dy't it lyk folgen, opmeitsje, hwa't der forstoarn wie.

Sa'n helm hie it bern oer it efterholtsje as it to wrâld kaem.
 Dy skynde út in blauwens. De baekster - of de dokter, mar dy wie der yn dy âlde tiid net sa faken by - strúpte dy helm fan 't holtsje ôf. Die hja dat foar it bernegesichtsje lâns, dan seach it bern fansels efkes neat. Mar dit neat-sjen wie dêrmei ek fan gefolgen dat it letter neat wûnderbaerliks to sjen krige. Mar waerd it flueske efteroer helle, - en dêr wie de measte kâns ta, it hong dy kant al út - dan waerd it in „heldersjend” minske, dy't yn letter libben by nacht lykstaesjes to sjen krige. Ek op oare manearen waerd it forstjerren oankundige: Alde roeken en waerûlen skrasen aeklik. Der waerd wakker mei de klokstouwen omramaeid. Yn it baerdehokje (bierhokje) gyng it der om wei. By in skuonmakker waerd der nachts yn syn keammerke mei skuon en leaten omsmiten. Hounen koene tige spoekgûle.

It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 6.

Plakken mei skynsels

It Jellegatshout forboun yn it foarige it fuotpaed fan It Heech ûnder Wetsens mei de Grytmanslannen. Dêr lei by 't jountiid faken in pleachbist, in ding as in skiep mei greate, lange earen. Smiet men him in stik brea ta, dan die er jin neat. Oars kaem men net oer it hout. Ek tusken Wier en Nes wie wol gauris sa'n bist. Dat wie ek in brea-iter. Joech men him neat, dan fleach er jin oan. Oer de âlde haven by de Nijehústerpiip to Nijewier lei foarhinne ek in hout. Jouns by dûnker kujere dêr gauris in juffer oer. Hja hie in spaensk-reiden frouljuskuorke yn 'e earm. Hja tippele dan wol in kertier fierder. Men seach har ek faek op it stik greide fan de efterste slop-en-taei ûnder Nijewier. By it Foarmersset, dêr tichteby, roun by't jountiid in manskeardel. Dy hie in jûk op 't skouder. Oan de iene heak hie er in tsjettel en oan de oare in koer.

By de Stjelpsreed ûnder Nijewier seach men faken in strúpte hynstefolle.

By in Nijewierster boer draeide nachts wol gauris de tsjernmoune. Der wiene wol feinten, dy't dêrom allinne it net by dy boer úthâlde koene en de tsjinst opseine.

By in oare boer hearde men faken, dat der trije man oan it terskjen wiene.

Yn 'e greiden efter it Foarmersset sweefde wol gauris in wylde lantearne.

*It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 7.
 S. J. v. d. Molen: Frysk Sêgeboek, s. 487,
 ûnder: „Loftgeasten”.*

De striid mei de kweade

By de Blauwe Daem ûnder Peazens hat yn it foarige op in lytse hichte in hûs stien. Ien man wenne dêr yn.

Dy man hie it nachts wol gauris mei de divel to krijen. Dan fochten hja togearre. It gyng der alderdusdanichst om wei.

As dy man dan oan de winnende hân wie, sei er: „Ik kin 't hâlde!”

Mar as dat net it gefal wie, rôp er: „O Heare, help my!”

Sa gyng it hinne en wer yn dy striid.

Dat hûs is der lang al wei. Mar sûnt dy tiid hat it by de Blauwe Daem altyd spûke.

*It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 9.
 S. J. v. d. Molen: Frysk Sêgeboek, s. 517,
 ûnder: „Duvelseagen”.*

De divel ynwindich

Der wie ris in minske dy't tsjoene moast, om't hja mei de Kweade yn forbining rekke wie. Hja wie der sels faken aeklik fan. Hwant hja hie de divel yn har binnenste.

Op in kear hie hja it dêr wer tige mei to krijen.

Doe waerd hja mislik, hja koarre der fan. En doe spijde hja it

út. Suver oft it in slak wie. Mar dat wie de Satan yn it stal fan sa'n bist. Hja wie de Kweade kwyd, waerd wer better en hoegde sûnt dy tiid ek net wer to tsjoenen.

*It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 9.
S. J. v. d. Molen, Frysk Sêgeboek, s. 519.*

Foarsizzingen

¹ In boeredochter seach op 'e merk yn de swarte spegel. Hwat yn dy spegel forskynt, biskiedt oer jins letter libben. Dy jongfaem seach dêr skuon en leaten yn. Hja bigriep der neat fan, hwat dit to bitsjuten hie. Letter waerd it har dúdlik: hja troude mei in skuonmakker. Mar har heit, yn syn boereheechheit, wie dêr tige lulk om. Dy hat har folslein ûnturven. Hwant de âlders hiene neist in hûndert jier noch de macht om de bern it goed net ta to meitsjen. Dat wie de straffe, hwant wy meije net yn 'e swarte spegel sjen.

² In jongfaem út Peazens liet har by in âld wiif wiersizze. De foarspelling wie sa: „De feint, dêrst mei bist, silst' net krije.

In oarenien, dy't wol gauris by jimmes komt en ek wolris gekheit mei dy hat, sil mei dy trouwe. Der sil in greate slach oer jimme doarp komme en de minsken sille allegearre yn it swart gean.

Op dyn âlde dei krigest' it noch bêst. Mar ast' in gouden earizer opsetste, silstou gau stjerre.”

It is allegearre sa útkommen.

Hwant har feint kaem ta ynkear yn syn libben en miende, dat er doe net mear by de froulju paste. Hja troude letter mei har byorfeint, dy't fansels wol ris by har heit-en-dy kaem. De Peazumer en Moddergatster fiskersfloat (it wie yn 1883) forgyng sa binei alhielendal en dêrtroch kaem der in greate rouwe oer it hiele dorp.

³ To Dokkum sil de Trijepypster iisbaen nochris ynfalle. It helpgerop fan de fordronken mannichte is dúdlik heard wurden. Mar it is noch net neikommen.

*It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 7.
De middelste ek by S. J. v. d. Molen:
Der waerd wol sein, s. 71.*

It boaze each

De Peazumer fiskers koene wer binnenkomme fan 'e reis op sé. Froulju en bern seagen dêr al wakker nei út.

Twa fiskersfroulju trapen by de dyk del om to sjen, oft de skippen hast yn 't sicht kamen. Hja gyngen op 'e hûken sitten. Dan koene hja safolste gauwer de skippen oan de kym ûnder-skiede.

Wilens hja skerp oer 'e weagen dikerren, loerde de iene de oare sa fansiden oan. Mar dat waerd foar dy oare it ûngelok. Hwant de iene hie in boas each, hja stie yn tsjinst fan de Kweade.

Opslach rekke it minske raer út oarder. En dat bleau ek sa, in hiel set nei't de float feilich en wol wer thús wie.

Der waerd al tocht, hja koe wol bitsjoend wêze.

Mar hoe en troch hwa?

Harren tocht, de divelbanner moast der mar ris oan to pas komme.

Hja dêr hinne. Sa en sa. De man fan Kûkherne wist it har allegear krêkt út to lizzen. It minske hie op 'e dyk west. De tsjoenster hie har oansjoen. En sa wie hja bitsjoend rekke. Hy joech de lju in middel mei. It holp tige. Fuort dêrnei kaem de tsjoenster wer opdaegjen, mar it middel wurke sa goed, dat it kwea wiif koe gjin fet wer op har krije.

*It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 9.
S. J. v. d. Molen: Der waerd wol sein, s. 71.*

De frijmitselders

De frijmitselders hiene har sels mei lichem en siele oan 'e divel forkoft. Dêrfoar holp er har dan ek, as hja yn 'e penearje, binammen as hja yn 'e jildkrapte sieten.

Har gearkomsten hâldden hja by nacht. Oare minsken mochten dêr net komme. De divel sels hie op har gearkomsten de foarsit. Súd fan 'e Súd-Ie, tusken Dokkum en it Skieppedykje, hiene hja in hûs, dêr't hja wol gearkamen. Dat hûs waerd brekfallich en moast ôfbrutsen wurde. Op 'e púnheaven forskynde by nacht de kweade sels, dy't dêr iderkearen oan in laedtsje loek. Letter waerd dat laedtsje foun mei alle frijmitseldersark yn 't sulver der yn. Hammers en troffels en panstrikers en sok spul.

Op 'e Geast wie ek in hûs, dêr't de frijmitselders byienkomsten hiene. Letter spoeke it dêr. De faem lei wekker op bêd. Doe seach hja, dat yn 'e iene hoeke fan 'e keamer in juffer út 'e groun opkaem, de keamer skean oerstiek en yn 'e oare hoeke wer delsiigde en sa weiwaerd.

Sa gyng it faker as ienris en twaris.

*It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 10.
S. J. v. d. Molen: Sêgeboek, s. 520.*

De fleanende tsjoenster

Op in kear hiene in pear Nijtsjerkster feinten nei Eanjum nei de froulju ta west. Hja rieden de jouns let yn 'e seas werom nei hûs ta. Doe seagen hja âlde Wyske dêr op 'e wei. Dat wie in Nijtsjerkster wyfke en dy tippele ek op hûs yn. Fansels gyng it mei de feinten gâns hurder as mei it âld minske. Sa yn it foarbyriden seine hja tsjin har: „Wy binne earder to Nijtsjerk as jo!” „Dat sille wy nochris sjen,” sei it minske.

De feinten leine it hynder de swipe oer de bealch en dêr draaide it spul hinne. Mar doe't hja to Nijtsjerk kamen, sjoch dêr: âlde Wyske stie al by harres by de efterhúsmuorre. Hja moast troch de loft flein wêze, hwant in oare gelegenheit hie der net foar har west.

*It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 10.
S. J. v. d. Molen: Der waerd wol sein, s. 40.*

It bitsjoende berntsje

In pear âlden hiene in bern, dat frijhwat yn 'e pogge siet.

Yn ien wurd: it wie in tsjirmer.

Har buorfrou's kat kaem der hast alle dagen. Dat wie in hiel grou, swart bist en koe wakker mei in hege rêch by de minsken lâns strike.

Mar al hoe nuet as er like, hja koene him dochs nea yn hannen krije. Altiten, as dy kat om 'e widze hinne strúnd hie, wie it bern wer folle minder.

Op 't lêst krigen de lju der erch yn.

Grif, har buorfrou foroare har yn in kat, om har bern siik to meitsjen. Hja hiene soks wol faker oer it minske heard, mar woene dêr earst net rjocht oan. Sa gemien soe hja net wêze, tocht harren. Mar nou't har de eagen iepen gyngen, waerd it har dúdlik. As dy kat der wie, seagen hja buorfrou nea. Dat de man sei: „Wacht mar, as ik gelegenheit krij, om dy kat ris flink om to seamjen, dan lit ik it net.”

Doe in goede kâns ôfwachtsje. Dy kaem.

Poeke waerd mei in lekker kopke molke yn 'e hûs lokke, wylst de man efter de doar mei in fiks ein kneppel klear stie.

Doe wie it fan dek op, slach jo net, sa ha jo net.

Alderoatmoedichst, hwat bigoun dy kat doe to jammerjen!

Suver mei in minskelûd. De man, al hoe forwoedend hy ek wie, waerd der dochs kjel fan. Dêrom liet er poeke op 't lêst mar strike. Ien poat hied er him al kapot slein.

Hy seach de kat noch efternei. By buorfrou efterhûs waerd er wei.

De oare deis woe er ris fornimme, hoe't it ôfroun wie. Hy foarsichtich nei buorfrou ta. Dy lei op bêd. Heislik, hwat seach it minske der út.

Hja wie suver bunt en blau om 't gesicht en har iene skonk wie stikken. En hja seach him oan - o, freeslik! Krekt en allyk as dy kat de jouns tofoaren.

Hwat makke de man gau, dat er wer thús kaem!

It duorre wiken en wiken, ear't buorfrou wer op 'e lappen kaem.

Alhielendal krebintich en mei in stive skonk. Lykwols, sûnt dy tiid seagen de lju de grouwe swarte kat net wer en har berntsje waard better.

It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 6.

It middel fan Kûkherne

To Nijewier wie in bern yn 'e widze wakkere ûnsjoch.
By riten forgyng it hast fan pine. Kuijere nou de neiste buorman yn 'e stege njonken it hûs, dêr't dat berntsje wie, dan wie de lijer opslach in ein better.

Dat bern moast bitsjoend wêze, it koe net misse.

Der wiene ek krânsen en strûpen by it bern yn 'e kjessens foun.

Dy krânsen wiene gefaerlik, mar sa'n strûp noch helte mear.

Hwant loek de strûp ticht, dan wie it berntsje dea.

De minsken joegen dêrom de rie: de buorman moast ris foar de lytse pasjint nei de divelbanner ta.

Dat gyng oan, de buorman nei Kûkherne.

„Jawis dat berntsje is bitsjoend”, sei Wopke.

„Ik sil jo noch mear sizze. As jo nei hûs ta geane, dan komt de tsjoenster jo foarby. Dy wol oan deselde kant lâns gean, as jo it fleske yn 'e bûse hawwe. Mar jo moatte sjen, dat se dat net rêdt. Hwant dan is de krêft der út. Gean dus yn 'e berm lâns sa deun mooglik oan de sleatskant.”

De buorman die lykas it him hjitten wie. Doe't er in stikhinne thús wie, kaem it âld wiif der al oan. Hja hâldde op de kant oan fan syn bûse mei it fleske. Mar al hoe'n war hja ek die, hja kaem him dêr net foarby.

It gyng op it wetterwaltsje ôf, mar hy hâldde hoek.

Sa kaem er thús en hieder de krêft yn 'e medisyn bihâlden.

It Heitelân - 1941, 23ste j.g., nûmer 10.

BITINKINGSDEI ¹

Bitinkingsdei! Nou komme

Se yn rigen allegear.

Dy bylden fan 't forline

Yn heldre kleuren wer.

Nou komt wer foar ús eagen

Us âld en goed Nijwier,

Allyk it reilde en seilde

nêst mear as fyftich jier.

Der wie yn d' âlde tsjerke

Foar 't fromme folk gjin plak,

Dus moasten hja wol sykje

Oars om in ûnderdak;

Hja moasten oare spizen

Nei de âlde leare ha;

Sa gyngen de Nijwiersters

To foet nei Ljussens ta.

Nei Ljussens? Wie 't ús mem net?

Hie Veenstra dêr net stien?

Hie Eising dêr net wurke

En rjochte reden dien?

Jim kenne dizze tsjerke

Mar ek ús âld lokaal;

Dat hat in eigen skiednis

En sprekt syn eigen tael,

't Hat sont de tacht'ger jierren

Hjir yn syn ienfâld stien. -

Hwat binn' der al in fuotten

Nei 't âld lokaeltsje gien! -

De wierheidsfreonen leine

Hjir helder de earste stien.

Sa waerd hjir d' earste Pastor:
 Catrinus W. De Vries.
 'k Sjoch noch nei tsjerke reizgjen:
 Lou Haeijes Minnema,
 Klaes Vlasma, d'earste Praeses,
 En Sibe Meindertsma.
 Baes Ype, dy't hjir smid wie
 In mantsje gnep en klear, -
 En dizze fjouwer kamen
 As tsjerkeried hjir gear.
 Dan hiene jy Jan Danjels
 Dy't mei de snikke fear.
 Jan Gearts in krûme âld wrotter
 En sokke mannen mear,
 Ek Sikke, baes van Bueren
 Dy't sa'n lyts mantsje wie
 En ek mar in hiel lyts wyfke
 As hâld yn 't libben hie,
 Dan hien' jy Tsjisse Bouwes
 Dy't d'alderearste wie
 Dy't hjir yn tsjerke troude
 En mei syn Liuwkje gie;
 Dan wie dêr Douwe Jaspers
 Mei namme Minnema;
 Ek Siger Kloastra's Ymkje
 Mei 'k yn 't bitinken ha;
 Hwant 't guodlik âlde minske,
 - Hwat ha'k se skoan noch kend! -
 Forkofte blauwe prûmen,
 'k Leau, fjouwer foar in sint.

¹ Diis fers, hwerfan hjir in lyts diel, is makke by it 50-jierrich bistean fan de Griffomearde Tsjerke fan Nijewier op 20 oktober 1942. It folsleine fers is yn it Museum to Dokkum en yn de Provinsj. Bibliotheek to Ljouwert.

DE DUKER

In dûker dûkte hastich wei,
 In Dútsker siet him efternei.

Hwat hie dy earme dûker dien?
 Hie hy him gâns to bûten gien?

Wie hy in dief of moardner? - né!
 Hy dounse net for d'enesbé.

Ek wie er jong, dat joech gjin pas,
 En wie er wol fan 't súvre ras?

Hy krige gâns famylje gau,
 Hoefolle 'er dûkten stiek net nau.

Wy holpen him in hantsje mei,
 Sa wie er wei en bleau er wei.

Hy krige freonen by de rûs,
 In skûlplak hie hast ider hûs.

Dat hoe't de jager jeije mocht
 Syn wurk wie meastal om 'e nocht.

Wy loerden wolris troch it rût:
 Hwat kant giet nou dy strúnder út?

It waer sloech om en ek mar knap,
 De Dútsker rekke wer op stap.

De dûker doe't er dat fornaem
 Is hastich boppe wetter kaem

En helder sjonge w'allegear:
 „Hosé, dêr is de dûker wer!”

*Dokkumer Courant, d.d. 27-4-1945.
 Mei triennen siedzje, sjongend sichtsje - 1960.*

Kom mei nei myn tún mei de beam en de strûk,
It gers en it perk en de hage,
It is dêr sa simmersk, it sit dêr sa smûk:
O sjoch, hoe't de beibeammen drage!

Hoe kostlik dat bloeijen, dat blêd en dy blom
Dy wiksel fan weelde en kleuren!
De wyn giet sa trinten de túnpaden om
En boartet mei roken en geuren.

O hearst wol dat ynlike blêddetear,
Dat núnd'rjen oer hearlike dingen?
It wit fan de kleuren sa helder of tear
In wrâld yn ús oandacht to bringen.

Kom mei nei myn tún, nei de bank, nim in sit,
Dêr kinne wy boartlik petearje
Oer al hwat it herte oan weeldrigens wit,
Oer dichterskip, dat wy forearje.

Kom mei nei myn tún, dêr is 't leaflik en frij,
En siz dêr de dream fan dyn herte;
De sinne en de swietroken sille foar dij
dêr alles yn simmerljocht sette.


De Tsjerne - 1946, s. 42.

Stiltme, hill'ge, súvre stiltme
Dy't myn siel fortrestgje kin,
Dy't my de âlde dingen bybringt
As ik sa allinne bin.
As de goud'ne stjerren blinke
En de moanne skynt oer 't gea,
By it lútstrjen fan 'e reiden
Driuwst myn siele ta in bea;
Túzen moaije libbensstounen
Riigje foar myn each byien
Glinst'rje fan dyn dauwe oergetten
As juwiel en edelstien.
Al de leafde fan myn âlden
Bringst wer oan myn herte nei;
Hja dy't wol oan my ûntstoaren
Binne dochs by my net wei,
'k Tink oan wurden, sterk fan ienfâld
Dy't in freon my sizze woe,
't Tink oan him, by hwa't ik feilich
't Earme herte ûntlêstgje koe,
't Tink oan him; yn fiere krite
Leit syn stof yn 't stille grêf,
Mar syn wurd - noch mei 'k it hearre -
Bliuwt foar my ta stôk en stêf.
't Tink noch oan in simmerjoune
Doe't ik mei in famke gong
En myn herte, yn jubel optein,
't Lette liet fan leafde song.

'k Tink dêroan - op mylde jounen
 Folget faek in koele nacht . . .
 Mar de neitins oan hwat hearliks
 Hâldt yn 't iens'me herte wacht,
 Stiltme, dy 't my goede wurden
 Mei dyn golle stimme seit,
 Stypje my, oant ek dit lichem
 Yn Gods iiv'ge stiltme leit.

De Tsjerne - 1946, s. 118.

¹ Nieuwe Dokkumer Courant, d.d. 18-10-'49.



M. S. E. Visser, jierrenlang haedbistjûrslid Kristlik Selskip foar
 Fryske tael en skriftekennisse. Ek in tiidlang skriuwer

Foto Ljouwerter Krante

Oanrin !

Op 'e printerij fan Zeijl en Kuipers lei noch in skrift fan de forstoarne dichter en skriuwer Anders Minnes Wybenga. De firma hat my dit skrift brocht, ik haw de tekst lêzen en neisjoen en it liket ús net ûngaedlik ta, it yn 't krante op to nimmen. It neisneupen fan âlde skiednissen hat fral yn 'e lêste jierren Wybenga syn leafde en ambysje hawn. Dit wurk is allicht út syn Nijtsjerkster tiid en it sil de lêzers yn ús hoeke grif wol oanstean de útkomsten fan Wybenga syn ûndersikingen oer Foeke Sjoerds to lêzen. Dêrfandinne dat wy it yn de earst-kommende nûmers plak jowe. (Dokkumer krante).

S. E. Wendelaar Bonga.

Wy wolle hjir in inkeld wurd skriuwe oer in forneamd man. Ien lyk as East Dongeradiel der yn earder of letter tiden net ien oplevere hat.

Foeke Sjoerds waard berne to Ie de 2e juny 1713 as 7e (of 8e) bern fan „Sjoerd Foeckens” en Aeltie Hanses”. Heechstwaerskynlik doopt troch Dûmny G. Koumans (of Coumans) dy't doedestiids yn Ie stie. De heit Sjoerd wie skuonmakker. Aeltsje hie in winkeltsje en sa skarrelen dy lju troch de tiid. It gyng wol sawat, hja wennen ek yn in fatsoenlik hûs.

Mem waard ek wol Aeltsje Bûnt neamd fanwegen de manufaktueren (bûntguod) dy't se forkofte.

It is net sa fêst to sizzen, oft hja dat winkeltsje al hie by it libben fan har man, of dat hja dêr letter mei bigoun is. It kin ek wêze dat it bûntguod der letter by kommen is, doe't har man al forstoarn wie.

Foeke wie noch mar 5 jier doe't syn heit forstoar.

Yn skoalle wie hy in fikse learling, mar mei syn sjongen mocht it wol sa wêze.

Jan Goaslings wie syn learmaster, dy hat minstens 50 jier yn Ie as skoalmaster tahâlden.

Foeke gyng (mooglik) in jier of 5, en dat sil dan wol meast by't winter west ha, nei skoalle ta. Men kin bigripe dat it by sa'n widdou mei in stik of hwat bern neat to rom soppe en de bern der al jong op útstjûrd waerden om hwat mei to fortsjinjen.

Fan skoalle ôf kaem er op 'e skuonmakkersskammel torjochte. Doe't er 19 jier wie, waard er skuonmakker to Ljussens (of Moarre.).

De 16e febrewaris 1733 waard er as lidmaet fan 'e Herfoarme Tsjerke oannommen, ûnder dûmny Joachim Bentheim. Hy wie dus doe noch jong, sa'n tweintich jier. Foeke mocht graech oer lêzen. Dat wie to Ie ek al sa. Hy liende dan boeken fan dûmny Eise Bergsma, dy't him wol tagedien wie, nammers op it fraechlearen wied er al in útblinker.

It wiene fansels meast godstsjinstige wurken, dy't er ûnder eagen krige. Dy oefenen tige har ynfloed op him út. Dêr sil it him mei yn sitten ha, dat er sa jong bilidenis die.

In jier letter, hy wie dus doe noch mar ien en tweintich jier, troude er al. En wol mei Antsje Aukes, in smidsdochter fan Ie. Antsje, doopt 30 jannewaris 1707, wie dus in jier of seis âlder as har man. Hja trouden 16 maeije 1734 to Ie yn 'e tsjerke. Hy waard doe (heechstwiarskynlik) skuonmakker yn syn berteplak. Hy wurdt wolris tekene as in man dy't hwat stil en stroef wie. Dat hoecht jin gjin nij to dwaen. Syn prakkesaesjes gyngen hwat fierder as de skuonmakkersskammel en it deistige praet fan de buorlju. Lykwols hy koe dêr wol in frou om oanhelje.

Yn 1738 sjogge wy it húsgezin wer yn Ljussens. Hja krije dêr 2 famkes, Jitske, dy't dêr de 7e des. '38, en Tryntsje dy de 12e juny 1740 doopt wurdt.

Yn dy tiid forstoar de Ljussemer skoalmaster. In boere-arbeider kaem by Foeke mei it forsyk, oft er net in goed wurdsje foar him dwaen koe by de Grytman: hy hie wol sin oan dat affysje. De skuonmakker sei: „Dat wol 'k wol dwaen.”

Mar doe't Foeke by Grytman Jarich George van Burmania

kaem, sei dy daliks: „Man, hwer ha jo it oer, jo moatte sêls dat baentsje ha.”

Baes Foeke klaude him ris achter it ear: 70 gounne salaris jiers, dat wie sa'n bidroefd bytsje.

En hy koe ek net bêst sjonge!

„Nou”, sei de Grytman, „dat moat gjin biletsel wêze”. Op 't lêst, hy naem it oan, hy mocht der skuonmakker by bliuwe. Och, it ûnderwiis doedestiids strekte him ek net sa fier út. Lêzen, skriuwen en in bytsje rekkenjen, dan wie it al moai.

Sa hat baes Foeke in jier twa trije de Ljussemmer jeugd mei de earste bigjinsels fan de wittenskip yn 'e kunde brocht.

Yn 1742 forstoar master Hermanni fan Easter Nijtsjerk. De Grytman wist to biwurkjen, dat de Eigenierden fan Nijtsjerk har stim útbrochten op Foeke fan Ljussens. En Foeke naem de bineaming oan. Gjin wûnder. Hy krige dêr mar efkes 116 gounne salaris; dat koe helpe, 46 gounne jiers foarút.

Foeke krige der yn Nijtsjerk ek al ridlikgau hwat baentsjes by. Hy waard doarps- of frederjochter, dêr't er nou just neat mei bidijde. Ek waard er „Collecteur van 's Lands incomsten”, dat wie sa'n soarte fan ûntfangerskip; en „instrumentschrijver”, d.w.s. hy koe akten, kontrakten en testaminten opmeitsje. Dit wie in riskant saekje. As it jiers boppe de 12 gounne kaem, dan koe it út, net earder, hwant de arste 12 gounne kaem oan 't Lân. Wie de man yn Nijtsjerk ek noch skuonmakker?

Dat is min út to meitsjen.

It liket wol, hy hie letter melkerij. Yn 1755 bitellet hy de som fan 18 Caroli gounen foar de hier fan 2 „koegrassen”. Dat jild hied er yn '53 al bitelje moatten. It wie dus wol skraebjen om 'e kant mei de man. Dochs waard it gers him net opsein, hwant de 3 dêropfolgjende jierren hied er noch it gebrûk fan twa skêrren yn 'e Buorfinne, it plak greide west fan Nijtsjerk, dêr't nou nije huzen op boud binne.

Yn 1756 wol er in kostskoalle oprjochtsje. Dit biteart net, in advertinsje yn 'e Ljouwerter krante komt gjin azem op.

It is yn 1770, de 29e augustus foar 't lêst dat oan Foeke Sjoerds sels syn folle traktemint útbitelle waard. Hy rekke to forstjerren,

en 9 febrewaris 1771 bart Antje Aukes, nou syn widdou, noch 58 gounne foar traktimint fan it lêst healjier.

* * *

Foeke Sjoerds wie in ienfâldige, stille, ynbannige keamergelearde. Lykwols kaem er wolris yn 't publyk op 'e lappen. Dat die bliken yn 'e Doelistetiid, hwant doe waard hy ien fan de „Gecommitteerden”, dy't ôffurdige waard nei 's Gravenhage om dêr de need fan it folk to kleijen.

Yn 1749 makke hy syn earste bikend fers. Dat hong ek al mei de tiidsomstandichheden gear. It hie ta titel: „Welkomstlied bij de langverwachte Overkomst van den Prins in Friesland.”

Sont dy tiid makke hy mear gelegenheidsfersen. It wie gewoan rymwurk, langtriedrich en sûnder folle hichten of lichten, lyk as dat yn syn tiid skearing en ynslach wie.

Yn 1755 hied er in dichtbondel klear oer Bibelske ûnderwerpen. Letter makke er noch in biriming fan de „Klaagliederen”, in bondel fan sa'n 100 bledsiden. Men kin oan de greatte fan dit lêste bondeltsje wol witte hwat útrutsene fersen hjir foar't ljocht komme moasten. Och, sa wie de tiid. Lykwols, hja koene net printe wurden. Lokkich mar. Hwant Foeke wie nou ienmel gjin dichter fan bitsjutting.

Oft hy mei Gysbert Japiks op 'e hichte wie? Faeks wol in bytsje. Hy hat tominsten in Frysk oantreastingsfers makke foar J. Althuyzen syn Fryske Rymlerije, dêr't er Gysbertomme namme yn neamt. Dêr jow ik in pear fersen út as priuwke fan de man syn dichttrant, yn ús stavering.

Sjoch nouris Fryske Boer de âlde mei de jonge
Hoe dat hjir in Pastoar op't Fryske Boers kin sjonge:
Althuysen is de man, hy kin it wakker dwaen
Hy hoecht yn dizze kunst om nimmen neat to jaen.

Nou hat hy wer dit wurk oer Davids Psalmen makke,
En op de âlde groun forskate ekers hakke;
Dat Gysbert Japiks lang foar dizzen lizze liet
Dit fangt hy nou wer oan en 't smakket him sa swiet.

En hjir binne in pear rigels fan it lêste bikende fers, dat er makke. It datearret út 1768 en yn 1770 stoar er.

Dit troost mij bovenal, dat een Volzalig Wezen
Gedurig mij verzorgt en altoos blijven zal.
Mijn Hoeder die mij leidt; wat reden dan te vrezen?
't Zij dat ik zinke of drijf, of sta, of immer val.
Deez' onverwikkbre grond baart vaster vergenoegen
Dan ooit der mensen gunst, die dikwerf ons begeeft.
Dit beurt wel duizendmaal, in al mijn letterploegen
Mijn doffe ziel omhoog, als zij in 't lage zweeft.

Wy seagen in bytsje fan Foeke Sjoerds as skuonmakker, skoal-master en dichter, en dan wie hy faeks net sa min, mar wy earje him yn it earste plak as skiednisskriuwer.
Hy wie yn syn jeugd al tige lêzerich. En hy mocht him graech yn âlde dingen fordjipje.
Sahwat 40 jier âld is er mei syn skiedskriuwerij bigoun. Fan 1759 oant 1771 binne syn wurken útkommen. It binne 13 swiere dielen. D.w.s. jiers ien *great* boek fan sa'n 7 à 800 bledkanten. Freegje dan mar nearne mear nei. Meiïnoar kosten dy boeken f 36,—.

It bigoun mei in „Kort Vertoog van den Staat en de Geschiedenissen der Kerke des Nieuwen Testaments, zo ten opzichte van hare grondlegging, Uitbreiding en verderen opbouw, als in derzelve voornaamste bijzonderheden. In eene eeuwtijdige aaneenschakeling met de voornaamste Geschiedenissen van alle de Roomsche en Oostersche Keizeren, en van andere Rijken en Staten, en met die van het Joodsche volk, van Christus geboorte tot de helfte der agtiende Eeuwe. Door Foeke Sjoerds, School-Dienaar te Nijkerk in Oost-Dongeradeel. Voorzien met een Voorrede van den Heer T. Brandsma, V.D.M. te Oostrum en Jouswier. Te Leeuwarden bij Pieter Koumans, Stadsdrukker en Boekverkoper in de Peperstraat, in de Jonge Ruyter. 1759.” Sjoch dêr de langazemige titel fan dit „Kort Vertoog”, dat mar

efkes in boek wie fan 882 blêdsiden, kwarto formaet. Dit boek koste 4 gounen.

Op 44 blêdsiden Klink- en Puntgedichten wurdt de lof fan Foeke Sjoerds syn earste foarname Pinnefrucht bisongen.

De twadde Printinge fan dit „Kort Vertoog” kaem út yn 1771, in heal jier nei de auteur syn dea.

Yn it boek waard ek omtinken jown oan de Nederlânske tsjerkeskiednis en de tsjerkeskiednis yn it algemien. Der steane sels noch dingen yn, dy't ek yn ús tiid jít wol hwat mear ûnder it each fan de minsken komme mochten.

It wurk foun yn 't algemien in bêste bioardieling.

Men freget: hoe wist dy man safolle? Hie hy de boeken sa mar foar 't krijen, dêr't hy de skiednis út gearstâlde koe?

Twa dingen holpen him by syn wurk. Foarst syn sterk ûnthâld. Hwat er lies, biwarre er yn himsels. En dan, hy hie goefreonen oan de dûmnys en oare foarname persoanen dy't him graech har boeken lienden. Hwant sels koed er it jild net útsunigje om in poarsje boeken te keapjen.

Hy hie, neffens syn eigen sizzen, dan ek in „niet zeer aanzienlijke boekenschat”.

Twa jier nei it earste kaem it twadde „Kort Vertoog”, dat gyng oer de Tsjerke yn 't Paradys, de tiid fan de Joaden yn Palestina, en meiïens fan de omlizzende folken. Earste diel. It bislacht 740 bledsiden. Dûmny Ratelband fan Ljouwert hat der in foarrede yn, dêr't de nuttige wink yn jown wurdt, dat der biskermelingen komme meije, dy't Foeke Sjoerds yn 'e gelegenheit stelle kinne om him fierder to ûntjaen, „ten voordeele van de bondige wetenschappen”, seit er.

Yn 'e foarrede fan dit twadde boek lit Foeke dúdlik útkomme, hy woe wol dûmny wurde, mar hjiryn is er sa hwat ôfstegere fanwegen „gebrek aan taalkunde”. En dat towylst in bioardieler fan syn earste boek, yn „de Boekzaal der geleerde wereld” noch wol sein hie, dat hy „in vreemde talen geheel geen vreemdeling is”. „Lit my”, seit Foeke „yn 'e tsjerke dan mar in houthouwer of waterputter wêze.”

Yn 1763 forskynt it twadde diel, 816 bledsiden, en yn 1765 it

trêdde en lêste diel, dat bislút mei de tiid fan de Romeinen en de Forwoesting fan Jeruzalim, 925 bledsiden. It kostet 4 gounen en in kwartsje.

Men koe út dizze boeken opmeitsje, de skriuwer wie in sekuere en krechte baes. Printflaters binne der yn syn wurken hast net to finen. Hy hie by syn geweldige sjou kennis foar dy tiid in pracht fan in styl. Yn seis jier tiid hied er mar efkes 3363 siden druk skreaun; en dêrby wie it degelike kost, wurk fan stúdzje en ynspannend neitinken. En dêrby moast er sa troch 'en dei skoalmasterje, al sil dêr yn 'e simmertiid net it measte fan to-lânne kommen wêze.

Mar hy is mei dizze fjouwer wurken noch lang net op it ein. Krektoarsom: it sil nou suver pas begjinne.

Yn novimber 1765 kaem der in oankundiging der soe komme in „Algemeene Beschrijving van Oud- en Nieuw Friesland”, zullende dienen voor een inleidinge tot een volledige Historie van Friesland en fuort dêrnei forskynde dan ek fan it earste diel it earste stik, 519 bledsiden great.

Hjir folgje dan in twadde stik en fierders noch in diel fan twa stikken der oerhinne. Elk diel hat 967 bledsiden, d.w.s. al wer in pear tûzen bledsiden yn in jier of trije.

Dan komme der noch 5 dielen „Historische Jaarboeken van Oud- en Nieuw Friesland.

Diel I forskynt 1768, 623 bledsiden, priis f 2.50.

Diel II forskynt 1769, 427 bledsiden, priis 46 stûren.

Diel III forskynt 1770, 241 bledsiden, priis 22 stûren.

Diel IV forskynt maeije 1771, 587 bledsiden, priis 2.44?

Diel V forskynt nov. 1771, helte lytser, priis 28 stûren.

Dit Diel V rint mar oant 1447 ta. It wie it lêste wurk fan dizze fruchtbere skiedskriuwer. Hwant yn 't lêst fan 1770 wied er de ivige rêst al yngien.

Foeke Sjoerds hat net minder as 24 wurken fan Fryske stoarjeskriuwers rieplachte, teffens kritysk en hifkjend en skiftsjend lêze moaten ear't er syn skiednis gearstâlde. Syn wurk waard ek fan 'e Hegere ein weardearre.

Tiisdei 29 oktober 1765 waard bisletten troch de Deputearre

Steaten om de skriuwer 100 sulveren dukaten oan to bieden foar syn prestaesjes. En yn 1768 waard troch ditselde Kolleezje bisletten him to forearjen mei 100 gouden dukaten.

Spitich dat syn wurk mei syn dea ôfbrutsen waard!

Hwat hie hy út de 3 ieuwen dy't op 1447 folgen noch in bulte opikkerje kinnen.

Nimmen hat syn wurk fuortsette kinnen of doarren. Sa giet it soms. Der is foar somlik wurk mar ien man. En as dy man weinommen wurdt, kin der gjin forfolch op komme. Nammersto mear heart men sokke minsken to weardearjen.

* * *

Koe de man him altyd by syn skoalmastersbaentsje dellizze? Dat hie der faek wol oan en hy hat ek wol skript om heger op to kommen. Hy seit dan ek:

Ik ben een Martelaar ter Skoale

Te Nijkerk in Oostdongeradeel.

Hy sil yn syn hert noait skoalmaster west ha.

„Hwat hy wie, wie hy net, wat hy net wie, wied er.”

„De swiere arbeid foel him licht, de lichte foel him swier.”

Hy bisocht û.o. mei stipe fan Prins Willem V oan in baentsje to kommen, en de Prins hat him ek al sawat heal en to heale in Histoarjeskriuwerskip yn útsicht steld, mar it bitearde mis. Hy sollisitearre alris nei in Commysplak op 'e Lemmer en in Convooimasterskip yn Warkum hied er ek wol sin oan, mar sokke plakken wiene net foar him weilein.

Graech hied er ek nei Ljouwert wollen to wenjen, om dêr bygeliks ynspektor to wurden by de Ljouwerter krante, mar it wie rounom itselde: gjin plak foar jo! En de man hie sa graech wat heger en oansjenliker selskip ha wollen as hjir yn dit lytse Nijsjerk. Hy wenne, nei syn sin, hjir fierstentofolle yn in achterôf hoeke.

Syn skriuwerij brocht him gjin sinten yn 't laedtsje. Hy moast sels boeken keapje fan syn útjower om dy dan as presinteksemplaren útdiele to kinnen.

Graech hie hy ek in Geografyske biskriuwing fan Fryslân jaen

wollen, mar dêr hied er gjin tiid foar, en ek gjin sinten, hwant dan hie de man de hiele Provinsje ôfreizigje moatten.

Mei bidden en smeeke krige er 20 dukaten fan de hear Erfstêdhâlder los.

Hy hie ek wol meiwurkje wollen oan it Great Plakkaet en Charterboek, dat op namme fan Baron van Schwartzenberg stiet. Der wurdt lykwols lústere, dat dy syn klerken dat foar him opknapt ha. Yn elk gefal, foar Foeke wie dêr gjin romte.

Doe't er 30 jier wie, woed er wol dûmny wurde op art. 8. Mar de Klasjes fan Dokkum liet him net ta. Dat wie op groun fan in Synodael bislút, om allinne Akadémysk foarme mannen nei it amt tingje to litten. Dat bislút sil yn dy tiid op himsels goed west ha, fanwegen de ûnkunde fan soksoarte kandidatussen. Mar it hie net forkeard west foar dizze oanfreger, dy't tige in útblinker wie, in útsûndering to meitsjen.

Lykwols, dan hiene wy heechstwierskynlik gjin Histoarjeskriuwer Foeke Sjoerds krige.

Yn elk gefal, Foeke Sjoerds hat syn part fan 's libbenstoloarstellingen wòl krigen.

Neffens syn portret hat er in stroef gesicht, dêr't wol út blykt, hoe't er altyd oan 't tinken is. Heech en breed is syn foarholle, djip lizze syn eagen. Hy is breed boud en hat in soun skouwing. Fierders hied er in prachtich hânskrift, dat hy koe oan de bern wol it goede foarbyld jaen. It kin net oars of hy moat in man fan oarder en regel west hawwe, dat is wol op to meitsjen út it regelmjittich forskinen fan syn boeken. Hy is in wakker for-earder fan it Oranjehûs, en dat net om der sels fet fan to wurden. Dat hat yn de histoarje ek al bliken dien.

Dan sjogge wy him ek as in man fan Godsbetrouwen. Yn dat bitrouwen en yn syn pinnewurk koe hy in tige bifrediging fine. Sa'n tritich jier hat syn skoalmasterskip duorre. It sil him altyd sa swier net op 'e lea lein ha, as doe't er dy utering oer it Martlersskip der útgoaide. Elk minske hat nou ienmel wolris in mis-moedich momint.

Hy waerd 57 en in healjier âld. Sterke koartsen namen him yn in dei of trettjin hjir wei. It wie de 18e desimber 1770.

Njonken de al neamde famkes, Jitske en Tryntsje, kamen der yn dit húsgezin noch twa bern to wrâld, Sjoerd yn 1747 en Aukje yn 1750. Dat wie dus yn har Nijtsjerkster tiid. Alle fjouwer trouwden noch by har heite en memme libben.

Der moatte noch gâns neikommelingen fan Foeke Sjoerds wêze. Guont skriuwe har Foezens en oaren Sjoerdsma. Dizze fannen hawwe se oannomen yn 'e tiid fan Napoleon, dy't de minsken dêr ta forplichte. Mar der sitte net folle skoalmasters ûnder dizze neiteam. Soene hja in oanberne ôfkear fan dit wurk ha, nou't har oer-oerpake syn gâlde dêr alris sa oer útspuid hat? Skiedskriuwers binne der ek net by, soks is mar foar de inkelingen weilein.

* * *

Op syn grêfstien lêze wy:

Sta wandelaar, betoon een diepe eerbiedigheid,
't Is Foeke Sjoerds, die hier begraven leit,
Die door zijn schrandre pen en onberispelijk leven
Aan ijder die hem kende een voorbeeld heeft gegeven.

In steande stien is hjir noch by oprjochte.
Dêr stiet op:

1713—1913

Yn tankber oantinken oan Foeke Sjoerds
Fryslâns trochlearde Skiednisskriuwer is dizze stien set, 200 jier
nei syn bertedei.
Tsjerkfouden fan Easter-Nijtsjerk en folle frjeonen.

Graech earje wy de neitins fan dizze „autodidakt”. Mar dan
nearne better mei as troch ús bilangstelling en leafde to jaen
oan de skiednis fan eigen folk en lân, dêr't dizze man ek syn
hie libben foar wrotten hat.

NEIJER YN 'E KUNDE
MEI
ANDERS MINNES WYBENGA

Itjinge fan Wybenga skreaun is leit forsille yn forskate tydskriften. Earstens yn de Fryske Biwegingsorganen, sa as: „Yn ús eigen tael”, binammen fan 1908-1925; yn „t Griff. Frysk Tydskrift”, fanôf 1932; yn „It Heitelân” 1941; it Frysk Jierboekje 1941, '42, '43, '46. „De stim fan Fryslân” kriget wer kopij nei de 2e wrâldkriich. „De Tsjerne” hat yn 1946 trije fersen. Mar al dizze bydragen steane tige kreas op kaerten by de Fryske Akademy. Hwat jitte net op kaart stie, wiene de bydragen yn it „Friesch Dagblad” en „Nieuwe Dokkumer Courant”. It like ús wol skoan om it folslein to meitsjen. Dêrom hawwe wy dit krewel, om twa kear 40 jiergongen troch to blêdzjen, op ús nommen. It resultaat: Yn it Deiblêd set it yn mei 1907 en 1908. Earst yn 1920 bigjint Wybenga wer hwat mear yn it Deiblêd to skriuwen, mar it bliuwt insidintel. Yn 1925 wer hwat mear. Mar yn 1930/1931 frijhwat. Fierders leverje de jiergongen fan 1933, '34, '35 en '36 noch aerdich hwat op. Yn de „Nieuwe Dokkumer Courant” siket men net forgees yn de jiergongen 1938 oant en mei 1949. De jiergongen 1943 en '44 kin men oerslaen.

Ik wol hjir graech tanksizze oan Juffer Doet Visser fan Garyp, oan de masters Wiersma fan Easter-Nijtsjerk en Visser fan Ingwierrum en myn broer Joh. Wiersma, dy't my holpen hawwe om dizze twa kranten út to slachtsjen.

Yn it bisûnder wol ik Doet Visser tank sizze. It greatste part fan dit boek is troch har úttypt en mear as ien kear hat sy my holpen om in kar to dwaen út Wybenga's wurk.

De hear J. v. d. Goot fan Huzum hat noed stien foar in goede stavering.

By it lêzen fan it neifolgjende kin de lêzer it earste part fan dit boek tagelyk mei oplêze. Yn beide dielen is de tiidsfolchoarder oanhâlden. Om de lêzer to geriven folget nou de tiidtafel.

TIIDTAFEL

- 1881: 25 oktober, berne ûnder Nijewier.
- 1907: Frysk feuilleton:: „Us libben yn Teltsjegea” yn Friesch Dagblad.
- 1908: Mei-oprjochter Christlik Selskip foar Fryske skrifte-kennisse.
- 1909: Skriuwer fan de Krite fan it Selskip to Dokkum.
- 1910: Foarsitter-oprjochter fan de Krite Nijewier.
- 1911: 1e foardrachtbondel „Loddespitten”.
- 1911: Frysk sangboekje, O. S. Akkerman en A. M. Wybenga.
- 1912: Troud.
- 1914: Foardrachteboekje „Foar de fûst wei”.
- 1916: Plan opfette om alle psalmen oer to setten.
- 1916: Lid fan de Jongfryske Mienskip. (Ien jier)
- 1920: Psalmen ré.
- 1909-1920: Meiwurker oan „Yn ús eigen tael”.
- 1921-1925: Samler fan „Yn ús eigen tael”.
- 1923: Psalmen komme út. Huldiging yn Ljouwert.
Dr. Wumkes sprekt oer: „Himelsk harplûd”.
- 1923: Mei trije oaren revisor Nije Testamint.

Yn it tiidrek 1908-1925 hat Wybenga it Selskip in tal jierren tsjinne as haedbistjûrslid en wie hy ek lid fan de propaganda-kommisje „Us tael om-
heech”. Nei 1925 weakket Wybenga los fan it Christlik Selskip en sil him
earst 20 jier letter der wer by jaen.

- 1930: Skriuwer fan it Gifformearde Selskip.
- 1932-1936: Meiwurker oan it Griff. Frysk tydskrift.
- 1930: Lieteboekje: „Hwa sjongt mei”. Fan de 66 nûmers binne
34 fan Wybenga.
- 1931: 3e foardrachtbondel: „Foar it Fryske jongfolk”.
- 1932: 4e bondel (âld en nij wurk): „Yn 'e nije pronk”.
- 1932: „De blide gast”, in boekje mei foardrachten ensfh. foar
brulloften.
- 1933: 5e foardrachtbondel: „Blêd en blom”.
- 1933: Bitanket as skriuwer en wurdt huldige troch it Gr. Sel-
skip; kriget 6 stuollen oanbean.

- 1934: K.F.F.B. oprjochte. Fan 1935 ôf tsjinne as bistjûrslid-
foarsitter oant syn dea yn 1948.
 - 1936: Bikende Psalmen fan Wybenga en Schurer (opl. 4000).
 - 1936: Karsamling gedichten: „Libbensgong”.
 - 1937: „It Soenhûs”, in histoaryske roman, K.F.F.B. nr. 3.
 - 1937: „Ropta, syn mounne en skiednis”, mei tekeningen fan
I. Wiersma.
 - 1938: „De tiden lâns”, sjongstik opfierd to Nijewier. Ek wer
yn 1945 opfierd.
 - 1939: „By Honk”, lêsbok foar de Kr. Skoallen fan J. van der
Mark, 25 bydragen fan A. M. Wybenga.
 - 1939: „Fan leed en lok” K.F.F.B. nr. 6, ú.o. koart forhael fan
A. M. Wybenga.
 - 1939: „In samling Fryske sizwizen” (mei. J. de Haan).
 - 1940: „Ut 'e patriottetiid”. Earst yn Dokkumer krante, fanôf
juny '40.
 - 1941: „Stoarm oer Fryslân”. Earst yn Dokkumer krante, fanôf
des. '40.
 - 1942: „Bitinkingsdeifers” 50 jier Griff. tsjerke yn Nijewier.
Wybenga hat dizze tsjerke tsjinne as tsjerkeriedslid en
hat ek hielhwat oan it jeugd wurk dien.
 - 1948: „Klimmerstiid”, 6 forhalen foar de bern.
 - 1947-1950: 50 Joh. de Heer-lieten yn „De Stim” publisearre.
 - 1948: Forstoarn 9 septimber. Hy is rêst oan de Noardkant fan
de tsjerke to Wetsens.
- Yn 1950 forskynt in karsamling út de fersen fan de lêste jierren:
„Ljocht oer it fjild”.
- Yn de P.B. binne ek noch in stikmannich sjongstikken en „sa-
menspraken”.

Inkelde kearen neamt Anders Minnes Wybenga dizze twa lieten, dy't as de losmakers fan de poët tsjinne hawwe. Ik forwiis nei it yn dit boek opnommen: „Ut myn skoaltiid” op side 60. It twadde biwiis kin foun wurde yn in lêzing oer syn eigen wurk, hâlden op sneon 1 aug. 1942, foar de fekânsjekunsus fan de Prov. Underwiisrie¹. Yn beide lieten sit hwat mankelyks. De kikkertjes voren dood en Pake syn klok bleau stean. „Foaral de tael fan it lêste wie my nei”, skriuwt hy, „it wie de tael dy't wy by it boartsjen brûkten”. Sokke fersen wiene foar him hearlike dingen. Hy bisocht sels ek to rymkjen, mar it foel net ta. Mar de wêmoed yn dizze lieten koe er net kwyt wurde. Wendelaar Bonga skriuwt²: „As jonge wie Anders hwat apart. Hy boarte net folle mei oare bern en stie leafst by it skoalletek. Hy wie hwat dreamerich, mar hy hie in goed forstân”. De neamde ferskes wiene de saed foar Fetse en de Greide, it streamende wetter foar Greidema. Hwant Fetse is in saed, dy't it wetter sels opjowt.

Wybenga: „Myn kunde, myn witnis, myn ferskemeitsjen, ik hie it sa neigeraden allegearre fan en út mysels.

Mei de Genestet koe ik sizze: Niet op de scholen en heb ik het gevonden, hwant ik hie mar fjirdeljier op skoalle gien”.

¹ Dizze rede is to finen yn De Stim - 1951, fan 25-1 oant 15-3.

² Brief oan D. v. d. Ploeg, letterkundich Museum.

PSALM 89

It gefoel foar ritme krige Wybenga troch it mei oandacht lêzen fan de psalmen en binammen fan de 89ste. Hy sei: „Ik murk, dat men yn it midden fan de rigel efkes hippe koe.”

By it nochris neilêzen fan syn earste dichtwurk foel myn each op in strofe út it fers: „Douwe en Doutzen” en seach dêryn in forbân mei Psalm 89. Hjir folget it.

Al is de minske sterk, syn sterkens kin forrinne,
Al stiet de minske yn bloei, it moaije is gau fortinne
Sadré Gods hân mar winkt.

Sadré de noardewyn oer 't blierkjend ierdryk bilet,
Forkwynt de moaiste blom en 't blierkjend ierdryk bilet,
Jit foar in minske it tinkt.

En dan is wol it earste, dêr't eltse Fries nei grypt, dy't fan it Frysk pakt wurdt: Gysbert Japiks. Ek fan Gysbert Japiks kin men yn in fers ynfloed merkbitte; ik nim hjir in strofe oer út it fers: „Hy sjocht ús”.

Hy, dy't oer de folken 't stjûr het,
Dy't fan alle dingen it roer het,
Dy de minske ek skepen het,
Hy, Hy ken ús, Hy trochfynt ús.
Hy trochsjocht ús, Hy trochskynt ús,
Him forryflje kinn' wy net!

De ynfloed fan Gysbert Japiks yn dit fers waerd ek al opmurken troch Jan Jelles Hof. Mar dit slacht op it „hoe” fan it sizzen. Hie Wybenga ek „hwat” to sizzen?

Wendelaar Bonga hat ris skreaun: „Op Wybenga is fan ta-passing psalm 45 : 2. It herte trillet my fan goede wurden; ik siz myn dicht foar de Kening; myn tonge is de pinne fan in feardich skiuwer.”

Beide fersen steane yn: Loddespitten - 1911.

US LIBBEN YN TELTSJEJEA

Sa wie de titel fan in forhael yn it „Friesch Dagblad” yn it jier 1907. En ûnder it forhael stie: Fetse Greidema¹.

Wy komme dêrmei by in folgjend wichtich foarfal yn it libben fan Wybenga. It moetsjen fan ds. Huismans, dy't fan 1901-1916 yn Eanjum stien hat. Allicht hie it oanmoedigjen fan ds.

Huismans yn earder tiid al ynfloed hawn. Mar op 19 sept. 1907 die ds. Huismans yn it „Friesch Dagblad” in oprop oan Fetse Greidema en oare Kristlike skriuwers, om ta de oprjochting fan in Christlik Selskip foar skriftekennisse te kommen. En Wybenga wie ien fan de earsten, dy't posityf op dit plan ynheakke. Sa ûntstie in biweging, dy't de Fryske tael ta eare fan God hilligje woe. Earstens troch oersetting en ferspreiding fan de Bibel, mar ek troch ûnderwiis op de skoallen en yn de foredeling fan de tael as kunsttael yn de Kristlike skriuwerij. Wie dit nedich? De libbensskiednis fan dr. Lútzen Wagenaar, mar noch folle mear dy fan ds. Huismans kin ús in antwurd jaen. In Fries, in Kristen-Fries, dy't yn 1908 Frysk skreau, Frysk brûke woe op 'e preekstoel, dy helle him de haet fan syn „broeders en zusters” slim op 'e hals! Waerd ds. Huismans net út Fryslân forband? Hy, dy't longere op in birop út Fryslân, krige dat birop net, wylst der forskate hoederleaze Fryske gemeenten wiene! Dizze man moast skriuwe²: „De Friezen, de Griffomearde Friezen foaral, hingje almeast de Hollânske kant oer. In Fries, dy't it Frysk net foar de aerdichheit, mar út bigjinsel wol, kinne se net forneare. It forhollandere Friezendom seach mei bliidskip my bûten Fryslân gean, en sil my net maklik wer ynlitte”.

¹ Fetse Greidema wie de skûlnamme fan Wybenga; ek brûkte hy wol: „In Fryske Jonge”.

² Ta in tinkstien . . . Samle skriften fan ds. Huismans, s. 231.

OAN FETSE GREIDEMA EN OARE CHRISTLIKE SKRIUWERS YN FRYSLÂN

Fetse Greidema hat ús nou it Teltsjegeaster libben skildere yn Fryske wurden en mei Fryske krêft. It is in ierripe frucht en hat, lykas al hwat ierrypp is, de juste smaek noch net, mar smakket dochs sa, dat wy yn de takomst folle fan him forwachtsje kinne.

* * *

Lykwols, sil it sa komme dan, moat der ek troch him mear stúdzje makke wurde fan ús Fryske tael.

't Lei net yn myn plan jo dêr oer lestich to fallen, om 't ik sels yn ús tael noch fier fan trochleard bin

. . . . Jo sille it my net ûntstride: „Talint, talint foar ús Fryske tael, talint ek foar Fryske taelstúdzje.”

Mar dy moat dêr dan ek komme, by jo en by oare skriuwers fan Christlike bilidenisse.

* * *

Hwer bliuwt Akkerman fan Aldeboarn?

Hwer bliuwe oaren?

Moast it jongfolk, dat neijer as de Waling Dykstra's en de Troelstra's oan Gysbert Japiks stiet, it jongfolk dat de tael fan dokter Lútzen Wagenaar oannaem as wetter foar de toarst, net al lang in Christlik Selskip foar Fryske tael en Skriftekennisse oprjochte ha?

Is it net ús eigen skuld, dat ús Fryske tael allinne heechhâlden wurdt troch Friezen, dy't de spot driuwe mei it âld gelove?

Tsjoch dan op, Friezen, dy't de tael mar ek it gelove fan Gysbert Japiks sprekke. En hwa't it iens is mei my, dy docht in briefke op 'e post en seit dêryn hwat him op it herte leit.

*Ds. Sipke Huismans, Eanjum,
Friesch Dagblad, d.d. 19-9-1907.*

MEI-OPRJUCHTER KRISTLIK SELSKIP

Immen dy't de wjerstân tsjin de Christlik Fryske aksje bigripe wol, dy moat eins earst troch „Ta in tinkstien” fan ds. Huismans hinne. Dr. G. A. Wumkes¹: Frysk lêzen wie de wrâld tsjinje, jin ynlitte mei de Godleazens. Fryske skriuwerij hearde thús by herberch, kaert en komeedzje.” It wie in heechst revolúsjonaire died fan dizze mannen. Doe't dr. Wumkes syn earste preek hâlden hie (3-1-1915 Tsjom) krige hy wech en de wear

brieven fan minsken, dy't yn tûzen noeden wiene oer de tsjerke, dy't soks taliet. Hwa't ré is om mei hert en hier yn dy tiid to krûpen, dy kin ek yn de sfear fan dy earste saneamde kristlike skriuwerij komme. Dat ivige gepreek to pas en to ûnpas wie nedich, woe men ek mar hwat lêzen wurde. Pinkstermoandei 1908 wie in greate dei. Mei sin hie ds. Huismans dizze dei keazen: Hoe hearre wy harren yn alle talen (ek yn de Fryske) Gods greate wurken fortellen. En yn de brede aktiviteit fan dit Selskip hat Wybenga in goed plak skjinmakke². Sa hat hy haed-bistjûrslid west fan it K.F.S. Mei-oprjochter en skriuwer fan de Krite Dokkum (1909). Oprjochter-foarsitter fan in Krite Nijewier.

Hy wie tige aktyf yn it meitsjen fan rymstikken en foardrachten, dêr't sa'n forlet fan wie. Levere bydragen oan de Fryske rubryk yn it „Friesch Dagblad”. Soarge mei O. S. Akkerman foar in sjongboekje. Bikend is ek dat hy lesjoech oan Fryske kursussen. Yn en nei de 1e wrâldkriich hearde Wybenga by de radikale jongerein, dy't de K.F.S. propaganda-kommisje: „Us tael omheech” foarmen. It wiene Wendelaar-Bonga, M. S. E. Visser en A. M. Wybenga, sa njonkenlytsen kaem Folkertsma dêr as fjirde snaek by. Gâns krityk hiene dizze mannen op it Haed-bistjûr, hwat to mijend en to slop wie nei harren bitinken³. Yn 1915 woe dizze groep út op karbriefforoaring fan it K.F.S. It K.F.S. moast oanstean op it Frysk as amtlike tael. Foaral mei Folkertsma waard it in fûle striid en sil Wybenga him stadich-oan tobek lutsen hawwe mei troch de winnende ynfloed fan F. Schurer.

¹ Boddens yn de Fryske striid, s. 675.

² Sjoch K.F.S. 1908-1933 en K.F.S. 1908-1958.

³ E. B. Folkertsma: Eachweiding, s. 3-14.

DER STIENE MYN STIKKEN . . .

Mar it blêd fan it Christlik Selskip krige de measte tiid fan Wybenga taparte. „Dêr stiene myn stikken dan yn in skrifte-

kundich tydskrift, dat in man mei in doktorstitel oan it roer hie en ik wie der wakkere wiis mei.”

Dizze man wie dr. G. A. Wumkes. En dêrmei hawwe wy op 'en nij in minske, dy't foar Wybenga fan folle belang west hat. Hy wie de man dy't dizze jonge dichter bimoedige en bikritisearde. Binammen dat hie de jonge dichter mei fjirdeljier legere skoalle sa nedich. Yn 1934 skriuwt E. B. Folkertsma oer 25 jiergongen „Yn ús eigen Tael”: „Mank folle breklike stiene yn dizze jiergongen Wybenga's psalmen en poëzije.” Folle hat Wybenga to tankjen oan dr. Wumkes, dy't jimmeroan oantrune en wurk sammele yn dichtbondels. M. S. E. Visser neamt dr. Wumkes de iennichste optimist ûnder de âlderein (Stim 1948). En it is wier, hy socht en foun wegen, dy't skynber nimmen seach en hy lokke oaren mei. Al yn 1911 soarget hy foar de earste bondel foardrachten fan A. M. Wybenga: „Loddespitten.”

„Hwat wie ik bliid mei myn earsteling yn donkerbrún omslach.” (A.M.W.).

It foarwurd fan de bondel is fan Wumkes en dêrom komme wy folle to witten op hokfoar wize Wybenga ta Frysk skriuwen kaem. As 13-jierrige krige hy in boekje fan Waling Dykstra yn hannen, dat brocht him op de smaek om mear Frysk to lêzen. Letter brocht hy op jierfeesten fan de jongfeinteforiening selsmakke rymstikken. Hy waard bygefal ris oahheard en tige prize fan in dûmny S. Huismans. Noch wer letter kocht er foar 10 sinten in Fryske spraakkunst fan mr. Ph. Blom (1905). Hy stjûrde syn earste stikken op nei it „Deiblêd” (1907) en waard meiwurker fan „Yn ús eigen Tael”. Fan dat blêd wie dr. G. A. Wumkes einredakteur (1909-'20). Oer syn meiwurker skriuwt hy¹: „De namme fan A. M. Wybenga sil yn oantinken bliuwe salang as ús Selskip bistiet, as in pylder fan dit tydskrift. Yn de alve jier fan myn samlerskip spant hy fan allegearre de kroan.” En Wybenga oer dr. Wumkes²: „Dy man hat my in bulte leard”.

¹ Dr. G. A. Wumkes: Nei sawntich jier.

² Brief oan M. S. E. Visser, 18/12-'20 (Fr. Letterk. Museum).

Yn „Sljucht en Rjucht” (1918) stiet in artikel fan Wybenga oer Dr. Wumkes.

Mar yn de snuorje fan 1916 wie it in allerheisliksten rûzje en kabael yn de Fryske Biweging. En al wie ús dichter al tige biset yn syn healjounsûren, dizze striid liet nimmen mei rêst. En sa rekke ek Wybenga yn it jier 1916 yn de Jong-Fryske Biweging. Dizze organisaasje fan Radikale Fryske jongerein waard yn 1915 oprjochte troch dr. D. Kalma (1896-1953). De Jongfriezen bistriden fûleindich it Selskip 1844. En yn it earstoan luts it de hiele jongerein oan. Mar de koersforoaringen fan Kalma namen de ienheit fan de ynset wei en sa nou en dan foel in part fan de oanhang ôf. Sa liet E. B. Folkertsma it yn 1919 ôfwitte en Anders Minnes al yn 1917 (?). Yn literair opsicht binne de Jong-friezen biynfloede troch de tachtigers en wie dêr de foar- kar foar it sonnet. Foaral ûnder dy ynfloed hat Wybenga yn dizze tiid nei hegere kunst rikt. Sa skriuwt Wybenga¹: „Kalma hat twa fan myn sonnetten opnommen yn syn karbondel, hy fynt se sjongsum fan klank en suver fan ynhâld. Ik bin net in bytsje greatsk op Kalma syn oardiel. Hwat soe ik graech wolle, dat jo it ek mei de letterkundige opfettings fan Kalma lyk fine koene. Dy kant moat it út! Lit Hof c.s. mar sizze dat wy op de 80-ers lykje, dy 80-ers binne net sa min. Ik lêse nou in boek fan Kloos: „Letterkundige inzichten en vergezichten”. Dy goede ynsichten oer suverens fan klank, goede fieling en goed sjen meije wy wolris tige yn ús om gean litte”. De 10de fan de wintermoanne 1917 skriuwt Wybenga oan Michiel Visser: „Ik gean net by de Mienskip wei, sûnder dúdlik myn biswieren to sizzen”. Visser is krekt langer bleaun, omdat hy tocht Kalma foar it kristlik gelove winne to kinnen. Folkertsma skriuwt: „Earst gyng Wybenga, dy stille mimerder, hwaens siele stilheit ûntfinzen hat yn wrâlds gerûs, út it mienskipformidden - en net mei in sterk, strang tochte redenaasje fordigene hy syn ôftsjen, hwant hy is swak fan logika, mar bytiden klear skôgjend út syn teare yn- tuysje, hied er greater wissichheit en hat de logika fan de oaren forachte”. Ek yn it litteraire forliet hy dy wei.

¹ Brief oan M. S. E. Visser - nov. 1916 (Fr. Letterk. Museum).

² Tsjûgenis - 1920, s. 91.

1916: IT GREATE PLAN . . .

Sa nou en dan wie ûnder de hydragen fan Wybenga de oerset- ting fan in psalm. Yn 1916 hawwe al 23 psalmen yn de krante stien. De minsken binne optein. En dan ripet it plan om alle psalmen yn it Frysk oer to setten. Hwat wie de oanlieding om psalmen yn it Frysk oer to bringen? Earstens wie it in pro- grampunt yn de aksje fan it Christlik Selskip. Twads hiene al inkelde psalmen „Yn ús eigen tael” stien; nammentlik de psal- men 19 en 90 fan G. Postma út Moarmwâld. Wybenga hie gâns krityk op dizze oersettings, hy foun se stjitterich en ûndúdlik. Treds krige hy fan dr. Wumkes psalm 146 yn oersetting fan T. Tiezema tastjurd en hy fiede him roppen, om dêr hiel hwat yn to foroarjen. Sadwaende hie syn namme dêr better ûnder kinnen as T. Tiezema. Mar dat biwurkjen brocht him op it idé om sels oer to setten. Boppedat wie hy by it psalmboek opwoek- sen. „Moarns by de earste brogge liezen wy yn hûs trou út dat Bibelboek. Sadwaende moast de ynhâld my wol tige eigen wur- de. Op 'e Sneinsskoalle hie ik forskate fersen fan bûten leard en as men se sa faek yn tsjerke sjongt, dan sitte forskate gau yn it ûnthâld. Dêr kaem by, ús heit en mem mochten der graech oer en sjong sneintojounen in tal bikende psalmen”.¹ En sa barde it, dat op side 117 fan de 1e jiergong yn 1909 de Fre- depsalm 72 stie. En psalm 116 folge yn itselde jier. Mar alle- gearre? O, né it gyng Wybenga krektlyk as dr. Wumkes, dy't fan in mooglike Fryske Bibeloersetting sei: „It tinkbyld is hast to heech, dat de hiele Bibel nochris kant en klear yn ús eigen tael foar ús lizze soe”. Mar Wybenga, dy't in bannich libben hie as gerner en fêhâlder, dy naem yn 1916 it greate bislút om nochris 127 psalmen oer to setten.

¹ De Stim, d.d. 30-4-1948: Eat oer myn psalmbiriming I.

Wy sjogge de dichter dêr sitten yn syn hûs bûten Nijewier. Wy sjogge him arbeidzjen yn de jounsûren. Om him hinne lizze, iepenslein by de Psalmen: de Steatebibel; de Leidske fortaling (op oantrún fan Wumkes); de net birime psalmoersetting yn it Frysk fan G. Postma en P. de Clerk; en dan noch de birime psalmen fan Gysbert Japiks en ds. Althuyzen.

Sa wie it foar de dichter jimmeroan wer in kiezen en jitrisk kiezen. En troch de dei op it lân pleagen en boarten him de rigels troch de holle. De birimer wie fan doel tichtby de Hollânske biriming to bliuwen, mar dochs ek frij dêrfan. En minlike graech woe de dichter, dat it in folksboek wurde soe yn suver Frysk. Yn ien opsicht folge hy in oare wei as de Hollânske biriming. Oeral, dêr't de Hollânske biriming „maar” en „want” oan it begjin fan it fers hie, liet Wybenga it fuort. Mar hoe fielde hy de earmoede fan in goede terminology.¹ „Hjir wreekt him, dat wy 400 jier yn in oare tael bipreke binne as dy't wy fan hûs út meikrige hawwe”. Yn de Psalmen fan Gysbert Japiks siet tofolle fan G. Japiks en to min fan David en boppedat de kunstige tael fan G. J. soe yn ús tsjerken en by it folk net maklik yngong fine, neffens Wybenga. Yn 1948 skriuwt de dichter: „Moast ik nou nochris in biriming meitsje it soe gâns oars wurde. Faeks ienfâldiger en yn snediger tael.”

Der binne nije birimers opstien: Schurer, Brouwer en Smilde en sy hawwe better ark ta har foldwaen. Mar it bliuwt in greate en in moedige died. E. B. Folkertsma²: „Ik bitwivelje allinne oft wy der altyd tankberdernôch foar west hawwe, wy fan 'e biweging en wy fan de tsjerke”.

¹ De Stim, d.d. 6-5-1948: Eat oer myn psalmbiriming II.
De Stim, d.d. 21-5-1948: Eat oer myn psalmbiriming III.
De Stim, d.d. 28-5-1948: Eat oer myn psalmbiriming IV.

² De Stim, d.d. 17-9-1948.

Yn 1920 moast de dichter himsels foar it lêst moed ynsprekke om de lêste psalm oer te setten. It wie de 119de en hy seach der tsjin oan. It ritme en thema leine him net sa. Sadwaende skriuwt hy letter: „Dy iene psalm oer to bringen wie oer alle boegen in swier krewei”. Mar yn 1920 folbrocht ús psalmbirimer, hwat nimmen foar him dien hie: de folsleine psalmoersetting yn it Frysk. It moast oant 1923 ta duorje foardat dizze psalmen ûnder it folk kamen. Efteryn it psalmboek skriuwt G. Kamerling fan Eastrum, dy't folle dien hat om dit psalmboek op de kristlike skoallen yn gebrûk to krijen: „Al soene wy as (kristlik) selskip, dêrfoar allinne bistien hawwe, dan koene de oprjochters mei tankberens tobeksjen op har bodzjen. Al soe dit it iennige wêze, dat ús selskip birikt hie, wy koene tofreden wêze”.

En ds. S. H(uisman) skiuwt „Yn ús eigen tael” (1920 side 172): „Jan Althuysen sines hellet net yn pracht by dy fan Wybenga. Dy fan Wybenga is in wûnder, sa moai”. It wie foar Wybenga in greate dei sa'n dik fjouwerhûndert lju harken steande mei, doe't dr. Wumkes him bitanke foar dit prachtich wurk. Yn in prachtige rede spriek dr. Wumkes oer it „Himelsk Harplûd”.¹ En Wybenga krige in eksemplaer yn sloplearen bân, dêr't Bulthuis fan Raerd mei prachtige sierletters yn sette: „Oan de hear A. M. Wybenga, de birimer fan dizze psalmen, oanbean fan it Christlik Selskip for Fryske tael- en skriftekennisse út greate tankberens”. In selde eksemplear waard stjûrd oan de keninginne. Yn itselde jier hat Wybenga (mei greate trou! - Wumkes) mei trije oaren it Nije-Testamint, troch dr. G. A. Wumkes yn it Frysk oerset, as revisor trochlêzen.

¹ Ofdruckt Yn ús eigen tael - 1923.

Nei de alve jier samlerskip fan dr. Wumkes en it iene jier ûnder forantwurdlikheit fan it Haedbistjûr (ds. Huismans) kriget Wybenga de lieding en docht dat trije jier lang.

De drokte mei de psalmen is efter de rêch, ek al freget de koreksje noch wol hwat tiid. Ek de revyzje fan it Nije Testamint freget syn tiid en dat sil ek de opliedingsleargong foar de Fryske ûnderwiisakte yn Dokkum dien hawwe.¹

De lesjower wie dr. D. Kalma, sa as in meikursist my meidielde.² It is ek wer yn dit samlerswurk dat Wybenga hoekhâldt, noed stiet foar de ynhâld en foar op tiid útkommen. En eltse dei wie dêr it swiere libben fan syn buorkerij. Hwant Alderheljen wie it wer hierbiteljen! En út de buorkerij moast de fortsjinst komme! De Fryske skriuwerij koste allinne mar en brocht neat yn it laedtsje. (Hoefaek haw ik net fan de boeren heard, hoe swier it wie, om yn dy tiid de eintsjes oanelkoar to krijen. Hoefaek moast net frege wurde om útstel fan hierbiteljen). Yn 1924 waerd troch Wybenga it artikel fan Folkertsma opnommen, dêr't de swiere oanfal ynstie op de âlderein yn it haedbistjûr fan it Christlik Selskip. Hjirfoar waerd hy by it H.B. op it matsje roppen, om syn hâlding to fordigenjen. In swiere oanfal op de Upstalbeam (1925) docht Wybenga lykwols yn it „Friesch Dagblad”.³ Yn de wiken dêrop folgje felle reaksjes fan M. S. E. Visser en Fedde Schurer. Yn dizze saek wie Wybenga gâns earder út de rie as mei de Jong-Friezen.

¹ P. Terpstra: Fryske Folksdichters, s. 132.

² Brief S. R. Sipma, Ingwierrum, 2-2-1970.

³ De „Upstalbeam” wie in idé fan dr. P. Kalma. Hy bisocht yn dizze nije organisaasje ien striidfront to foarmjen. Sjoch „De Upstalbeam”, 1925, 8. Yn de namme „Upstalbeam” waerden de bylden út it fiere forline fan it Greate Fryslân of de Sawn Fryske Sêlannen wer oproppen.

WYBENGA AS RESINSINT

As samler kriget men ek boeken tastjûrd foar resinsje. En it is nijsgirrich om de man ek op dat mêd to folgjen, om't it ús

hwat seit oer syn smaek. Oer „Rispinge” fan Piter Jelles: „Alle Friezen, dy't noch in pear skimmelige ryksdaelders lizzen hawwe, kin oanset wurde dit boek to keapjen. Hwat is dat dichtwurk! It skomet en brûzet, it boartet en pattet, it tilt en trillet”. Fan „Tsjûgenis” (E. B. Folkertsma) is it: „En dat bern (fan de Ferwerter Toer) tsjûget, mar hy hat noch net de libbenswysheit fan syn learmaster forstien, dy't sûnder polemyk sprekt, fan Jezus, de Christus, en steech - sûnder him om hwat oars to bikroadzjen - nei boppen wiist”. En dr. D. Kalma kriget selden in plûmke: „Men kin der hast gjin each op hâlde hoe folle figuranten hy sa ien mei oar nei foaren hippelje litten hat, om se koart dêrnei mei syn ôfstjittende krêft yn de kunde to bringen”. Dit slacht op de nijfoarme redaksje fan Frisia: R. Brolsma en A. Jousma, njonken Kalma. En op in oare kear: „Ik moete yn Kalma syn wurk to min stille krêft, suvere fisy, rêstige útbylding en dy sêfte glâns, dy't mei dimmene klearens ús himelhichten en kimewidens skôgje kin”. Nochris: „It is deselde wierek fan altiten: de selsforhearlikjende jongfryske stjonkerij stjonkt jin wer by gjalpen tomjitte. Efkes de noas tichtknipe”. Oer Brolsma: „Brolsma is ien fan de knapste Fryske novellisten. Hy sjocht de dingen skerp en tekent forminstich. Syn figueren libje. Mar it is: forgif. It is hast yn alle bisprekken itselde, Wybenga kin hiel fier komme yn syn wurdearring fan it literaire (sa bygelyks oer Obe Postma syn Fryske lân en Fryske libben) mar altiten rint it út op in: „Gjin hope op de gouden takomst fan Kristus” en: „Hy mist fan it Fryske libben de goudene wierek fan it libjen yn God, de Almachtige”. Spitich is, dat oaren dy't „dit” wol hawwe, mar yn it literaire *neat*, yn it foaren al in goede resinsje krije. Dêrom binne al dy koarte forhalen út dizze tiid fan Wybenga ek net to lêzen, omdat se to goedkeap-prekerich binne!

„HWAT SIZZE DE KRITIKEN?” (WURK 1908-1923)

Dr. Douwe Kalma¹ fynt, dat by Wybenga it measte fersewurk op de grins leit fan rymlerije en dichtwurk. Folle komt der

ûnder en neat der oer hinne. Allinne yn it ienfâldige kin de dichter wol hwat birikke. Kalma fynt it oersetten wurk gâns better: „De twang fan it oersetten lit de dichter oan utering winne.” Dochs ûnbrekt it ek yn de psalmen fakentiids oan dichterlik fielen. Wybenga dy't sels yn it earstoan de Jongfriezen folge, falt yn felle kritiken (foaral yn de tiid fan syn samlerskip!) de Jongfriezen oan. Binammen dr. Kalma moat it faek bilje. Gjin wûnder, dat dr. Kalma him hjiroer geweken nimt. En hy hat gelyk, hwant de krytyk fan Wybenga is to min rjochte op it produkt en tofolle op de makker. Mei 8 nummers út syn dichtwurk is Wybenga yn Kalma's boek tige goed fortsjinwurdige. Jan Jelles Hof² is posityf yn syn bisprek fan „Loddespitten” (1911). Hy wiist it swakke sté ek oan, nammentlik de satiryske en humoristyske kant. As Wybenga it oer dy boech goait, giet it faek mis. Lyk as Kalma fynt ek hy Wybenga gjin proazaskriuwer. Mar yn forskate fersen hawwe wy yn Wybenga in lyrikus, dy't wiere wûnders mei syn tael docht. F. Schurer³ hat in krytyk skreaun op de psalmen. Hy fynt, dat de Fryske it yn rikens en swidens fan klank winne fan de Hollânske. Mar de prachtige uteringen lizze fragmintarysk troch it hiele wurk. Wybenga wit trochstrings better de krêftige as de teare toan to treffen. Spitich is, dat de dichter goedfryske wurden as Heit, genede en seine oerset mei Fader, genade, segen. Ek to faek brûkt Wybenga de genityffoarm „der”. Mar seit Schurer: „Men seit, dat de Hollânske psalmoersetting fan Dathenus yn de 16de ieu it folk djûr wie, om't de reek fan de brânsteapels der yn hong. Sa sil dit psalmboek fan Wybenga ús djûr wêze, om't de krûddamp fan de Fryske striid der yn hinget.” Dr. W. Kok⁴: „Wybenga hat by de lofpsalmen goed wurk dien”.

¹ Fryske skriftekennisse, diel I 1897-1925, s. 33, 47, 394.

² 40 jier taelstriid - 1941, diel III, s. 62.

³ Frisia - 1924/25 VIII.

⁴ De Stim, - 7 novimber 1947.

D. A. Tamminga: „De Fryske psalm troch de ieuwen hinne” - Yn ús eigen tael - 1940.

UT DE REDAKSJE

Yn 1930 bidarret Wybenga yn de lieding fan it Griffformeard Selskip en stiet hy bleat oan de felste (soms ek persoanlike) forwiten. Mar dan skriuwt hy oan ien fan syn bistriders¹: Hwa is bigoun? Hwa hawwe tsjin Kamerling oanrost, hwa woene Schurer op syn plak hawwe en hoe hawwe jimme my bihannele mei myn redakteurskip?” Anders Wybenga rekke dus net sa mar ôf as samler. It plan fan de radikale jongerein wie om Folkertsma de macht yn hannen to spyljen. Neffens Wybenga spile Folkertsma it taktysk - yn it plak fan foarsitter van Dyk moast Visser en yn it plak fan Kamerling, Fedde Schurer as nije skriuwer. Mar Wybenga warskôget Visser²: „E. B. Folkertsma wol jo as foarsitter om jo wer ôf te skepen as hy sels de kâns sjocht”. En syn brief bigjint mei: „Né, né, né. Dit is fan Folkertsma in gripen nei de lieding.” Yn 1925 soe in kommisje bineamd wurde foar it blêd. Wybenga lykwols wegere in sit yn dy kommisje. Boppedat wegere hy in kronyk fan Folkertsma. Sa giet it blêd fierder ûnder de flagge fan it trijemansskip: G. Koelstra, M. S. E. Visser en Fedde Schurer.

It earste fers dat Wybenga hjirnei publisearret hat as titel: „Bitrou dyn leed by minsken net”. De ynhâld stiet fêst yn forbân mei itjinge yn de foarôfgiene tiid bard is. De trije jiergongen fan Wybenga stekke net meager ôf by de oaren. Hy joech romte oan oaren, ek oan F. Schurer. Mar syn eigen wurk hat der frijwat ûnder lit. De krante moast wer fol en dan sels der mar wer foar, as der to min ynkomt oan kopy. Mar de trochbraek fan Folkertsma, dêr griisde hy fan. En fielde hy faeks dat Schurer as dichter mear yn de mars hie as him? It jild, hwat Wybenga to foarderjen hie (350 gounen), stie hy ôf oan de Selskipskas.

¹ april 1931 - Brief oan M. S. E. Visser (Letterkundich Museum).

² juni 1924 - Brief oan M. S. E. Visser (Letterkundich Museum).

It Christlik Selskip keas foar de nije opset fan in ûnderwiis-federaesje yn de A.F.U.K. Dy wei biwannele it Ald Selskip net. Yn in pinnestriid (Friesch Dagblad) liet Wybenga blike, it *net* mei it Christlik Selskip iens to wêzen en keas de kant fan it Ald Selskip. Wybenga waerd bineamd yn de ûnderwiiskommisje fan it Ald Selskip en naem dy bineaming oan. It Ald Selskip hie nammentlik twa plakken iepenhâlden foar leden fan it Christlik Selskip.

Dizze plakken bleauwen lykwols iepen; omdat it Christlik Selskip mei de Upstalbeam en de Jong-Fryske Mienskip syn ôffurdigen yn de A.F.U.K. hie¹. Dit wie in allermâlst ûnorganisatorisk barren! Wybenga wie ommers noch haedbistjûrslid fan it Chr. Selskip. Hy gong dus yn tsjin in bislút fan it haedbistjûr! Yn in publikaesje fan it haedbistjûr stiet dan ek: „It H.B. fan it Chr. Selskip stelt der priis op to forklearjen, dat it de hear Wybenga op dat plak út noch yn net sjoen hawwe wol as syn ôffurdige en dat it oannimmen fan de hear Wybenga sûnder oerliz mei it haedbistjûr barde en dat it dus abslút bûten it haedbistjûr en bûten it Selskip omgien is.” De tsjinstanner yn de pinnestriid wie H. S. van Houten. It skeel fan de mannen waerd yn 1925 ek wer bylein. Mar yn it „Friesch Dagblad” forskine yn de twadde helte fan 1925, trije artikels fan Wybenga, dy’t dúdlik sjen litte, dat Wybenga kriticyk hat op de foarings yn it K.F.S., en op de Upstalbeam en dat hy „by Hollân bliuwe wol en ûnder keninginne Wilhelmina”. Oan it ein fan 1925 gyng Wybenga neffens roaster ek as haedbistjûrslid fan it Christlik Selskip ôf. Hy hat fan 1908-1925 op ûnderskate wizen en mei greате ynset it Selskip tsjinne.

¹ De Algemeene Fryske Underrjocht Kommissje waerd yn 1925 ynsteld troch inkelde Fryske Selskippen. De A.F.U.K. woe it Frysk ûnderwiis bifoarderje. Sa waerd der noed stien foar Fryske kursussen oan skoallebern.

In man, dy’t safolle dien hat yn it Christlik Selskip, in man dy’t safolle freonen yn dat Selskip hat, hoe komt dy der ta om dat Selskip to forlitten? Fiel hy him persoanlik rekke troch de redaksje-affaire, is hy swier misledige? Of sit it djipper? Myn bitinken is dat Wybenga syn Kalvinistyske oertsjûging net lykop gean koe mei it nasjonalisme fan Folkertsma. Dêrom hie hy ridlik gau genôch fan de Jong-Friezen en dêrom woe hy net lid wêze fan it Ald Selskip 1944 en dêrom karde hy fûleindich de Upstalbeam ôf en dêrom eange hy foar de lieder Folkertsma. Yn 1920¹ is it al: „Myn idéael is in frij Fryslân yn federatyf forbân mei Hollân”. En yn 1924¹ seit hy: „It Christlik Selskip stiet nou op de twasprong. Yn sept. 1927¹: „It Christlik Selskip giet de forkearde kant út ûnder Folkertsma (plus de oaren).” En tige fyntsjes: „Dat fan jimme meilijen mei my is dochs aldersierlikste moai! Dêr kinne jimme wol in wyt befke fan foar dwaen”. Alhoewol de freonskip fan Wybenga mei M. S. E. Visser danich oan it forkâldzjen rekket, bliuwt it jimmeroan „freon” boppe it brief.

In brief fan 12 jann. 1930¹: „Eale hear en freon, boem, boem, boem, hwat slagge jo op de greate trom”. En fierder: „It hiele tydskrift (Y.ú.e.t.) is gjin kwartsje wurdich, lit stean in riks. Nimmen, glêd nimmen, hat dêr mear hwat oan. Is it yn de Chr. Fr. biweging net in barre sleauwe rommel?” En yn april 1931¹: „Moat it dwaen fan Folkertsma net útrinne op in Frysk Nasjonale Partij? Hwerom dochs alle troeven op Folkertsma?” Hy trunet Visser oan, om kristen-Visser en net nasjonalist-Visser to wêzen. Hoe komt God oan syn eare? Dat wie foar Wybenga wichtiger as it nasjonalisme - de eare fan Fryslân mooglik. Wybenga hat yn syn pinnestriid it saeklike fan it persoanlike skieden, mear as syn tsjinstanners. En as hy net gelyk hie???

¹ Brieven oan M. S. E. Visser, Letterkundich Museum.

Wie dit nije ûnderdak better as it âlde? Wiene Uddo en ds. Douma nou sa direkt syn mannen? Of wie dizze wei foar him de iennige dy't noch iepen wie? Yn elts gefal hat hy oan it Griffformeard Selskip en Tydskrift, as haedbistjûrslid en as redaksjelid syn krêften jown. Op de Britsumer konferinsjes foarmet hy de Griff. Selskip delegaesje, mei ds. Douma. De Christlik Selskip delegaesje bistie út Folkertsma en drs. O. A. Bouma. De konferinsjes waerden hâlden op 14 july en 25 aug. 1930. De spjalt is net to oerbrêgjen. En fûleindich makket Wybenga yn it „Fr. Dagblad” yn 1930 reklame foar it Griff. Selskip. Fan dat Selskip is hy ommers skriuwer. M. S. E. Visser¹: „It Griffformeard Selskip wie net oars as réaksje op ús Frysk - nasjonaal - stribjen. It nasjonale wie it kardinale punt.” Visser is fan bitinken, dat Wybenga troch Uddo en ds. Douma brûkt waerd en yn it Griff. Selskip jimmer in meigeande rol spile hat.” It Christlik Selskip forlear ek mar 8 leden oan it Griff. Selskip. Mar Wybenga krige yn dit blêd in publikaesje-mooglikheit yn de 30-er jierren. Alle eardere freonen koene dizze die fan Wybenga min forkropje. En de oanfallen op Wybenga binne kostlike lektuer. Dat in Bauke de Jong 15 jier nei de oarloch in oanfal docht op nasjonalistyske tendinzen yn it wurk fan Folkertsma fornuvert jin safolle net as in Wybenga, dy't mear as 15 jier foar de oarloch al huvert foar deselde dingen.

Wie it Folkertsma net, dy't fan Wybenga sei, dat hy in yntuitive geast hie? Mar dat dyselde geast dan yn hannen komt fan Uddo en ds. Bouma, dêr kin men dochts net rjocht frede mei hawwe. Mar yn syn situaesje wie der net in oare kar.

¹ Brief fan M. S. E. Visser oan de skriuwer.

KRISTLIK FRYSK FOLKS BIBLETEEK

Christlik Selskip en Griffformeard Selskip wiene fier útelkoar groeid. Mar it wie R. S. Róarda, dy't dizze beide organisaesjes

yn in Kristlik Fryske Bibleteek tocht oan it oparbeidzjen to krijen. En dat is lukt. Dat it in *Folksbibleteek* waerd is op oantrún fan H. Twerda. Fan 12 febr. 1935 oant syn dea yn 1948 hat A. M. Wybenga foarsitter west fan de K.F.F.B. En hy hat foar dizze organisaesje in soad dien. Ut it kreaze archyf fan de K.F.F.B. komt jin in foarsitter to mjitte, dy't tige noed stie foar de organisaesje. In great tal brieven tsjûge fan syn meilibjen. Fan syn oerlizzen mei de oare bistjûrsleden. Fan it opjaen fan nije leden. Hast alle hânskriften waerden troch him lêzen. Syn kalvinistyske ynstelling makke ek yn dit wurk de mesken nau. „De Hoara's fan Hastings” fan Simke Kloosterman wie yn syn eagen in hiel goed boek. Mar foar in op 'en nij útjaen troch de K.F.F.B. skrilte hy tobek. De humanistyske geast sinnige him net. Lykwols is hy letter bliid mei de útjefte. En dan wie dêr it bigryp „Folks”. Ek dit stiek by Wybenga tige nau. Sa wie it Reveil fan Wumkes in pûrbêst boek yn de eagen fan Wybenga. Mar hy wie bang, dat it de K.F.F.B. yn ledetal noch net sterk, gjin goed dwaen soe. It soe de gewoane man boppe de pet gean. Om deselde reden doart hy it net oan (brief 5-11-40) om „Simson” út to jaen. „De Gouden Tried” fan Watse Cuperus is in boppe-slach yn syn eagen. „Sok foer moatte ús kristenen hawwe”. (18-11-41). Yn de hear Fennema seach Wybenga in greate freon en mei him hat hy in soad oerlein. Binammen ek yn de folgjende episoade, nammentlik it skriuwen fan Wybenga syn boek „It Soenhús” en it útjaen fan dat boek troch de K.F.F.B.

IT SOENHUS . . . (1937)

A. M. Wybenga wie de foarsitter fan in Bibleteek, dy't graech boeken útjaen woe, mar dy dat net dwaen koe, omdat der sa'n bytsje hânskriften ynkommen. Yn de korrespondinsje falt it hiel-titen wer op: „Jitte is der neat ynkommen”. As dan de foarsitter-sels bigjint om in boek ynelkoar to setten, dan is dat in moedige died. Op 28 jann. skriuwt Wybenga oan Fennema, dat hy noch ien haedstik oan it Soenhús skriuwe wol. Yn in brief fan 3/2 docht bliken dat Wybenga hiel hwat yn syn boek for-

oare hat op oanrieden fan Fennema. Dêryn skriuwt hy ek, bi-socht to hawwen om de streekútspraak oan to hâlden. Piebenga giet akkoard mei de útjefte fan „It Soenhús”¹. Ds. Feenstra fan Ljussens, karmaster fan de K.F.F.B. is net tsjin útjefte. Hy fynt it mear in novelle as in boek en wol it hjir en dêr yn-koartsje. Ek merkt hy op, dat Wybenga in eigen stavering hat¹. Ek Wendelaar Bonga is foar útjefte¹. Op 7 sept. skriuwt Wybenga, dat hy ûngeduldich op syn geastesbern sit to wachtsjen¹. Mar yn oktober skriuwt hy oan Fennema: „Justerjoun haw ik twa eksemplaren fan „It Soenhús” thús krigen en ik bin der tige mei ynnommen.” De skiednis fan Ropta en it Soenhús wie faek oan Wybenga forteld yn syn jonge jierren. De namme Ropta hie op Wybenga in enoarme ynfloed, syn fantasije wie dêr mear as ienkear mei dwaende. En sa ûntstie ek yn datselde jier 1937 dat oare lytse boekje: „Ropta, syn mounne en syn skiednis”, dat wy hjir al earder yn opnommen hawwe, as foarbyld fan it histoarysk proaza dat mei en nei de stúdzje fan syn roman ûntstien is. Mar „It Soenhús” krige in sturtsje en dat is to nijsgirrich om wei to litten.

¹ Archyf K.F.F.B. 1937.

SOENHUS EN DE KRITYK

E. B. Folkertsma fynt dat dit boek mei nocht lêzen wurde sil. En der is forlet fan dit soort folkslektuer. Dêrom eidet hy oer syn biswieren (littéraire, histoaryske, stichtlike) hinne. Syn biswier is, dat dit boek to min folkslektuer is en tofolle literatuer. De literator nimt sels to faek it wurd en lit de 13de iuske Friezen oer de natuer mimerje as wiene it foech-dichterlike sielen út de 19de ieu. It „Friesch Dagblad” fynt dat er gong yn it forhael sit en de strekking goed is. It blêd stelt de fraech: „Bifrediget it boek yn alle opsichten? Bygelyks histoarysk yn syn figueren?” De skriuwer sels freget mei langmoedigens to oardieljen.” J. H. Brouwer fynt, dat de persoanen net libje en soe graech wolle dat de skriuwer syn sucht nei moralisearjen ris ûnder de kwint hâldde. Mar op Wybenga syn

Dongeradielster Frysk soe men jaloersk wurde. Jan Piebenga, bistjûrslid fan de K.F.F.B.! komt yn „Folk en tael”, okt. 1937, nr. 10 ta dizze krityk: „De skriuwer freget om in bytsje langmoedigens, in biwiis dat er de swakkens sels wol fielt? Men soe it graech oanpriizgje wolle. Mar as it folk net yn it boek libbet, as it allegearre seldsum flak en egael bliuwt, as de histoaryske entourage koulisse-eftich en fier fan krekt is, as men nea fierder komt as it biheinde eachweid fan Eastdongeradiel, ja dan wurdt dat in swier krewe. Der sit gjin koartswyl, gjin earnst, gjin boartlikens en gjin dramatyk yn dit boek, it is stiif, prekerich en sentimenteel skreaun (. . .) It is in griis foar it tige kreaze pakje, foar de K.F.F.B., dy’t oars sok bêst wurk docht, foar de skriuwer net to min, dy’t it sa goed bidoelt . . . Mar in boekskôger mei fan syn hert ek net in moardkûle meitsje.”

RUZJE JAN PIEBENGA EN WYBENGA

Yn it earste bistjûr fan de K.F.F.B. (23-2-’35) sieten A. Wybenga, J. Piebenga, J. Fennema, Watze Cuperus en D. Dykstra fan Tersoal. Anders Minnes waerd foarsitter en bleau dat oan syn dea ta. Mar yn febr. 1936 kin nimmen keare, dat Cuperus der út stapt. Wybenga skriuwt oan Fennema¹: „Nei myn bitinken is de oarsaek it anti-militairisme fan Piebenga - it is yn myn eagen ek in grouwel - mar ik kin der hwat better oer komme as Cuperus”. Dan skriuwt Piebenga syn resinsje (oktober). Earder hie hy him blinelings akkoard forklearre mei de útjefte fan „It Soenhús”. Allinne skreau hy oan Fennema: „Ien ding hoopje ik, dat der net sa yn preke wurdt as yn de twa foarige útjeften”. Op 13 nov. skriuwt Wybenga oan Fennema¹: „Hwat hie Piebenga in nuvere resinsje oer „It Soenhús”. Ik haw him skreaun, dat ik dit net fan in bistjûrslid fan de K.F.F.B. forwachte hie.” Op 18 nov. skriuwt Jan Piebenga wer oan Fennema: „J. P. as skôger is in folslein oar minske as J. P. as bistjûrslid K.F.F.B.” Op 27 nov. skriuwt Piebenga, dat it him muoit de bistjûrgearkomste net bisykje to kinnen, hwant hy hie graech it skeel út de wei prate wollen mei Wybenga. Mar 11 des. sjocht Fennema

raer op: Piebenga bitanket as bistjûrslid fan de K.F.F.B. Earstens om tiidkrapte. Twads om in brief fan Wybenga, dy't him ferge hie op in skuldbikenten¹.

Dy brief hat P. net biantwurde. Wybenga hat dêrop noch in brief¹ oan Fennema skreaun, dy't hjirby ôfdrukt is. Anders Minnes docht yn in brief fan 11 maart 1938 nochris to witten neat fan it anti-militairisme hawwe to moatten.

„Wy yn East- en Westdongeradiel binne B.V.L.-mantsjes en ek net in bytsje. Yn myn eagen is it anti-militairisme in dwaesheit.”

¹ Archyf K.F.F.B. 1937.

Nijewier, 17 Des. 1937.

Bêste frjeon Fennema,

Deis barnende drok en twa jountiden oanien foart, dêrom haw ik Jo net daliks weromskreaun. 'k Hoopje, dat de saek der net mei yn 'e war stjûrd is en Jo foartfard hawwe mei hwer't mei foartfard wurde moast.

Wy sille it wol smite moatte op it boek fan Akkerman. Fensels it bringt for Jo wer in bulte wirk mei, en ik wol graech foarút myn weardearring der oer útsprekke det Jy Jô det allegearre getreaste wolle.

Op 25 gonne hoanorarium haw ik net tsjin, as it om de pot kin en as wy der letter gjin leijen mei krije. Mar hawar, det sjugge wy den letter mar wer op to knappen.

It moeit my det Piebenga bitanke hat. In bytsje stabiliteit yn ús bistjûr liket my it bêste ta. Earst Cuperus, nou Piebenga . . .

Do't it Soenhûs in setsje yn 't ljocht wier, skreau my immen: Piebenga hat in resinsje skreaun dêroer, sûr en wrang, mei in skepke sûker der oer, om it noch misliker to meitsjen.

Do't ik dy resinsje lies preaude dy my ek krekt sa oan lyk my skreaun wier. Nou scil det Piebenga syn bidoeling net west ha om it sa to meitsjen, mar men moat by yens skriuwen der dochs ek rekken mei hâlde ho't it priuwt.

Ik ha P. dêr oer skreaun, ek sein det ik gjin wird oer Nû. 1 en 2 fan de K.F.F.B. sein hie, howol as 't wêze moast, soks mar in lyts kinstke wêze scoe. Det hy, as it boek him sa min sinnige, soks foarôf sizze moatten hie. Oars is it de saek yn 'e rêch oanfallen.

Krij ik dêr dû brief op det hjir by giet. Fen alles wirdt my hjir nei de holle smiten. Hy tinkt det ik der lilke om wêze scil. Yn 't minste net: it moeit (my) det in persoan as Piebenga dêr't ik dochs ek achting for krige ha, him sa gean litten hat. (Jo jowe my det brief wolris werom.)

Do krigen wy ús Bistjûrgearkomste. Jo seine, Piebenga hie det net sa raer bidoeld. Wol man, ik wier der bliid om.

Dêrom haw ik him in deimannich neitiid skreaun. Syn lêst brief scoe syn lêst wird wol net wêze, sette ik der yn. As hy my sei, det hy det net sa raer

do krigen wy ús Bistjûrgearkomste. Jo seine, Piebenga hie det net sa raer bidoeld. Wol man, ik wier der bliid om.
Dêrom haw ik him in deimannich neitiid skreaun. Syn lêst brief scoe syn lêst wird wol net wêze, sette ik der yn. As hy my sei, det hy det net sa raer bidoeld hie en mei is to de oerwinne kommen in der resinsjen fan útgeffe fan K.F.F.B. mar oan oaren oerlitten wurde moest wêlt der wis de saek wer soen.
En nou skriuwe jo my, Piebenga hie bitanke. It is in rare boel. Mar ik bin mei de hân op it hert foarkeare det it myn skild net is. Ik moeit dochs myn minning wol marke, det de Bistjûrslide fan K.F.F.B. for de útgeffe fan K.F.F.B. stean moatte. Jim riss it seldde. En feitlik haw ik neat oars dien. Ik hoopje mar net det der mear misferstannen it antanke.
Steetlik groet fan
ed. H. Wybenga.

bidoeld hie en mei ús ta de sjenwize kommen wier det resinsearjen fen útjeften fen de K.F.F.B. mar oan oaren oerlitten wurde moast, wel den wier de saek wer soun.

En nou skriuwe Jo my, Piebenga hat bitanke. It is in rare boel. Mar ik kin mei de hân op it hert forklearje det it myn skild net is. Ik mocht dochs myn miening wol sizze, det de Bistjársleden fen 'e K.F.F.B. for de útjeften fen 'e K.F.F.B. stean moatte. Jim sizze itselde. En feitlik haw ik neat oars dien. Ik hoopje mar net det der mear misforstannen út ûntsteane.

Hertlike groetenis
A. M. Wybenga.

IN FORRIEDER?

It artikel fan Wybenga¹: „De Fryske idé” hat kwea bloed set. De lju fan it Kristlik Selskip kinne it mar min hawwe, dat Wybenga harren forlitten hat en nou yn it G.F.S. húsmannet. Jan Piebenga skriuwt: „It binne dêr yn it Griffformeard Selskip anti-Friezen! En hwat is A. Wybenga mear as in jeuzelpot en in bistrider fan alle wierhaftich Frysk libben, as men syn bistek „De Fryske idé” lêst. Tsjin jo (bidoeld is Fennema) kin ik my ris útrate sûnder fan ketterij fortocht to wurden². M. S. E. Visser skriuwt oan Jan P.: „It boek fan Wybenga is mis” en hy set in fûle oanfal yn op Wybenga, dy’t bidoeld is as in swiere oanfal op it G.F.S.”²

Piebenga skriuwt oan Fennema, dat hy it mei Visser iens is: Wybenga hat him yn „De Fryske idé” as forrieder bitoand². Yn in brief fan 22-12-1937 docht M. S. E. Visser nochris in oanfal op Wybenga, dy’t sa goed opfoeden is ûnder ds. S. Huismans en nou ûnder dy ds. Douma tahâldt. Hy skriuwt: „De ynfloed fan it Griff. Selskip is oeral fordjerlik en laet ta de dea,”² Nijsgirrich is, dat Wybenga yn in brief fan 30-3-1939 meidielt, dat ds. Douma mei wurdearring oer M. S. E. Visser praet en dat it oarsom skellen en rachen is. Letter binne Visser en Wybenga wer goede freonen wurden. Mar Visser waard mei leijen lid fan de K.F.F.B. op 4-4-1936, omdat Wybenga foarsitter wie!!!³

¹ Griff. Frysk Tydskrift. ² Archyf K.F.F.B. 1937. ³ Archyf K.F.F.B. 1936

1881-1948

Dat binne de twa jiertallen hwertusken it libben leit fan Wybenga. By it earste heart noch 25 oktober en by it twadde 9 septimber. Syn heite pake kaem om 1800 hinne fan de Wâlden (De Westerein) nei de Hantumerútbuorren as boerearbeider. Mar Anders syn heit koe in lytse gernier wurde. In swier bodzjend libben bleau it. En sa koe ek ús dichter op tsienjierrige leeftyd fan skoalle ôf en oan ’e slach. Och, it wie yn dy tiid foar iderien gelyk. Mar hy hie greате niget oan de natuer en woe graech lêze. Goede boeken wiene lykwols amper by de hân. Wybenga is berne yn in kouwelmekershúske by de Nijhústerpiip op ’e Slap-entaei ûnder Nijewier en hat, op de lêste pear jier nei, dêr ek wenne.

Lit ús ek nou nochris de dichter sels oan it wurd, by it oer-eagjen fan syn 40 jier yn de Fryske striid.

Yn eigen tael

Yn eigen tael - Gods greате dieden,
It biedwurd fan nêst fjirtich jier,
Us folk op eigen paed to lieden:
Hoe heech dat doel! Mar d’útkomst fier.

Us eigen tael yn Frysk formidden,
Foar eigen saken yn ’e pleit:
In wurk fan wraks’ljen, freegjen, bidden,
Oankloppen by de Himelheit.

De opjefte great - mar lyts de minsken
Yn tal, sa hjir en dêr ris ien,
By swak talint in macht fan winsken:
En ha w’ ús ropping trou forstien?

Yn eigen tael - Gods greате dieden;
 Us sterkme en krêft by 't idéael
 In hege God, in bern fan d' ierde;
 It Pinksterheil yn d' eigen tael.

- * Ald boargemaster v. Ek fan Achtkarspelen, dy't ienris yn Nijewier wenne, sei: „Wybenga wie yn eigen doarpsformidden in Gysbert Japiks, dy't it Frysk omheech brocht”.

OAN DE EIN . . .

Anders Minnes Wybenga hat libbe mei syn tiidgenoaten. Net as in jaknikker of in meirinner. Syn oertsjûging, syn leauwe makke him ta in striidber man. En sa lizze lâns syn wei de rûzjes en de skelen: Mei. E. Folkertsma, mei F. Schurer, mei J. Piebenga, mei Michiel Visser, mei dr. D. Kalma, mei minsken út syn eigen doarp. De âlde-Griken hawwe it al sein: Yn de „polemyk” ûntstiet de wierheit. Polemyk kin soun wêze, binammen yn Fryslân. Mar as it soun is, moat it ek wer bylein wurde. Oan de ein fan Wybenga syn libben wie dêr dan ek net folle hingjen bleaun fan alle rûzjes. Jan Piebenga skreau in moai bitinkingsartikel in de Ljouwerter, Folkertsma yn De Stim, en Fedde Schurer skreau in prachtig fers „ta oantinken” en Michiel Visser sette in bitinkingsartikel yn „Ons Friese Platteland”.

Wybenga syn wurk hat my al jierren oansprutsen. Sjoch, hwanear akademysk foarme lju en masters eat opsmite foar de Fryske skriuwerij, dan is dat net mear as hwat men forwachtsje mei. Mar as sa'n lytse boer dat ek docht, dan is dat opmerklik. Dan is dat eat hwat foar it fuotljocht komme moat. Ik bin bjusterbaerlik bliid, dat dûmny L. C. van Drimmelen destiids sa enthousiast ynheakke op myn útstel yn de Dokkumer, om dizze dichter nochris to bitinken.

De kommisje „Anders Minnes Wybenga”-bitinking, de gearkomsten en it wurk, it wie foar my ien great feest!

Wy litte Wybenga foar it lêst oan it wurd:

„Ik bin just net ien fan dy minsken, dy 't sa bot yn de djippe wurkje, ik skriuw mar hwat ferskes en sketskes út it folkslibben.

D. W.

Leden A. M. Wybenga-komitê 1970:

G. Haaksma, Eanjum. Doet Visser, Wetsens. A. Wiersma, E.-Nijtsjerk. M. J. Boersma, Ie. Ds. L. C. van Drimmelen en J. Walda, Nijewier. A. Visser, Ingwierum. P. Hania, Nes. Doede Wiersma, Tytsjerk. D. Sytsma, Wetsens.

MYLPEAL

Alde, goede, hege namme,
Alderheljendei,
Efkes bringst' ús út it stramme
Fan de dagen wei;
Nou't kâlde winen waeije
Bringst' ús wer yn 't sin
Hoe't dyn tsjinhang, hoe't de maeije
Us formeitsje kin.

Namme dy't sûnt ieu en tiden
Yn ús Fryslân klonk,
Dy't nei wurk en hjerstich striden
Nei de winter wonk.
As in mylpeal meist' ús wêze
Yn ús drok bistean,
Dêr't w' in rêstich wurd op lêze
Ear't wy fierder gean.

„Tel dyn dagen, tel de gaven
Dy't de simmer droech,
Dyn bihâld fan hûs en have
Lyk de hjerst dy't joech;
Tel 't gemaek fan fé en fruchten,
Al it heil fan 't fjild,
En forstean fan 't minskdom 't suchtsjen
As 't syn earmoed jildt.”

Sa, by ús yn 't bûthús bankjen
Is 't ús rom en goed;
„Alderheljen, dat is tankjen”,
Seit ús bliid gemoed.
Wy wolle op Gods woldwaen merke,
Ryk, by ljocht en skaed,
En de tankdei yn 'e tsjerke,
Wiist ús 't selde paed.

Bliuw dou, goede hege namme
Yn ús Fryske lân
Mei de segen fan dyn amme
Tiden troch yn stân;
Jow, dat ek yn winterdagen
Noch it ljocht forriist,
Dat ús by ús lêsten dragen
Trou nei Boppen wiist.

Dokkumer krante, d.d. 12-11-1940.

Noustû de holle dellein hast ta iiv'ge rêst,
 Dyn pinne nea wer glide sil oer blank pompier,
 Om sa to sjongen, sangen ljocht en swier,
 Oan 't âlde lân, datstû sa leaf hawn hast.
 Nou is der djippe wêmoed yn myn hert
 Om dy, dy't iensum de biwende paden gong . . .
 Al wiest in soan fan 't folk, dat folk forstie dy net.
 Astû sa skruten, stil, dyn dimm'ne lieten songst.
 Dû wiest in soan fan 't folk, oan d'iggen fan 'e sê,
 Dat wrot en wraemt, foar 't deistich stikje brea.
 Dat boddet dei oan dei, oant dat de lea
 Him strak bijowt; hja binn' ta skieden ré.
 Mar iensum stiest; hat men se wol forstien
 Dyn sangen, ljocht, of soms fan wêmoed swier?
 Men seach de laits, forstie men ek de trien,
 Dystû soms lietst, forstie men dy wol wier?
 Nou bistû gien, dyn warbr'e hân leit stil.
 Nea silstû mear ús Fryslân bloeijen sjen.
 Mar Fryslân tinkt oan dy, ien fan syn bern
 Dy't pal stie foar syn tael en hill'ge wet.
 En as de maitiid bloeit yn nije pracht,
 Of as de stoarmwyn oer de fjilden giet,
 Soms sil in iensum minsk' yn stille nacht
 Dy wol forstean en treast fine yn dyn liet . . .

Nieuwe Dokkumer Courant, N(ijtsjerk), J. (Hartmans).

In diger wurker en wrotter
 Yn Fryslâns groun en tael,
 In blide, glânzgjende protter
 Dy't tsjottere op 'e fjurhoksnael;
 Ien dy't hwat betterers bitochte
 As it libben lije woe
 En al mar nei dingen sochte
 Dy't er dochs net krije koe;
 In ienling, forslein yn it striden,
 In ruter, sûnder hoars -
 Mar hwat wie dan sûnt Gysbert syn tiden
 In dichter yn Fryslân oars?

Mei doarpske jelne bimetten,
 Ienkennich en spikerhurd
 En swier yn jinsels bisletten
 Sa't elk hjir yn 't noarden wurdt;
 Dêr't it kasboek dochs jimmer heger
 As de dichtbondel oanslein is,
 Sjitte hja kâldwei de hazze yn it leger
 Dy't nou ienris sa oanlein is.
 En men wist yn dizze hoeken
 Jinsels as dichter gjin rie
 As men de evangeeljeboeken
 En de psalmen fan David net hie.

Och de dichters, hja jeije ek faek nuver
 Har eigen bistan yn trewyn
 De iene syn Frysk is net suver,
 De oare is to read of to fyn.
 Sa brekt it ienfâldichst bitrouwen,
 Sa rûgelt it roet yn it miel,
 Sa komt der gjin hân út de mouwen:
 Sa heazet it liet yn 'e kiel.
 Sûnder forjaen en forjitten
 Komt men tsjin elkoarren to stean
 En oer de lytse trelitten
 Moatte jierren earst hinne gean -

Anders Wybenga, dizze fersen,
 (In frjemd in memoriam)
 Ik wol se dy barne as kearsen
 Ad majorem gloriam.
 Ek dû wiest mids dit naesje
 As Fries en as dichter set,
 En dy nuodlike kombinaesje
 Brekt ús ien foar ien it hert.
 Al seachst ek yn my wol by riten
 In fijân, in stân yn 'e wei -
 Ik eagje nei de ivige kriten
 Mei freonskip en wêmoed dy nei.

Nou hat dy de stiltme bifongen
 Fan it rûzjende fredehûf,
 It lêste liet is hjir songen,
 En it wurdt my ûnwennich en drôf -
 Strak reizgje ik nei fêste wizânsje
 Ek datselde ûnûntkombere paed
 En ik nim de himpen distânsje
 Dy't deaden en libbenen skaet.
 Fan it ierapellof nei de palmen,
 It is mar in hoannetrêd -
 En wy sjonge de himelske psalmen.
 Togearre fan 't selde blêd.

In bifrijde siel, in sillige,
 Untboun fan tiid en romt',
 In út Fryslân forlost hillige
 Dy't yn it deiljocht komt,
 Ien dy't hwat betters bigearde
 As it libben lije woe,
 En dy't troch genede learde
 Dat er alles krije koe -

— — — — —
 Skik, Hear, ek, nei striid en leedzje,
 My in plak yn Jins wenten ta,
 En forjow de dwaze komeedzje
 Dy't wy hjir opfierd ha.

*Fedde Schurer: Vox Humana.
 Karsamling: Ljocht oer it fjild - 1950.*

